



Ministerie van Binnenlandse Zaken en
Koninkrijksrelaties

provinsje frysln
provincie frysln 

Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer

Bestuursafspraak Friese taal en cultuur

2024-2028

Beweerdje

Pray

Beleidige

Verleid

Joke

Eamelje

Bedel

Überzeuge

Swear

Underbrek

Prahl

Gü

KOM DERYN

Foto: Leo Postma

Ynhâld | Inhoud

| | | |
|-------------------|---|------------|
| Haadstik 1 | Algemien | 9 |
| | Algemeen | 9 |
| Haadstik 2 | Ùnderwiis | 19 |
| | Onderwijs | 19 |
| Haadstik 3 | Rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten | 50 |
| | Rechterlijke autoriteiten, bestuurlijke autoriteiten en openbare diensten | 50 |
| Haadstik 4 | Media | 57 |
| | Media | 57 |
| Haadstik 5 | Kulturele aktiviteiten en foarsjennings | 63 |
| | Culturele activiteiten en voorzieningen | 63 |
| Haadstik 6 | Ekonomysk en sosjaal libben | 84 |
| | Economisch en sociaal leven | 84 |
| Haadstik 7 | Útwikseling oer de grinzen hinne | 89 |
| | Grensoverschrijdende uitwisselingen | 89 |
| Haadstik 8 | Einbepalings | 93 |
| | Eindbepalingen | 93 |
| Taheakke 1 | Frysk yn it rjochtsferkear | 96 |
| | Fries in het rechtsverkeer | 96 |
| Taheakke 2 | Advizen Ried fan Europa | 100 |
| | Adviezen Raad van Europa | 100 |



Foto: Lucas Kemper

Partijen,

De Steat fan de Nederlannen, hir fertsjintwurdige troch de ministers fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes, Bûtenlânske Saken, Ynfrastruktuur en Wettersteat, Folkssûnens, Wolwêzen en Sport, Sosjale Saken en Wurkgelegenheid, Underwiis, Kultuer en Wittenskip en de minister foar Rjochtsbeskerming, hirnei mei-inoar te neamen: it Ryk, elkenien foarsafier't it syn of har ferantwurdlikens oanbelanget aan 'e iene kant

en

de provinsje Fryslân, hir fertsjintwurdige troch de kommissaris fan de Koning fan Fryslân, hanneljende ta útfiering fan in beslút fan Deputearre Steaten, d.d. 2 april 2024, hirnei te neamen: de provinsje, oan 'e oare kant,

Yn berie nimmend dat,

- Nederlân him as lidstaat fan de Ried fan Europa ferplichte hat de Fryske taal en kultuer te beskermjen en te befoarderjen troch de ratifikaasje fan it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan Nasjonale Minderheden (2005)¹ en it Europeesk Hânfést foar regionale talen en talen fan minderheden (1998)²;
- de foarlizzende bestjoersôfspraak sjoen wurdt as útwurking fan de troch it Nederlânske Ryk ratifisearre maatregels yn it Europeesk Hânfést foar regionale talen en talen fan minderheden en it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan Nasjonale Minderheden;
- by wannear't it Ryk/partijen op grûn fan dizze bestjoersôfspraak ta it ferlienien fan in bydrage oergiet/geane, is/binne hy/sy ôfhinklik fan troch de wet jûne (finansjele) ramten en prosedueres. De bydragen wurde dérom ferliend ûnder betingst dat de begruttingswetjouwer genôch middels beskikker stelt;
- yn de op 1 jannewaris 2014 fan krêft wurden Wet gebrûk Fryske taal yn kête 2a opnommen is, dat it Ryk en de provinsje Fryslân in mienskiplike ferantwurdlikens en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer hawwe. Opnommen is dat it Ryk en de provinsje Fryslân as útwurking fan de ferantwurdlikens

Partijen,

De Staat der Nederlanden, hierbij vertegenwoordigd door de ministers van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties, Buitenlandse Zaken, Infrastructuur en Waterstaat, Volksgezondheid, Welzijn en Sport, Sociale Zaken en Werkgelegenheid, Onderwijs, Cultuur en Wetenschap en de minister voor Rechtsbescherming, hierna gezamenlijk te noemen: het Rijk, ieder voor zover het zijn of haar verantwoordelijkheid betreft enerzijds

en

de provincie Fryslân, hierbij vertegenwoordigd door de commissaris van de Koning van Fryslân, handelende ter uitvoering van een besluit van Gedeputeerde Staten d.d. 2 april 2024 hierna te noemen: de provincie, anderzijds,

Overwegende dat,

- Nederland zich als lidstaat van de Raad van Europa heeft verplicht de Friese taal en cultuur te beschermen en te bevorderen door de ratificatie van het Kaderverdrag inzake de bescherming van Nationale Minderheden (2005)¹ en het Europees Handvest voor regionale talen en talen van minderheden (1998)²;
- de hiervoor liggende bestuursafspraak gezien wordt als uitwerking van de door het Nederlandse Rijk geratificeerde maatregelen in het Europees Handvest voor regionale talen en talen van minderheden en het Kaderverdrag inzake de bescherming van Nationale Minderheden;
- in geval het Rijk/partijen op basis van deze bestuursafspraak tot het verlenen van een bijdrage overgaat/gaan, is/zijn, hij/zij afhankelijk van door de wet gegeven (financiële) kaders en procedures. De bijdragen worden derhalve verleend onder voorwaarde dat de begrotingswetgever voldoende middelen ter beschikking stelt;
- in de op 1 januari 2014 van kracht geworden Wet gebruik Friese taal in artikel 2a opgenomen is dat het Rijk en de provincie Fryslân een gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht hebben voor de Friese taal en cultuur. Opgenomen is dat het Rijk en de provincie Fryslân ter uitwerking van de verantwoordelijk-

1 <https://wetten.overheid.nl/BWBV0001714/2005-06-01>

2 <https://wetten.overheid.nl/BWBV0001223/1998-03-01>

1 <https://wetten.overheid.nl/BWBV0001714/2005-06-01>

2 <https://wetten.overheid.nl/BWBV0001223/1998-03-01>

periodyk in bestjoersôfspraak meitsje oangeande de Fryske taal en kultuer en dat fanwegen de ynternasjonale ferdachsôfspraken op dat mēd de bestjoersôfspraak ek foar de Fryske taal en kultuer relevante beliedsmēden, dy't bûten it gebrûk fan de Fryske taal yn it bestjoerlik ferkear en rjochtsferkear lizze, omfieme kin;

- it Orgaan foar de Fryske taal DINGtiid op basis fan kêst 19 lid 2b fan de Wet gebrûk Fryske taal de taak hat om te advisearjen oer it ta stân kommen en de útfiering fan de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer en de útfieringskonvenanten. It advys fan DINGtiid yn dat ramt behelle is by it ta stân kommen fan dizze bestjoersôfspraak;
- de wetlike posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis regele is yn kêst 9, fjirde lid, fan de Wet op it primêr ûnderwiis, kêst 11e, earste lid, fan de Wet op it fuortset ûnderwiis en kêst 13, seisde lid, fan de Wet op de ekspertizesintra;
- de provinsje yn 2015 in beleidsregel fêststeld hat foar it krijen fan ûntheffing foar it leargebiet Fryske taal en kultuer yn it primêr en fuortset ûnderwiis en dêrmei hat de provinsje de basis lein foar de wurkwize fan Taalplan Frysk 2030;
- de wetlike posysje fan it Frysk yn de berne-opfang regele is yn kêst 1.55 fan de Wet berne-opfang en kwaliteitseasken pjutteboartersplakken;
- de wetlike posysje fan it Frysk yn de media regele is yn de Mediawet 2008;
- der yn 2022 troch Ryk en provinsje it Sichtberensakkoart ôfsletten is om it gebrûk fan it Frysk yn de iepenbiere romte te fergrutsjen;
- op ferskate mēden UNESCO de waarde fan de unike skiednis en meertalige situaasje yn Fryslân erkend hat en it Ryk en de provinsje in ferantwurdlikheid hawwe om foar de UNESCO City of Literature Leeuwarden-Fryslân en de Richthofenkolleksje yn te stean;
- it Ryk en de provinsje harren it rjocht foarbehâlde om yn it ljocht fan nasjonale en ynternasjonale üntjouwings oangeande de Fryske taal en kultuer foar de doer fan de rintiid fan dizze bestjoersôfspraak oanfoljende ôfspraken te meitsjen,

heid periodiek een bestuursafspraak maken inzake de Friese taal en cultuur en dat vanwege de internationale verdragsafspraken op dit terrein de bestuursafspraak ook voor de Friese taal en cultuur relevante beleidsterreinen kunnen omvatten die buiten het gebruik van de Friese taal in het bestuurlijk verkeer en rechtsverkeer liggen;

- het Orgaan voor de Friese taal DINGtiid op basis van artikel 19 lid 2b van de Wet gebruik Friese taal de taak heeft te adviseren over de totstandkoming en de uitvoering van de Bestuursafspraak Friese taal en cultuur en de uitvoeringsconvenanten. Het advies van DINGtiid in dat kader is betrokken bij de totstandkoming van deze bestuursafspraak;
- de wettelijke positie van het Fries in het onderwijs is geregeld in artikel 9, vierde lid, van de Wet op het primair onderwijs, artikel 11e, eerste lid, van de Wet op het voortgezet onderwijs en artikel 13, zesde lid, van de Wet op de expertisecentra;
- de provincie in 2015 een beleidsregel heeft vastgesteld voor het verkrijgen van ontheffing voor het leergebied Friese taal en cultuur in het primair en voortgezet onderwijs en daarmee heeft de provincie de basis gelegd voor de werkwijze van Taalplan Frysk 2030;
- de wettelijke positie van het Fries in de kinderopvang geregeld is in artikel 1.55 van de Wet kinderopvang en kwaliteitseisen peuterspeelzalen;
- de wettelijke positie van het Fries in de media geregeld is in de Mediawet 2008;
- in 2022 het Sichtberensakkoart is afgesloten door Rijk en provincie om het gebruik van het Fries in de openbare ruimte te vergroten;
- UNESCO op verschillende terreinen de waarde van de unieke geschiedenis en meertalige situatie in Fryslân heeft erkend en het Rijk en de provincie een verantwoordelijkheid hebben om de UNESCO City of Literature Leeuwarden-Fryslân en de Richthofenkolleksje te waarborgen;
- het Rijk en de provincie zich het recht voorbehouden om in het licht van nationale en internationale ontwikkelingen met betrekking tot de Friese taal en cultuur gedurende de looptijd van deze bestuursafspraak aanvullende afspraken te maken.

Njonken it hjirboppe neamde formeile ramt jout dizze Bestjoersôfspraak ek ynfolling aan oarsoarte ferantwurdlikheden:

Moasjes Twadde Keamer:

Op 24 novimber, 8 desimber 2022 en 27 maart 2024 binne der troch de Twadde Keamer ûnderskate moasjes oangeande de Fryske taal en kultuer yntsinne, dy't op 13 desimber 2022 en 2 april 2024 oannommen binne.

Yn dizze BFTK wurde yn de neamde paragrafen de neikommende moasjes behannele:

- Paragraaf 1.1
moasje 36200 VII nr. 135 oer it ambysjenivo ferheegje en de Keamer ynformearje oer de fisy op de takomst fan de Fryske taal en de ynset yn de ûnderhannelings mei de provinsje Fryslân
- Paragraaf 1.1
moasje 36200 VII nr.131 oer digitale ynnovaasjes om Fryske spraak nei tekst, en tekst nei spraak te ferhastigjen
- Paragraaf 1.2
moasje 36200 VII nr.132 oer it by de nije bestjoersôfspraak ûndersykjen oft de ynstelling fan in lanlike 'kommisje Frysk' mooglik is
- Paragraaf 1.2
moasje 36200 VII nr.128 oer it fierder útwurkjen fan de wetlike soarchplicht en ferantwurdlikens foar de Fryske taal en kultuer troch in kommisje
- Paragraaf 2.2
moasje 36410 VII nr.102 oer rekkenskip hâlde mei de fraach nei foldwaande Frysktalige berne-opfang
- Paragraaf 2.3
moasje 36410 VII nr.99 oer it Fryske taalûnderwijs yn it primêr en fuortset ûnderwijs yn Fryslân oanhâldend te stimulearjen
- Paragraaf 2.5
moasje 36200-VII-130 oer it starten fan ûndersyk nei it ûnderwijs yn de Fryske taal yn it middelber beropsûnderwijs
- Paragraaf 2.6
moasje 36200-VII-134 oer it mei de provinsje Fryslân oan DINGtiid advys freegjen oer de stân fan saken oangeande de Frysktalige sjoernalistyk en oplossingsjochtings
- Paragraaf 3.1
moasjes 36200 VII nr. 129 oer it ferskaffen fan helderheid oer de tapassing fan it fiifde lid fan kést 16, Boek 1 fan it Boargerlik Wetboek, oer it yn de rjochtbank foardragen fan de eed of belofte yn it Frysk en nr. 136 oer it garandearjen dat it prate kinnen fan de Fryske taal yn de rjochtbank boarge is

Naast het hierboven genoemde formele kader geeft deze Bestuursafspraak ook invulling aan andersoortige verantwoordelijkheden:

Moties Tweede Kamer:

Op 24 november, 8 december 2022 en 27 maart 2024 zijn er door de Tweede Kamer verschillende moties ingediend aangaande de Friese taal en cultuur die op 13 december 2022 en 2 april 2024 zijn aangenomen.

In deze BFTK worden in de genoemde paragrafen de volgende moties behandeld:

- Paragraaf 1.1
motie 36200 VII nr. 135 over het ambitieniveau verhogen en de Kamer informeren over de visie op de toekomst van de Friese taal en de inzet in de onderhandelingen met de provincie Fryslân
- Paragraaf 1.1
motie 36200 VII nr.131 over digitale innovaties om Friese spraak naar tekst, en tekst naar spraak te bespoedigen
- Paragraaf 1.2
motie 36200 VII nr.132 over het bij de nieuwe bestuursafspraak Friese taal en cultuur onderzoeken of de instelling van een landelijke "commissie Frysk" mogelijk is
- Paragraaf 1.2
motie 36200 VII nr.128 over het verder uitwerken van de wettelijke zorgplicht en verantwoordelijkheid voor de Friese taal en cultuur door een commissie
- Paragraaf 2.2
motie 36410 VII nr.102 over rekening houden met de vraag naar voldoende Friestalige kinderopvang
- Paragraaf 2.3
motie 36410 VII nr.99 over het Friese taalonderwijs in het primair en voortgezet onderwijs in Fryslân blijvend stimuleren
- Paragraaf 2.5
motie 36200-VII-130 over het starten van onderzoek naar het onderwijs in de Friese taal in het middelbaar beroepsonderwijs
- Paragraaf 2.6
motie 36200-VII-134 over met de provincie Fryslân aan DINGtiid advies vragen over de stand van zaken aangaande de Friestalige journalistiek en oplossingsrichtingen
- Paragraaf 3.1
motie 36200 VII nr. 129 over helderheid verschaffen over de toepassing van het vijfde lid van artikel 16, Boek 1 van het Burgerlijk Wetboek, over het in de rechtkbank voordragen van de eed of belofte in het Fries

- Paragraaf 3.1
moasje 36410 VII nr.94 oer konkrete maatregels om it Frysk yn it rjochtsferkear yn Fryslân te befoarderen-jen
- Paragraaf 3.2
moasje 36410 VII nr.96 oer yn de nije bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer konkrete maatregels op te nimmen foar in lykweardige posysje fan it Frysk yn de iepenbiere romte
- Paragraaf 3.2
moasje 36410 VII nr.100 oer it bydragen aan it oanstellen fan in meertalichheidskoördinator yn alle gemeenten yn it Fryske taalgebiet
- Paragraaf 3.2
moasje 36410 VII nr.101 oer it boargjen dat identiteitskaarten of dielen dêrfan yn it Frysk útjûn wurde kinne
- Paragraaf 3.2
moasje 36410 VII nr.103 oer it yn kaart te bringen wat nedich is foar in lykweardige posysje foar de Fryske taal en kultuer yn Fryslân
- Paragraaf 5.1
moasje 36200-VII-133 oer it boargjen fan it duorsum behâld fan Tresoar en de besteande finansjele bydrage
- Paragraaf 5.5
moasje 36410 VII nr.97 oer de ynstânhâlding fan de Afûk
- Paragraaf 5.6
moasje 36200 VIII nr. 96 oer it wittenskiplik ûnderwiis yn it Frysk wetlik te ferankerjen neffens it Europeesk Hânfêst foar regionale talen, dat stipulearret dat de oerheid op alle ûnderwijsnivo's yn ûnderwiis fan regionale talen foarsjen moat
- Paragraaf 3.1
motie 36410 VII nr.94 over concrete maatregelen om het Fries in het rechtsverkeer in Fryslân te bevorderen
- Paragraaf 3.2
motie 36410 VII nr.96 over in de nieuwe bestuursafspraak Friese taal en cultuur concrete maatregelen opnemen voor een gelijkwaardige positie van het Fries in de openbare ruimte
- Paragraaf 3.2
motie 36410 VII nr.100 over bijdragen aan het aanstellen van een meertaligheidscoördinator in iedere gemeente in het Friese taalgebied
- Paragraaf 3.2
motie 36410 VII nr.101 over borgen dat identiteitskaarten dan wel delen daarvan in het Frysk kunnen worden uitgegeven
- Paragraaf 3.2
motie 36410 VII nr.103 over in beeld brengen wat nodig is voor een gelijkwaardige positie voor de Friese taal en cultuur in Fryslân
- Paragraaf 5.1
motie 36200-VII-133 over borging van het duurzaam behoud van Tresoar en de bestaande financiële bijdrage
- Paragraaf 5.5
motie 36410 VII nr.97 over de instandhouding van Afûk
- Paragraaf 5.6
motie 36200 VIII nr. 96 over het wetenschappelijk onderwijs in het Frysk wettelijk te verankeren in lijn met het Europees Handvest voor regionale talen, dat stipuleert dat de overheid moet voorzien in onderwijs van regionale talen op alle onderwijsniveaus

Advysrapporten en rapportaazjes:

Yn 2023 binne der nije rapportaazjes troch de ekspert-kommisjes fan de Ried fan Europa publiseарre, nei oanlieding fan harren fisitaasjes yn juny 2022 foar it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan Nasjonale Minderheden en it Europeesk Hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden. Yn de taheakke is in oersjoch opnommen mei alle advizen en in ferwizing nei wêr't dy advizen besprutsen wurde. Boppedat hat DINGtiid in tal advysrapporten útbrocht.

De neikommende advysrapporten en rapportaazjes fan de boppesteande ferdraggen binne by it ta stân kommen fan dizze bestjoersôfspraak meiwoegen:

- Europeesk Hânfêst, rapportaazje troch de ekspert-kommisje, foarlein oan it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa (2019)

Adviesrapporten en rapportages:

In 2023 zijn er nieuwe rapportages door de expertcommissies van de Raad van Europa gepubliceerd naar aanleiding van hun visitaties in juni 2022 ten behoeve van het Kaderverdrag inzake de bescherming van Nationale Minderheden en het Europees Handvest voor regionale talen en talen van minderheden. In de bijlage is een overzicht opgenomen met alle adviezen en een verwijzing naar de waar deze adviezen besproken worden. Bovendien heeft DINGtiid een aantal adviesrapporten uitgebracht.

De volgende adviezen en rapportages zijn meegewogen in de totstandkoming van deze bestuursafspraak:

- Europees Handvest, rapportage door de expertcommissie voorgelegd aan het Comité van Ministers van de Raad van Europa (2019)

- Europeesk Hânfést en Ramtferdrach, rapportaazjes troch de ekspertkommisje foarlein oan it Komitee fan Ministers fan de Ried fan Europa (2023)
- Fjirde advys oer Nederlân fan it Advyskomitee foar it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden (2023)
- Evaluasje Taalskipper Frysk (Partoer, oktober 2021)
- DINGtiid: Advys tuskenrapportaazje BFTK 2019-2023 (21 juny 2022)
- DINGtiid: Advysbrief oan Provincje en Ryk oer boarging universitaire frisistyk (10 jannewaris 2023)
- DINGtiid: "Fersterke it Frysk yn it foarskoalsk ûnderwijs" (30 jannewaris 2023);
- DINGtiid: rjochtingjaande advysbrief oer it Frysk yn it mbû (28 novimber 2023)
- KNAW: advys 'De takomst fan de Frisistyk' (desimber 2023)
- DINGtiid: advysbrief oer Frysktalige sjoernalistyk (januari 2024).

Op basis fan dit folsleine ramt hawwe de partijen besletten de neikommende bestjoersôfspraak fêst te stellen:

- Europees Handvest en Kaderverdrag, rapportages door de expertcommissie voorgelegd aan het Comité van Ministers van de Raad van Europa (2023)
- Vierde advies over Nederland van het Adviescomité voor het Kaderverdrag inzake de Bescherming van Nationale Minderheden (2023)
- Evaluatie Taalskipper Frysk (Partoer, oktober 2021)
- DINGtiid: Advies tussenrapportage BFTK 2019-2023 (21 juni 2022)
- DINGtiid: Adviesbrief aan Provincie en Rijk over borging universitaire frisistiek (10 januari 2023)
- DINGtiid: "Versterk het Fries in het voorschools onderwijs" (30 januari 2023);
- DINGtiid: richtinggevende adviesbrief over het Fries in het mbo (28 november 2023)
- KNAW: advies 'De toekomst van de Frisistiek' (december 2023)
- DINGtiid: adviesbrief over Friestalige journalistiek (januari 2024).

Op basis van dit totaalkader hebben de partijen besloten de volgende bestuursafspraak vast te stellen:



Foto: Natalia Balanina

Haadstik 1 Algemien

Hoofdstuk 1 Algemeen

DEEL II

NEFFENS KÊST 2, EARSTE LID, NEISTRIBBE DOELSTELLINGS EN BEGJINSELS

Kêst 7. Doelstellings en begjinsels

It Fryske is yn Fryslân foar in soad ynwenners, lykas minister Bruins Slot ferwurde yn de Rede fan Fryslân yn novimber 2022, "De taal waarin je lacht en huilt. De taal waarmee je liefhebt en soms hardgrondig scheldt. De taal waarin je kind zijn eerste woordjes zegt. Het is de taal waarmee de verpleegkundige de angstige patiënt in het ziekenhuis geruststelt. De taal die je vertrouwd is en waarin je je thuis voelt. Want taal maakt mede wie je bent."

Al iuwen wurdt der yn Fryslân, en fier dêrbûten, Fryske praat. It Fryske wie yn 'e midsiuwen in wichtige rjochts- en bestjoerstaal en it Aldfryske rjocht wie net allinne yn it hjoeddeistige Fryslân, mar ek yn Nederlânske, Dûtske en Deenske kustgebieten fan kréft. De Richthofenkolleksje, wrâldwiid de grutste samling fan Aldfryske rjochtskriften, toant dat ek oan. De kolleksje is sûnt 2022 ûnderdiel fan it UNESCO Memory of the World register en is fan únskatbere wearde foar de

DEEL II

OVEREENKOMSTIG ARTIKEL 2, EERSTE LID, NAGESTREEFDE DOELSTELLINGEN EN BEGINSELEN

Artikel 7. Doelstellingen en beginselen

Het Fries is in Fryslân voor veel inwoners, zoals minister Bruins Slot verwoordde tijdens de Rede fan Fryslân in november 2022, "De taal waarin je lacht en huilt. De taal waarmee je liefhebt en soms hardgrondig scheldt. De taal waarin je kind zijn eerste woordjes zegt. Het is de taal waarmee de verpleegkundige de angstige patiënt in het ziekenhuis geruststelt. De taal die je vertrouwd is en waarin je je thuis voelt. Want taal maakt mede wie je bent."

Al eeuwenlang wordt er in Fryslân, en ver daarbuiten, Fries gesproken. Het Fries was in de middeleeuwen een belangrijke rechts- en bestuurstaal en het Oudfriesrecht was niet alleen in het huidige Fryslân, maar ook in Nederlandse, Duitse en Deense kustgebieden van kracht. De Richthofenkolleksje, wereldwijd de grootste verzameling van Oudfriese rechtshandschriften, toont dat ook aan. De collectie is sinds 2022 onderdeel van het UNESCO Memory of the World register en is van onschatbare waarde voor de kennis van het middeleeuwse

kennis fan it midsiuwske Fryske rjochtslibben en de skiednis fan de Fryske taal en it lânskip.

Sûnt it úntstean fan de Nederlânske Republyk is der yn Fryslân in soad feroare. Net allinne bestjoerlik, mar ek op it mêd fan taal. De Nederlânske taal wurdt yn Fryslân hieltyd mear brûkt en set it Frysk ûnder druk. It Frysk is lykwols noch hieltyd sa libben as in hart en wurdt troch in romme meerderheid fan de ynwoners fan Fryslân noch alle dagen brûkt. As sprekaal thús, op skoalle, it wark en op sosjale media.

Yn 1998 hat Nederlân it Europeesk Hânfêst foar Regionale talen of talen fan minderheden ratifisearre (hiirnei: Hânfêst). It Hânfêst biedt steaten de moogheid minderheidstalen te erkennen ûnder diel II of deel III fan it Hânfêst. In diel II-erkennings is in algemiene erkenning fan in taal. Troch in taal ûnder diel II fan it Hânfêst te erkennen ferplichtet in steat him derta gjin beheinings foar it gebrûk fan de taal yn wet- en regeljouwing op te nimmen. Mei in diel III-erkennings giet in steat oanfoljende ferplichtings aan op it mêd fan ûnderwiis, kultuer, media, bestjoerlik ferkear, rjochtspraak, sosjaal-ekonomysk libben en ynternasjionale gearwurking. It Frysk is erkend ûnder Diel II én III fan dat Hânfêst. Dêrmei hat de Nederlânske regearing tasein him aktyf foar it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer yn te setten.

Oanfoljend op it Hânfêst binne de Friezen yn 2005 ek as minderheid erkend ûnder it Ramtferdrach oangeande de beskerming fan Nasjonale Minderheden (hiirnei: Ramtferdrach). Troch it ratifisearjen fan it Ramtferdrach ferplichtsje Nederlânske oerheden harren ta it befoarderjen fan de folseine en feitlike gelikensens fan persoanen, dy't ta nasjonale minderheden hearre, op alle ekonomieske, maatskiplike en kulturele mèden. Ek moatte de omstannicheden, dêr't sy harren kultuer en identiteit yn ta útdrukking bringe kinne en behâlde en úntwikkelje kinne, garandearre wurde.

Op 1 jannewaris 2014 is de Wet gebrûk Fryske taal yngien. Mei dy wet is it Frysk as offisjele taal yn de provinsje Fryslân, njonken it Nederlânsk, erkend. Yn de Wet gebrûk Fryske taal stiet opnommen dat it Ryk en de provinsje Fryslân in mienskiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer hawwe. As útwurking fan dy ferantwurdlikheid meitsje it Ryk en de Provinsje Fryslân periodyk bestjoersôfspraken oer de Fryske taal en kultuer, de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK). Oanfoljend op de BFTK 2019-2023 is op 25 april 2022 ek it Sichtberensakkoart Fryske taal ûndertekene. Dêryn binne op fersyk fan de Twadde Keamer ôfspraken makke oer it fergrutsgen fan de sichtberens fan it Frysk yn 'e iepenbiere romte. It Sichtberensakkoart is ôfsletten oant en mei de rentiid

Friese rechtsleven en de geschiedenis van de Friese taal en het landschap.

Sinds het ontstaan van de Nederlandse Republiek is er in Fryslân veel veranderd. Niet alleen bestuurlijk, maar ook in talig opzicht. De Nederlandse taal wordt in Fryslân steeds meer gebruikt en zet het Fries onder druk. Het Fries is echter nog steeds springlevend en wordt door een ruime meerderheid van de inwoners van Fryslân nog dagelijks gebruikt. Als spreektaal thuis, op school, het werk en op sociale media.

In 1998 heeft Nederland het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden geratificeerd (hierna: Handvest). Het Handvest biedt staten de mogelijkheid minderheidstalen te erkennen onder deel II of deel III van het Handvest. Een deel II-erkennings is een algemene erkenning van een taal. Door een taal onder deel II van het Handvest te erkennen verplicht een staat zich ertoe geen belemmeringen voor het gebruik van de taal in wet- of regelgeving op te nemen. Met een deel III-erkennings gaat een staat aanvullende verplichtingen aan op het gebied van onderwijs, cultuur, media, bestuurlijk verkeer, rechtspraak, sociaaleconomisch leven en internationale samenwerking. Het Fries is erkend onder Deel II én III van dit Handvest. Daarmee heeft de Nederlandse regering toegezegd zich actief in te zetten voor het beschermen en bevorderen van de Friese taal en cultuur.

Aanvullend op het Handvest zijn de Friezen in 2005 ook als minderheid erkend onder het Kaderverdrag inzake de bescherming van Nationale Minderheden (hierna: Kaderverdrag). Door het ratificeren van het Kaderverdrag verplichten Nederlandse overheden zich tot het bevorderen van de volledige en daadwerkelijke gelijkheid van tot nationale minderheden behorende personen op alle economische, maatschappelijke en culturele terreinen. Ook moeten de omstandigheden waaronder zij hun cultuur en identiteit tot uitdrukking kunnen brengen en deze kunnen behouden en ontwikkelen, gewaarborgd worden.

Op 1 januari 2014 is de Wet gebruik Friese taal in werking getreden. Met deze wet is het Fries erkend als officiële taal in de provincie Fryslân, naast het Nederlands. In de Wet gebruik Friese taal staat opgenomen dat het Rijk en de provincie Fryslân een gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht hebben voor de Friese taal en cultuur. Ter uitwerking van deze verantwoordelijkheid maken het Rijk en de provincie Fryslân periodiek bestuursafspraken over de Friese taal en cultuur, de Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer (BFTK). Aanvullend op de BFTK 2019-2023 is op 25 april 2022 ook het Zichtbaarheidsakkoord Friese taal ondertekend, waarin op verzoek van de Tweede Kamer

fan de BFTK 2019-2023. Doelstellings dy't dêryn opnommen binne, binne yntegraal yn dizze bestjoersôfspraak yn haadstik 3.2 oernommen.

Op grûn fan de wetlike posysje as offisjele taal yn 'e provinsje Fryslân, sjogge it Ryk en de provinsje de befoardering fan it Frysk as in trochrinnende opdracht. Doelstelling dêrby is oanhâldend de goede rânebetigsten skeppe en de ideale omstannichheden kreëarje, wêrtroch't it gebrûk fan de Fryske taal yn alle domeinen fan de Fryske mienskip net langer allinne mar in rjochts is, mar natuerlik en fanselssprekkend wêze sil. Dêrby is it goed om foar eagen te hâlden dat it Fryske taalgebiet in (relatyf) lyts gebiet is, wêrby't de gewoane merkwurking kommersjele partijen net genôch stimulearret om ûntwikkeling en ynnovaasje oan te moedigen. Dêrtroch is stipe troch oerheden needsaaklik by it realisearjen fan (in soad fan) dy rânebetigsten. Speerpunt fan de foargeande Bestjoersôfspraak 2019-2023 wie dat Friezen yn 'e takomst gjin analfabeet mear yn harren eigen taal binne. Mar de fitaliteit fan in taal beslacht mear facetten as allinne taalfearnigens. Dêrom rjochtet dizze bestjoersôfspraak him op alle pylders fan it taalfitaliteitsmodel fan UNESCO.

De fitaliteit fan in taal neffens it taalfitaliteitsmodel fan UNESCO is basearre op njoggen pylders. Dêrmei is it mooglik om sawol de fitaliteit fan in taal te mijitten as ek om dûdlikheid te jaan oer op hokker gebieten mear ynspanning nedich is om de fitaliteit fuort te sterken. De fitaliteit fan in taal is mei in beam te ferlykjen. Der is in netwurk aan sterke woartels nedich om de beam stevich yn 'e grûn ferankerje te kinnen en de beam groeie te litten. De njoggen pylders binne:

1. Oerdracht tusken generaasjes

De wichtigste faktor dy't de fitaliteit fan in taal beynfloedet is yn hoefer't de taal fan generaasje op generaasje oerdroegen wurdt. Yn it bêste gefal wurdt de taal troch alle generaasjes yn allerhanne konteksten sprutsen en wurdt de taaloerdracht net underbrutsen.

2. It tal sprekkers

In grutter tal sprekkers is befoarderlik foar de fitaliteit fan in taal. In lytse taalmienskip is kwetsberder as in gruttere. It tal sprekkers op himsels is net allinne in yndikaasje foar fitalens, mar moat sjoen wurde yn de bredere (sosjolingwistyske) kontekst

3. It oaniel sprekkers fan de folsleine populaasje

It is foardieliger foar de fitaliteit fan in taal as in grut oanpart fan de populaasje de taal praat. Dêrby wurdt in taal allinnich as feilich beskôge as de folsleine befolking de taal praat. Foar Fryslân betsjut it dat in grut part fan de Friezen de taal machtich is.

afspraken zijn gemaakt over het vergroten van de zichtbaarheid van het Fries in de openbare ruimte. Het Zichtbaarheidsakkoord is afgesloten tot en met de loop-tijd van de BFTK 2019 - 2023. Doelstellingen die hierin zijn opgenomen zijn integraal overgenomen in deze bestuursafspraak in hoofdstuk 3.2.

Vanuit de wettelijke positie als officiële taal in de provincie Fryslân, zien het Rijk en de provincie de bevordering van het Fries als een continue opdracht. Doelstelling daarbij is het blijven scheppen van de juiste randvoorwaarden en het creëren van de ideale omstandigheden waardoor het gebruik van de Friese taal in alle domeinen van de Friese samenleving niet langer alleen maar een recht is, maar natuurlijk en vanzelfsprekend zal zijn. Daarbij is het goed om in ogenschouw te nemen dat het Friese taalgebied een (relatief) klein gebied is waarbij de normale marktwerking commerciële partijen onvoldoende stimuleert om ontwikkeling en innovatie aan te moedigen. Daardoor is steun vanuit de overheden noodzakelijk bij het realiseren van (veel van) die randvoorwaarden. Speerpunt van de voorgaande Bestjoersôfspraak 2019-2023 was dat Friezen in de toekomst geen analfabeet meer in hun eigen taal zijn. Maar de vitaliteit van een taal beslaat meer facetten dan alleen geletterdheid. Daarom richt deze bestuursafspraak zich op alle pijlers van het taalvitaliteitsmodel van UNESCO.

De vitaliteit van een taal volgens het taalvitaliteitsmodel van UNESCO is gebaseerd op negen pijlers. Hiermee is het mogelijk om zowel de vitaliteit van een taal te metten als ook te duiden op welke gebieden meer inspanning nodig is om de vitaliteit te versterken. De vitaliteit van een taal is te vergelijken met een boom. Er is een netwerk aan sterke wortels nodig om de boom stevig in de grond te kunnen verankeren en de boom te laten groeien. De negen pijlers zijn:

1. Overdracht tussen generaties

De belangrijkste factor die de vitaliteit van een taal beïnvloedt is in hoeverre de taal wordt overgedragen van generatie op generatie. In het beste geval wordt de taal gesproken door alle generaties in allerlei contexten en is de taaloerdracht ononderbroken.

2. Het aantal sprekers

Een groter aantal sprekers is bevorderlijk voor de vitaliteit van een taal. Een kleine taalgemeenschap is kwetsbaarder dan een grotere. Het aantal sprekers op zichzelf is niet alleen een indicatie voor vitaliteit, maar moet gezien worden in de bredere (sociolinguistische) context.

3. Het aandeel sprekers van de totale populatie

Het is voordeliger voor de vitaliteit van een taal als een groot aandeel van de populatie de taal spreekt. Waarbij een taal alleen als veilig wordt beschouwd

4. Ferskowings yn domeinen fan taalgebrûk
In fitale taal wurdt brûkt yn alle sosjale konteksten, foar alle ûnderwerpen en kin mei alle petearpartners brûkt wurde.
5. Reaksje op nije domeinen en media
Yn de hjoeddeistige fluch feroarjende maatskappij is it wichtich dat de taal ek meigiet yn alle ûntjouwings en nije domeinen. Dêrby falt te tinken oan sosjale media en de digitale wrâld, nieuwe wurkomjouwings en ynnowative mediafoarmen.
6. Beskikberens fan materialen foar taalûnderwiis en taalfardigens
Underwiis yn de minderheidstaal is essinsjeel foar de taalfitaliteit wêrby't boeken en stûdzjemateriaal fan wêzentlik belang binne. Dêrby binne ek in staving dy't fêstlein is, wurdboeken, literatuer, deistige skreaune media en it gebrûk fan de taal yn de oerheid en it ûnderwiis relevant.
7. Taalhâlding en -belied by de oerheid, ynklusyf offisjele status en gebrûk
In positive hâlding fan de oerheid foar de taal oer draacht by aan de fitaliteit fan de taal. By in fitale taal wurde alle talen as waardevol beskôge en wurdt de taal wetlik beskerme. Ek is der dan eksplisyf belied om de minderheidstaal te behâlden en wurdt de taal yn offisjele konteksten brûkt.
8. Taalhâlding fan de mienskip oangeande de eigen taal
Neist de ynstitusjonele hâlding foar de taal oer, stiet of falt de fitaliteit fan de taal ek mei de hâldingen fan de mienskip foar de taal oer. Yn it bêste gefal wurdearret de folsleine mienskip de taal en wol it dy befoarderje.
9. Type en kwaliteit fan dokumintaasje
Om de fitaliteit fan in taal te evaluearjen wurdt der ek sjoen nei it nivo fan dokumintaasje wêrby't it winsklik is om oer in sa'n kompleet en folslein mooglike grammatica en wurdboeken te besikken. Dêrneist is it ek fan belang dat der annotearre audio- en fideomateriaal fan hege kwaliteit beskikber is.

Sa't minister Hugo de jonge yn syn lokwinsken aan DINGtiid by it tsjienjierich bestaan fan de Wet gebrûk Frysk taal oanjoech: "Door het gebruik van de Friese taal in alle facetten van de samenleving in de provincie Fryslân te stimuleren komen wy steeds dichter bij het doel om van Fryslân een volledig tweetalige samenleving te maken. Een samenleving waarbij het Fries, naast het Nederlands, vanzelfsprekend hoorbaar, zichtbaar en voelbaar is. Omdat we zuinig moeten zijn op de 'de taal fan it hert'."

- als de hele bevolking de taal spreekt. Voor Fryslân betekent het dat een groot aandeel Friezen de taal machtig zijn.
4. Verschuivingen in domeinen van taalgebruik
Een vitale taal wordt gebruikt in alle sociale contexten, voor alle onderwerpen en kan met iedere gesprekspartner gebruikt worden.
 5. Reactie op nieuwe domeinen en media
In de huidige snel veranderende maatschappij is het belangrijk dat de taal ook meegaat in alle ontwikkelingen en nieuwe domeinen. Hierbij valt te denken aan sociale media en de digitale wereld, nieuwe werkomgevingen en innovatieve mediavormen.
 6. Beschikbaarheid van materialen voor taalonderwijs en geletterdheid
Onderwijs in de minderheidstaal is essentieel voor de taalvitaliteit waarbij boeken en studiemateriaal van wezenlijk belang zijn. Daarbij zijn ook een vastgelegde spelling, woordenboeken literatuur, alledaagse geschreven media en het gebruik van de taal in de overheid en het onderwijs relevant.
 7. Taalhouding en -beleid bij de overheid, inclusief officiële status en gebruik
Een positieve houding van de overheid tegenover de taal draagt bij aan de vitaliteit van de taal. Bij een vitale taal worden alle talen als waardevol gezien en wordt de taal wettelijk beschermt. Ook is er dan expliciet beleid om de minderheidstaal te behouden en wordt de taal in officiële contexten gebruikt
 8. Taalhouding van de gemeenschap ten opzichte van de eigen taal
Naast institutionele houdingen tegenover de taal, valt of staat de vitaliteit van de taal ook door de houdingen van de gemeenschap tegenover de taal. In het beste geval waardeert de gehele gemeenschap de taal en wil het die bevorderen.
 9. Type en kwaliteit van documentatie
Om de vitaliteit van een taal te evalueren wordt er ook gekeken naar de mate van documentatie waarbij het wenselijk is om over zo compleet en volledig mogelijke grammatica's en woordenboek te beschikken. Daarnaast is het ook van belang dat er geannoteerd audio en videomateriaal van hoge kwaliteit beschikbaar is.

Zoals minister Hugo de Jonge aangaf in zijn felicitaties aan DINGtiid bij het tienjarig bestaan van de Wet op Gebrûk Fryse Taal: "Door het gebruik van de Friese taal in alle facetten van de samenleving in de provincie Fryslân te stimuleren komen we steeds dichter bij het doel om van Fryslân een volledig tweetalige samenleving te maken. Een samenleving waarbij het Fries, naast het Nederlands, vanzelfsprekend hoorbaar, zichtbaar en voelbaar is. Omdat we zuinig moeten zijn op de 'taal fan it hert'."

1.1 Prioriteiten en ambysje

De Twadde Keamer hat de winsk útsprutsen om mei dizze en kommende bestjoersôfspraken de ambysje te ferheegjen (moasje 36200 VII nr. 135). Nei oanlieding fan dat fersyk en mei it each op it taalfitaliteitsmodel fan UNESCO hawwe it Ryk en de provinsje fiif prioriteiten aanwiisd om geandewei dizze BFTK de ambyses te ferheegjen. Der is benammen ferlet fan ekstra ynset op (1) sichtberens, (2) digitalisering, (3) ûnderwiis en ûnderyk, (4) taaloerdracht, en (5) desintraal taalbelied.

1. Sichtberens

In grut part fan de Frysktalige ynwenners fan de provinsje hat de Fryske taal as memmetaal en dêrmei as eerste taal. Foar de ynwenners fan Fryslân is it Frysk ien fan de talen yn 'e mienskip. De provinsje en it Ryk ûnderkenne it maatskiplik belang fan de sichtberens fan de Fryske taal yn de iepenbiere romte en yn kommunikaasje-uterings yn de provinsje Fryslân.

Sichtberens en it brûken fan de Fryske taal fersterket de maatskiplike posysje fan de taal en dêrmei ek de needsaak om de taal leare te lêzen en te skriuwen. In lykweardich gebruik fan it Frysk yn de iepenbiere romte fersterket fierhinne alle pylders fan de taalfitaliteit. Op basis dêrfan is yn 2022 in apart Sichtberensakkoart ôfsletten. Yn neifolging op dat akkoart sette Ryk en provinsje harren fierder yn om it funksjoneel brûken fan it Frysk, en dêrmei de sichtberens, yn de iepenbiere romte yn Fryslân te fergrutsjen. Underdiel dêrfan is it stribjen fan it Ryk om rykskommunaasje dy't spesifyk ferbân hâldt mei de ynwenners fan Fryslân ek yn it Frysk beskikber te meitsjen. It hjoeddeistige Sichtberensakkoart rint yn 2023 ôf. Ofspraken út it sichtberensakkoart wurde yn dizze en kommende bestjoersôfspraken opnommen. Ofspraken út it sichtberensakkoart binne yn haadstik 3.2 fan dizze bestjoersôfspraak opnommen.

De provinsje Fryslân hat op grûn fan har ferantwurdlikens foar boarding en befoardering de wichtige funksje om de Fryske taal sels ek yn al syn fasetten te brûken en út te dragen. Dêrmei ferfollet de provinsje de rol fan 'taalbringer', brûkt it Frysk as folweardige bestjoerstaal en befoarderet de status fan it Frysk. Yn alle troch de provinsje opsette en subsidiearre projekten yn it Frysk taalgebiet wurdt aktyf befoardere dat it Frysk, al as net njonken it Nederlânsk, brûkt wurdt.

2. Digitalisering

It is wichtich dat it Frysk yn alle domeinen brûkt wurde kin en dat it brûken oanmoedige wurdt, yn sawol formele as ynformeile domeinen, yn it 'analoge' libben likegoed as digitaal. De tanimmende digitalisering fan de maatskippij en de yntroduksje fan keunstmjitti-

1.1 Prioriteiten en ambitie

De Tweede Kamer heeft de wens uitgesproken met deze en volgende bestuursafspraken de ambitie te verhogen (motie 36200 VII nr. 135). Naar aanleiding van dit verzoek en met oog op het taalvitaliteitsmodel van UNESCO hebben het Rijk en de provincie vijf prioriteiten aangewezen om gedurende deze BFTK de ambities te verhogen. Er is met name behoefte aan extra inzet op (1) zichtbaarheid, (2) digitalisering, (3) onderwijs en onderzoek (4) taaloverdracht en (5) decentraal taalbeleid.

1. Zichtbaarheid

Een groot deel van de Friestalige inwoners van de provincie heeft de Friese taal als moedertaal en daarmee als eerste taal. Voor de inwoners van Fryslân is het Fries één van de talen in de samenleving. De provincie en het Rijk onderkennen het maatschappelijk belang van de zichtbaarheid van de Friese taal in de openbare ruimte en in communicatie-uitingen binnen de provincie Fryslân.

Zichtbaarheid en gebruik van de Friese taal versterkt de maatschappelijke positie van de taal en daarmee ook de noodzaak de taal te leren lezen en schrijven. Een gelijkwaardig gebruik van het Fries in de openbare ruimte versterkt nagenoeg alle pijlers van de taalvitaliteit. Op basis daarvan is in 2022 een apart Zichtbaarheidsakkoord afgesloten. In navolging op dat akkoord zetten Rijk en provincie zich verder in om het functioneel gebruik van het Fries, en daarmee de zichtbaarheid, in de openbare ruimte in Fryslân te vergroten. Onderdeel hiervan is het streven van het Rijk om rikscommunicatie die specifiek betrekking heeft op de inwoners van Fryslân ook in het Fries beschikbaar te maken. Het huidige Zichtbaarheidsakkoord loopt af per 2023. Afspraken uit het zichtbaarheidsakkoord zijn overgenomen in hoofdstuk 3.2 van deze bestuursafspraak.

De provincie Fryslân heeft vanuit haar verantwoordelijkheid voor borging en bevordering de belangrijke functie om de Friese taal zelf ook in al haar facetten te gebruiken en uit te dragen. Daarmee vervult zij de rol van 'taalbrenger', gebruikt zij het Fries als volwaardige bestuursstaal en bevordert zij de status van het Fries. In alle door de provincie geïnitieerde en gesubsidieerde projecten in het Friese taalgebied wordt actief bevorderd dat het Fries, al dan niet naast het Nederlands, gebruikt wordt.

2. Digitalisering

Het is belangrijk dat het Fries in alle domeinen gebruikt kan worden en dat gebruik wordt aangemoedigd. Zowel in formele als informele domeinen, in het 'analoge' leven en digitaal. De toenemende digitalisering van de samenleving en de introductie van kunstmatige intelligentie zorgen voor nieuwe uitdagingen en kansen voor

ge yntelliginsje soargje foar nije útdagings foar lytseren talen as it Frysk.

Technologybedriuwen soargje foar de ûntwikkeling fan alle tapassings yn grutte talen, mar litte lytse talen benefiter om't dy finansjeel minder oantreklik binne. De oerheid sil de ûntwikkeling fan spraaktechnologie en oare keunstmjittige yntelliginsje yn it Frysk dêrom sels stimulearje moatte.

Moasje 36200 VII nr.131 fersiket de regearing om yn 'e mande mei de provinsje te ûndersykjen wat der nedich is om de ûntwikkeling fan digitale ynnovaasjes om Frysk spraak nei tekst en tekst nei spraak te ferhastigen, en hoe't it Ryk de provinsje dêr yn stypje kin. Oanfoljend fersiket de moasje de regearing by ûntwikkeling fan nije tapassings fan spraakwerkennings-software om har yn te spannen om dy ek foar it Frysk tagonklik te meitsjen. Dy kinne únder oare brûkt wurde as ûndertiteling by riedsgearkomsten, tv-úfstjoerings, foarlêfunksjie fan oerheidsweb siden foar minsken mei in fisuele beheining en ek ynnovaasjes yn 'e soarch, lykas soarchrobots. De moasje slút aan op kést 7.1.d út it Hânfest, dêr't yn ôfpraat is om it brûken fan it Frysk makliker te meitsjen en oan te moedigjen, yn sprutsen en skreaune foarm, yn it iepenbiere en privee libben.

Ofpraat wurdt dat troch de oerheden mei-inoar oanhâldend omtinken frege wurdt foar it Frysk yn ûndersyk nei en it ûntwikkeljen fan digitale tapassings en keunstmjittige yntelliginsje. Dêr wêr't ûntwikkelingen ferbân hâlde mei it Nederlânsk wurdt ek it Frysk besjoen. Om dat te stimulearjen wurdt der ienris yn it fearsjier in oerlis tusken oanbelangjende dossierhâlders fan Ryk en Provinsje op it mêd fan digitale úntjouwings en keunstmjittige yntelliginsje oer de digitale ûntwikkelings oan-geande taal. Dêrmei stribje beide partijen dernei om yn 'e tiid fan dizze bestjoersôfspraak mei-inoar aktiviteiten op te zetten en dêrmei de kânsen dy't foarby komme optimaal te benutten. Troch yn te setten op digitalisering en keunstmjittige yntelliginsje wurdt de fitaliteit fan it Frysk fierder fersterke, yn it bysûnder pylder fiif, mar yndirekt ek pylders twa, fjouwer, seis, sân, acht en njoggen.

3. Underwiis en ûndersyk

It ynstean foar en ferbetterjen fan de posysje fan it Frysk yn it onderwiis bliuwt tige wichtich. Mei Taalplan Frysk 2030 wurdt der yn gearwurking mei in tal ûnderwiisinstellingen yn Fryslân wurke oan de doelstelling dat yn 2030 alle skoallen yn it Fryske taalgebiet Frysk oanbiede. Dêrtroch krieje alle bern yn Fryslân de kâns om Frysk te learen. De tanimmende ûntlezing is in grutte soarch yn en bûten Fryslân. Yn de rintiid fan dizze BFTK wolle wy Fryslân ta topregio ûntwikkelje oangeande ûndersyk en yntervinsjes om de lêswille en

kleinere talen als het Fries. Technologiebedrijven zorgen voor de ontwikkeling van alle toepassingen in grote talen, maar laten kleine talen achterwege aangezien deze financieel minder aantrekkelijk zijn. De overheid zal de ontwikkeling van spraaktechnologie en andere kunstmatige intelligentie in het Fries daarom zelf moeten stimuleren.

Motie 36200 VII nr.131 verzoekt de regering samen met de provincie te onderzoeken wat er nodig is om de ontwikkeling van digitale innovaties om Friese spraak naar tekst, en tekst naar spraak te bespoedigen, en hoe het Rijk de provincie hierin kan ondersteunen. Aanvullend verzoekt de motie de regering bij ontwikkeling van nieuwe toepassingen van spraakherkenningssoftware zich in te spannen om deze ook voor het Fries toegankelijk te maken. Die kunnen onder andere worden gebruikt als ondertiteling bij raadsvergaderingen, tv-uitzendingen, voorleesfuncties van overheidswebsites voor mensen met een visuele beperking en ook innovaties in de zorg zoals zorgrobots. Deze motie ligt in het verlengde van artikel 7.1.d uit het Handvest waarin is afgesproken om het gebruik van het Fries makkelijker te maken en aan te moedigen, in gesproken en geschreven vorm, in het openbare en private leven.

Afgesproken wordt dat door de gezamenlijke overheden blijvend aandacht wordt gevraagd voor het Fries in onderzoek naar en het ontwikkelen van digitale toepassingen en kunstmatige intelligentie. Daar waar ontwikkelingen betrekking hebben op het Nederlands, wordt ook het Fries in ogenschouw genomen. Om dit te stimuleren zal er een keer per kwartaal een overleg plaatsvinden tussen de betrokken dossierhouders vanuit Rijk en Provincie op het gebied van digitale ontwikkelingen en kunstmatige intelligentie m.b.t. taal. Hiermee streven beide partijen ernaar om gedurende deze bestuursafspraak gezamenlijke activiteiten op te zetten en daarmee de kansen die voorbijkomen optimaal te benutten. Door in te zetten op digitalisering en kunstmatige intelligentie wordt de vitaliteit van het Fries verder versterkt. In het bijzonder pijler vijf, maar indirect ook pijlers twee, vier, zes, zeven, acht en negen.

3. Onderwijs en onderzoek

Het waarborgen en verbeteren van de positie van het Fries in het onderwijs blijft uitermate belangrijk. Met Taalplan Frysk 2030 wordt er in samenwerking met een aantal onderwiisinstellingen in Fryslân gewerkt aan de doelstelling dat in 2030 alle scholen in het Fries taalgebied Frysk aanbieden. Daardoor krijgen alle kinderen in Fryslân de kans om Fries te leren. De toenemende ontlezing is een grote zorg binnen en buiten Fryslân. Gedurende de periode van deze BFTK willen we Fryslân ontwikkelen tot de topregio wat betreft onderzoek en interventies om het leesplezier en -niveau te vergroten.

it lēsnivo te fergrutsjen. Om dat te berikken wurdt der û.o. ekstra yn it primêr en fuortset ûnderwiis ynvestearre, en wurdt it oprjochtsjen fan in praktoaat Fryske taal en taalfeardigens yn in meartalige kontekst op mbû-ynstelling Firda troch it Ryk stipe. Ynvestearrings yn ûnderwiis en ûndersyk soargje direkt foar in fersteviging fan pylder seis en njoggen, en yndirekt op alle oare pylders fan taalfitaliteit. Yn haadstik 2 wurde de ambysjes oangeande ûnderwiis wiidweidich taljochte. Doelstellings foar de wittenskip steane yn haadstik 5.6.

4. Taaloerdracht

De oerdacht fan it Frysk tusken generaasjes stiet ûnder druk. It oandiel heiten en memmen dat Frysk mei de bern praat wurdt stadichoan lytser. Dêrnjonken docht blikken dat bern troch de dominante posysje fan it Nederlânsk yn berne-opfang en ûnderwiis it Frysk minder aktyf brûke. Dêroer is mear ûndersyk en de ûntwikkeling fan yntervinsjes nedich om dy trend nei ûnderen ta te kearen. Dêrom is yn 'e tiid fan it oangean fan dizze bestjoersôfspraak in grut ûndersyk oer taaloerdracht tusken generaasjes úteinset.

Ek de (nije) ynwenners fan Fryslân dy't (noch) gjin Frysk prate wurde oanmoedige om it Frysk te learen. Troch ôfspraken mei gemeenten, de ûntwikkeling fan ynnovative learmethoden en it aanbieden fan ferskate mooglykheden om it Frysk te learen, wol de provinsje dy doelgroep omearmje. Fan de kant fan dy doelgroep sels is dêr ek ferlet fan. Troch te learen it Frysk te praten en te ferstean wurdt de yntegraasje yn de Fryske mienskip makliker en weardefoller makke. Ien kear yn 't jier sil der op inisjatyf fan de provinsje in kursusrige aanbean wurde op tagonlike en geografysk fersprate lokaasjes yn it Frysk taalgebiet. Oanfoljend sil der salang't dizze bestjoersôfspraak rint troch de provinsje ynvestearre wurde om yn alle gefallen in taallearapp Nederlânsk-Frysk te ûntwikkelen, en as dat mooglik is dy út te wreidzjen nei Ingelsk-Frysk, Dútsk-Frysk en Arabysk-Frysk. Ynsette op taaloerdracht sil de pylders ien, twa en trije fan taalfitaliteit ferstevigje.

5. Desintraal taalbelied

Foar de útfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal is it wichtich dat op desintraal nivo it Fryske taalbelied fierder fuortsterke wurdt. De wichtichste bestjoersorganen binne dêrby de ryksútferingstsjinsten en de Fryske gemeenten, dy't ûnder de Wet falle. De ryksútferingstsjinsten, besteande út 'e Belestingstjinst, FUMO, Weterskip Fryslân en de Feilichheidsregio Fryslân, foarmje in wichtige skeakel tusken it Ryk en de ynwenners en organisaasjes fan Fryslân. Ryk en provinsje freegje dêrom by dizze tsjinsten oandacht foar de ôfspraken sa't dy yn de Wet gebrûk Fryske taal formulearre binne. Yn 2026, as de tuskenevaluasje fan dizze bestjoersôf-

derfoar dat de wetlike mooglikheid foar in foar in part Frysktalige opfang facilitearre wurdt.

3. Ferankering en boarging fan it Frysk yn de foarskoalske foarsjennings

Neffens de Wet kinderopvang is it brûken fan de Fryske taal as fiertaal, njonken it Nederlânsk, tastien. By de behanneling fan dy wet is ek fêstlein dat de provinsje Fryslân de romte hat om de ierskoalske en foarskoalske (vve) programma's yn twa talen aan te bieden (Nederlânsk en Frysk). Dat wurdt troch de provinsje al 2 desennia mei sukses útfierd en sil ek yn 'e takomst stimulearre wurde. It is net mooglik om vve-programma's inkeld en allinne yn it Frysk aan te bieden, mar, mei it each op it yn it 'Ramtferdrach' opnommen kête oer it tsjingean fan assimilaasje, hawwe oanbieders fan vve romte om yn dat programma, op ferantwurde wize en mei foldwaande omtinken foar it yrinne kinnen fan efterstân yn de Nederlânske taal, ek de ûntwikkeling fan it Frysk te boargjen en te stimulearjen.

Foarskoalske edukaasje is foar pjutten dy't baat hawwe by ekstra stipe yn harren ûntwikkeling op it mêd fan taal, tariedend rekkenjen, motoryk, en sosjaal-emosjonele feardichheden. It draacht by oan in goed begin op de basisskoalle. It doel is om bern mei in risiko op in efterstân yn de ûntwikkeling fan it Nederlânsk te helpen oan in goede basis yn de Nederlânske taal. Oanbieders fan foarskoalske edukaasje yn Fryslân moatte dan ek genôch romte yn harren programma opnimme om oan dat doel te foldwaan. Tagelyk is it oanbod fan it Frysk yn de berne-opfang fan essinsjeel belang. It is in tige wichtige pylder ûnder it provinsjale taalbelied en de oerdracht fan it Frysk op in kommende generaasje. De oergong fan de foarskoalske faze nei de ûnderbou fan de basisskoalle hat út it eachpunt fan it Frysk ek in soad soarch en omtinken nedich.

Binnen de foarskoalske opfang is de ûnôfhinklike fisitaasjekommisje fan SFBO ferantwurdlik foar de kwaliteitsborging spesifyk op it mêd fan twataligens. Fan de GGD en de Ynspeksje fan Underwiis wurdt ferwachte dat sy yn harren tafersjochhâldende rol in positive en stimulearjende hâlding oangeande it Frysk, it meertalige belied en de dêrby behelle partijen oannimme. Wetlike feroarings dy't effekt hawwe op de praktyk fan de twatalige opfang wurde fan te foaren mei de provinsje opnommen.

van de provincie en blijft ervoor zorgen dat de wettelijke mogelijkheid voor gedeeltelijk Friestalige opvang wordt gefaciliteerd.

3. Verankering en borging van het Fries in de voorschoolse voorzieningen

Conform de Wet kinderopvang is het gebruik van de Friese taal als voertaal, naast het Nederlands, toegestaan. Bij de behandeling van deze wet is tevens vastgelegd dat de provincie Fryslân de ruimte heeft om de vroegschoolse en voorschoolse (vve) programma's in twee talen aan te bieden (Nederlands en Fries). Dit wordt door de provincie al twee decennia succesvol uitgevoerd en zal gestimuleerd blijven worden. Het is niet mogelijk om vve-programma's uitsluitend in het Fries aan te bieden, maar, met het oog op het in het "Kaderverdrag" opgenomen artikel over het tegengaan van assimilatie, hebben aanbieders van vve ruimte om binnen dit programma, op verantwoorde wijze en met voldoende aandacht voor het kunnen inlopen van achterstand in de Nederlandse taal, ook de ontwikkeling van het Fries te borgen en te stimuleren.

Voorscholse educatie is voor peuters die baat hebben bij extra ondersteuning in hun ontwikkeling op het gebied van taal, voorbereidend rekenen, motoriek, en sociaal-emotionele vaardigheden. Dit draagt bij aan een goede start op de basisschool. Het doel is om kinderen met een risico op een achterstand in de ontwikkeling van het Nederlands te helpen aan een goede basis in de Nederlandse taal. Aanbieders van voorscholse educatie in Fryslân moeten dan ook voldoende ruimte binnen hun programma opnemen om aan dit doel te voldoen. Tegelijkertijd is het aanbod van het Fries binnen de kinderopvang van essentieel belang. Het is een zeer belangrijke pijler onder het provinciale taalbeleid en de overdracht van het Fries op een volgende generatie. De overgang van de voorscholse fase naar de onderbouw van de basisschool heeft vanuit de optiek van het Fries eveneens veel zorg en aandacht nodig.

Binnen de voorscholse opvang is de onafhankelijke visitatiecommissie van SFBO verantwoordelijk voor de kwaliteitsborging specifiek op het gebied van tweetaligheid. Van de GGD en de Inspectie van het Onderwijs wordt verwacht dat zij in hun toezichthoudende rol een positieve en stimulerende houding t.o.v. het Fries, het meertalige beleid en de daarbij betrokken partijen aannemen. Wettelijke veranderingen die effect hebben op de praktijk van de tweetalige opvang worden van te voren met de Provincie opgenomen.

4. Startbekwamens mbû-opledings binnen ûnderwijs en pedagogyk

Foldwaande kwalifearre personiel is fan essinsjeel belang foar it oanbieden fan Fryske en twatalige opfang. Spesifyk foar de foarskoalske sektor is it mbû fan krúsjale wearde. Omdat dêr de takomstige pedagogysk meiwurkers (en ûnderwijsassistinten) oplaat wurde, falle dy opledings ûnder kêt 8.1.h fan it Hânfest fan Minderheidstalen; sy moatte derfoar soargje dat it takomstich personiel yn de foarskoalske foarsjennings (berne-opfang en foarskoalske edukaasje) foldwaande ynsjoch hat yn de meartalige ûntwikkeling fan it (jonge) bern (yn de Fryske kontekst) en hannelingsbekwaam is om de meartalige ûntwikkeling mei soarch te stimulearjen en te begelieden. Kennis fan materiaal en relevante wurkwisen is dêrby fanselssprekkend, mar ek in goede reseptive én produktive taalfeardigens fan de student, yn it Frysk likegoed as it Nederlânsk, is ûnmisser. Dêrby wurdt tocht aan de útwreiding fan it tal kardielen Frysk (ferskaat op nivo en ferdjipping fan de feardichheden) en ek aan de yntegraasje fan it Frysk yn it reguliere oanbod. Hoe't de posysje fan it Frysk yn it mbû goed ferankere wurde kin, sil troch it op te rjochtsjen praktoaat Friese taal en geletterdheid in de meertalige context ûndersocht wurde. De ôfspraken oer dat praktoaat steane fierder yn paragraaf 2.5 útwurke.

By pedagogysk meiwurkers is basiskennis oer (meertalige) taalûntwikkeling by it jonge bern fan belang. Dêrnjonken soe oansletten wurde kinne by it lanlike lësof-fensyf, wêrby't net allinne (in soad) berneboeken yn it Nederlânsk lêzen wurde, mar ek yn it Frysk. Dat is net allinne goed foar de taalfeardigens yn it Nederlânsk en Frysk fan de learling, mar ek foar de taalûntwikkeling fan de jonge bern dy't se yn de beropspraktyk begeliede (sille). Der wurdt sjoen nei de romte yn it kurrikulum fan dy opledings om meertaligens en (basis)feardichheden fan it Frysk struktureel te yntegrearjen.

Yn oanfolling op dy basisfeardichheden kinne studinten harren it Frysk yn it al besteande kardiel 'Frysk yn 'e beropspraktyk' fierder eigen meitsje (op it stuit oanbean op A1, A2 en B1 nivo, foar de karmodules B2 en C1 leit de oanfraach by Samenwerkingsorganisatie Beroepsonderwijs Bedrijfsleven foar goedkarren). Fanselssprekkend sil it kardiel oanhâldend yn ûntwikkeling wêze om goed by de ûntwikkelings yn it wurkfjild oan te sluten. Der sil ek in eksellinsjetraject ûntwikkele wurde. Studinten kinne dêrmei in sertificaat helje, dêr't sy mei oantoane kinne dat se tige saakkundich binne op it mêt fan meertalige ûntwikkeling fan it jonge bern en bekwaam binne om dy meertalige ûntwikkeling op in goede wize te begelieden en te stimulearjen. Yn de perioade fan dizze bestjoersôfspraak wurdt ûndersocht yn

4. Startbekwaamheden mbo-opleidingen binnen onderwijs en pedagogiek

Voldoende gekwalificeerd personeel is van essentieel belang voor het aanbieden van Friese en tweetalige opvang. Specifiek voor de voorschoolse sector is het mbo van cruciale waarde. Omdat hier de toekomstige pedagogisch medewerkers (en onderwijsassistenten) worden opgeleid, vallen deze opleidingen onder artikel 8.1.h van het Handvest van Minderheidstalen; zij dienen ervoor te zorgen dat het toekomstig personeel in de voorschoolse voorzieningen (kinderdagopvang en voorschoolse educatie) voldoende inzicht heeft in de meertalige ontwikkeling van het (jonge) kind (in de Friese context) en handelingsbekwaam is om de meertalige ontwikkeling zorgvuldig te stimuleren en te begeleiden. Vanzelfsprekend is daarbij kennis van materiaal en relevante werkwijzen, maar ook een goede receptieve én productieve taalvaardigheid van de student in zowel het Fries als het Nederlands onontbeerlijk. Hierbij wordt gedacht aan zowel de uitbreiding van het aantal keuzedelen Fries (diversificatie op niveau en verdieping van de vaardigheden) alsmede ook de integratie van het Fries in het reguliere aanbod. Hoe de positie van het Fries binnen het mbo gedegen kan worden verankerd, zal worden onderzocht door het op te richten praktoaat Friese taal en geletterdheid in de meertalige context. De afspraken over dit praktoaat staan verder uitgewerkt in paragraaf 2.5.

Bij pedagogisch medewerkers is basiskennis over (meertalige) taalontwikkeling bij het jonge kind van belang. Daarnaast zou kunnen worden aangesloten bij het landelijke leesoffensief waarbij niet alleen (veel) kinderboeken in het Nederlands worden gelezen, maar ook in het Fries. Dat is niet alleen goed voor de taalvaardigheid in het Nederlands en Fries van de studenten, maar ook voor de taalontwikkeling van de jonge kinderen die ze in de beroepspraktijk (zullen) begeleiden. Er wordt gekeken naar de ruimte binnen het curriculum van deze opleidingen om meertaligheid en (basis)vaardigheden van het Fries structureel te integreren.

In aanvulling op deze basisvaardigheden kunnen studenten zich binne het reeds bestaande keuzedeel 'Fries in de beroepspraktijk' verder in het Fries bekwaam (op dit moment aangeboden op A1, A2 en B1 niveau, voor de keuzemodules B2 en C1 ligt de aanvraag bij de Samenwerkingsorganisatie Beroepsonderwijs Bedrijfsleven ter goedkeuring). Vanzelfsprekend zal het keuzedeel continu in ontwikkeling zijn om goed aan te sluiten bij de ontwikkelingen in het werkfeld. Tevens zal er een excellentietraject ontwikkeld worden waarmee studenten een certificaat kunnen behalen, waarmee zij aan kunnen tonen dat zij zeer deskundig zijn op het gebied

hoefer't it mooglik is dat ûnderwiisassistinten yn harren oplieding in Foech Frysk helje kinne om dêrmei it tekoart aan fakbekwame leararen opfange te kinnen.

5. Multymediaal Frysktalich materiaal

Yn gearwurking mei aanbieders en eksperts op it mēd fan foarskoalske edukaasje en meertalige úntwikkeling stimuleert en bekostigt de provinsje Fryslân de trochúntwikkeling fan Frysktalich multymediaal materiaal. Dy foarsjennings meitsje struktureel gebrûk fan it materiaal dat al besikber is. Ek foar de taaloerdracht fan âlden op bern is it fan grut belang dat der foldwaande materiaal en oanbod besikber is, lykas (foarlës) boekjes, filmkes, apps en oar edukatyf materiaal. Yn 'e earste helte fan dizze bestjoersôfspraak leit de fokus op materiaal dat it aktive gebrûk fan de Fryske taal stimuleert.

6. Neiskoalling

Yn 'e mande mei de beropsopleidings wurdt soarge foar foldwaande neiskoallingsprogramma's op it mēd fan meartaligens yn de Fryske kontekst en taalfeardheden Frysk. Doel is om al yn it fjild aktive meiwurkers hânfetten te bieden om taalrike opfang oanbiede te kinnen en de taalproduksje fan bern te stimulearjen. Yn oansluting op it lanlike lêsoffensyf sil it foarlêzen noch mear stimulearre wurde, ek yn it Frysk. Tocht kin wurde oan kursussen Frysk foarlêze en it oerdragen fan kennis oer Fryske berneliteratuer. De neiskoallingsprogramma's wurde aktyf oanbean aan pedagogysk meiwurkers yn foarskoalske foarsjennings en ûnderwiisassistinten yn it (spesjaal) primêr ûnderwiis, fuortset ûnderwiis en ferfolchûnderwiis.

7. Ekspertize diele

Mei yngong fan 1 febrewaris 2024 is it wetlik mooglik wurden om meertalige berne-opfang aan te bieden. It giet dêrby om it oanbieden fan Ingelsk, Frânsk en Dútsk njonken de Nederlânske en eventueel de Fryske taal of in streektaal. Om't yn Fryslân en spesifyk by SFBO goed tweintich jier aan ekspertize en ûnderfinning opboud is mei dual immersion preschool education wurde Fryslân en SFBO troch it Ryk wurdearre as ekspertizesintra. It Ryk is fan doel it opheljen fan ekspertize út Fryslân oan te moedigen, sawol yn kommunikaasje oer meertalige berne-opfang as ek troch warkbesiten oan Fryslân te bringen. Dêr wurde ek de Fryske mbû's aktyf by behelle. It is wichtich dat de twatalige opfang yn Fryslân in eigen plak yn de regeljouwing en ôfspraken hâldt en net ûnder de wetlike romte foar it oanbieden fan Ingelsk, Frânsk en Dútsk komt te fallen.

van meertalige ontwikkeling van het jonge kind en bekwam zijn deze meertalige ontwikkeling op een goede wijze te begeleiden en stimuleren. Tijdens de periode van deze bestuursafspraak wordt onderzocht in hoeverre het mogelijk is dat onderwiisassistenten tijdens hun opleiding een Foech Frysk kunnen behalen om daarmee het tekort aan vakbekwame leraren te kunnen opvangen.

5. Multimediaal Friestalig materiaal

In samenwerking met aanbieders en experts op het gebied van voorschoolse educatie en meertalige ontwikkeling stimuleert en bekostigt de provincie Fryslân de doorontwikkeling van Friestalig multymediaal materiaal. Die voorzieningen maken structureel gebruik van dit reeds beschikbaar zijnde materiaal. Ook voor de taaloerdracht van ouders op kinderen is het van groot belang dat er voldoende materiaal en aanbod beschikbaar is zoals (voorlees)boekjes, filmpjes, apps en ander educatief materiaal. In de eerste helft van deze bestuursafspraak ligt daarbij de focus op materiaal dat het actieve gebruik van de Friese taal stimuleert.

6. Nascholing

Samen met de beroepsopleidingen wordt gezorgd voor voldoende nascholingsprogramma's op het terrein van meertaligheid in de Friese context en taalvaardigheden Fries. Doel is om ook reeds in het veld actieve medewerkers handvatten te bieden om taalrijke opvang aan te kunnen bieden en de taalproductie van kinderen te stimuleren. In aansluiting op het landelijke leesoffensief zal het voorlezen nog meer gestimuleerd worden, ook in het Fries. Te denken valt aan cursussen Fries voorlezen en kennis over te dragen over Friese kinderliteratuur. De nascholingsprogramma's worden actief aangeboden aan pedagogisch medewerkers in voorschoolse voorzieningen en onderwiisassistenten in het (speciaal) primair onderwijs, voortgezet en vervolgonderwijs.

7. Expertise delen

Per 1 februari 2024 is het wettelijk mogelijk geworden om meertalige kinderopvang aan te bieden. Het gaat hierbij om het aanbieden van Engels, Frans en Duits naast de Nederlandse en eventueel de Friese taal of een streektaal. Aangezien in Fryslân en specifiek bij SFBO ruim twintig jaar aan expertise en ervaring is opgebouwd met dual immersion preschool education worden Fryslân en SFBO door het Rijk gewaardeerd als expertisecentra. Het Rijk is voornemens het ophalen van expertise uit Fryslân aan te moedigen, zowel in communicatie over meertalige kinderopvang alsmede door werkbezoeken aan Fryslân te brengen. Hierbij worden ook de Friese mbo's actief betrokken. Het is belangrijk dat de tweetalige opvang in Fryslân een eigen plek behoudt in de regelgeving en afspraken en niet onder de wettelijke ruimte voor het aanbieden van Engels, Frans en Duits komt te vallen.

8. Mûnlinge taalfeardigens wetlik ferankere
Fan 2025 ôf sil der in taaleask IKK jilde foar de Nederlânske taal foar alle beropskrêften yn 'e berne-opfang. De mûnlinge taalfeardigens fan beropskrêften moat op nivo 3F fan it Besluit referentieniveaus Nederlandse taal en rekenen, of nivo B2 van het Europees Referentiekader voor Talen behearske wurde. De eask sil allinne jilde foar beropskrêften dy't de Nederlânske taal as fiertaal brûke. Beropskrêften dy't inkeld en allinne Frysk mei de bern prate, kinne dan mei oantoonber behearskingsnivo B2 fan it Frysk ek aan de wetlike taaleask IKK foldwaan. It op te rjochtsjen praktoaat sil ûndersykje op hokker wize dy ambysje yn de oplieding foar pedagogysk meiwurker (en ûnderwiisassistint) realisearre wurde kin, sadat de útstream op nivo is en der passende neiskoallingsprogramma's oanbean wurde kinne aan beropskrêften dy't al yn 'e sektor aktyf binne.

9. Kontakt by eventuele wijzigings yn it stelsel fan berne-opfang

By eventuele grutte wijzigings yn it stelsel fan berne-opfang sille it Ryk en de provinsje yn petear bliuwe oer mooglike gefolgen foar de Frysktalige berne-opfang. Dat jildt bygelyks foar de foarnimmens op it mêd fan de finansiering fan de berne-opfang dy't ynfloed hawwe kinne soene op it relative oanbod foarskoalske opfang yn it Frysk. Ryk en provinsje bliuwe dêroer yn petear, sadat tagong ta Frysktalige opfang op de wurklist stean bliuwt.

2.3 Ofspraken Frysk yn it fundearjend ûnderwiis (primêr en fuortset ûnderwiis)

1. Taalplan Frysk

Yn it skoaljier 2020/2021 binne alle skoallen yn Fryslân op 'en nij besocht om yn byld te bringen hoe't it Frysk op alle skoallen oanbean wurdt. Dy 1-mjitting folget op de 0-mjitting dy't yn it skoaljier 2016/2017 útfierd is. Op basis fan de analyse fan de útkomsten wurdt de skoallen paskleare stipe bean om de kwaliteit en it fêststelde nivo fan it leargebiet Fryske taal en kultuer te ferbetterjen. Alle skoallen hawwe in eigen skoalstiper dy't de skoallen stipet by it realisearjen fan in folslein oanbod en om it Frysk op it goede nivo te bringen. De skoalstiper adviseert de skoalle op it mêd fan (nei) skoalling foar learkrêften, lesmetoaden en wurkwisen en ûnderwiisbegelieding.

De rapportaazje fan de 1-mjitting is begin 2023 presintearre. De resultaten litte sjen dat der noch net folle yn de Taalplan Frysk-profilen fan skoallen feroare is. Dat

8. Mondelinga taalvaardigheid wettelijk verankerd
Vanaf 2025 gaan er een taaleis IKK gelden voor de Nederlandse taal voor alle beroepskrachten in de kinderopvang. De mondelinga taalvaardigheid van beroepskrachten moet worden beheerst op niveau 3F van het Besluit referentieniveaus Nederlandse taal en rekenen, of niveau B2 van het Europees Referentiekader voor Talen. Deze eis gaat alleen gelden voor beroepskrachten die de Nederlandse taal als voertaal gebruiken. Beroepskrachten die uitsluitend Fries spreken met de kinderen, kunnen dan met aantoonbaar beheersningsniveau B2 van het Fries ook voldoen aan de wettelijke taaleis IKK. Het op te richten praktoaat zal onderzoeken op welke wijze deze ambitie binnen de opleiding voor pedagogisch medewerker (en onderwiisassistent) kan worden gerealiseerd zodat de uitstroom op niveau is en er passende nascholingsprogramma's kunnen worden aangeboden aan beroepskrachten die al actief zijn in de sector.

9. Contact bij eventuele wijzigingen in het stelsel van kinderopvang

Bij eventuele grote wijzigingen in het stelsel van kinderopvang, zullen het Rijk en de provincie in gesprek blijven over eventuele gevolgen voor de Friestalige kinderopvang. Dit geldt bijvoorbeeld bij voornemens op het gebied van de financiering van kinderopvang, die invloed zouden kunnen hebben op het relatieve aanbod voorschoolse opvang in het Fries. Rijk en provincie blijven hierover in gesprek zodat toegang tot Friestalige opvang op de agenda blijft staan.

2.3 Afspraken Fries in het funderend onderwijs (primair en voortgezet onderwijs)

1. Taalplan Frysk

In schooljaar 2020/2021 zijn alle scholen in Fryslân opnieuw bezocht om in beeld te brengen hoe het Fries op alle scholen wordt aangeboden. Deze 1-meting volgt op de 0-meting die in schooljaar 2016/2017 is uitgevoerd. Op basis van de analyse van de uitkomsten wordt de scholen steun op maat geboden om de kwaliteit en het vastgestelde niveau van het leergebied Friese taal en cultuur te verbeteren. Alle scholen hebben een eigen skoalstiper die de scholen ondersteunt bij het realiseren van een volledig aanbod en om het Fries op het juiste niveau te brengen. De skoalstiper adviseert de school op het gebied van (na)scholing voor leerkrachten, lesmethodes en werkwijzen en onderwijsbegeleiding.

hat ûnderskate redenen. Sa hat de koroanakrisis derfoar soarge dat skoallen de prioriteiten net op it Frysk lizze (koene). Dêrnjonken is Taalplan Frysk 2030 mei de mienskiplike ynset fan alle ûnderwiisorganisaasjes en de ynset fan de skoalstipers earst yn 2021 echt úteinset. As lêste biede de hjoeddeistige profilen net genôch romte om kwaliteitsverbetering binnen it profyl oan te toanen.

Ut de rapportaazje docht bliken dat der mear bewustwurding is fan it belang fan ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer en dat de attitude oangeande Taalplan Frysk 2030 posityf feroare is. Dat binne positive ûntwikkelings, dy't oan it ferbetterjen fan it oanbod Frysk op skoallen bydrage.

De doelstelling foar 2030, dat alle skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis neffens de wetlike ferplichting it leargebiet Fryske taal en kultuer oanbiede, bliuwt yn 'e tiid fan dizze bestjoersôfspraak ûnfermindere fan belang. Utgangspunt dêrby is dat skoallen yn it Fryske taalgebiet gjin ûntheffing mear fan Deputeerre Steaten fan Fryslân krie foar it oanbieden fan ien of mear keardoele Friesk. Skoallen en bestjoeren kinne dêryn ek yn 'e takomst op stipe fan de begeliedende ynstellings yn 'e provinsje rekkenje.

Yn 'e rintiid fan dizze bestjoersôfspraak feroarje de keardoele foar it leargebiet Fryske taal en kultuer. De aktualisaasje fan de keardoele Friesk rint gelyk op mei de aktualisaasje fan de keardoele foar in part fan it lanlike kurrikulum. De nije keardoele Friesk sille in ekstra ynspanning freegje fan de skoallen en bestjoeren yn Fryslân, mar biede ek de kâns om it Frysk structureel yn it hiele ûnderwiisoanbod yn te passen. Troch te warkjen oan in structurele en yntegrale posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis ûntwikkelje alle oanbelangjenden in oanbod Frysk dat derta bydraacht dat alle learlingen Frysk leare kinne.

Omdat de Taalplan Frysk-profielen fan skoallen, takend troch Deputeerre Steaten fan Fryslân, op de hjoeddeistige keardoele Friesk basearre binne, wurdt der mei yngong fan de nije keardoele Friesk gebrûk makke fan in oare wize fan monitoarjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer de skoalle en it bestjoer. Foarútrinnend op de 2030-ambysje krie skoallen gjin nij Taalplan Frysk-profil mei byhearrende ûntheffing, mar wurdt der op grûn fan it besteande profil trochwurke nei in folslein oanbod Frysk neffens de wetlike ferplichting.

De rapportage van de 1-meting is begin 2023 gepresenteerd. De resultaten laten zien dat er nog weinig verschuiving is in de Taalplan Frysk-profielen van scholen. Dit heeft verschillende redenen. Zo heeft de coronacrisis er voor gezorgd dat scholen de prioriteiten niet op het Fries (konden) leggen. Daarnaast is Taalplan Frysk 2030 met de gezamenlijke inzet van alle onderwijsorganisaties en de inzet van de skoalstipers pas in 2021 echt van start gegaan. Ten slotte bieden de huidige profielen onvoldoende ruimte om kwaliteitsverbetering binnen het profiel aan te tonen.

Uit de rapportage blijkt dat er meer bewustwording is van het belang van onderwijs in de Friese taal en cultuur en dat de attitude ten opzicht van Taalplan Frysk 2030 positief is veranderd. Dit zijn positieve ontwikkelingen die bijdragen aan het verbeteren van het aanbod Fries op scholen.

De doelstelling voor 2030, waarbij alle scholen in het primair en voortgezet onderwijs volgens de wettelijke verplichting het leergebied Friese taal en cultuur aanbieden, blijft gedurende deze bestuursafspraak onvermindert van belang. Uitgangspunt hierbij is dat scholen in het Friese taalgebied geen ontheffing meer ontvangen van Gedeputeerde Staten van Fryslân voor het aanbieden van een of meerdere kerndoelen Fries. Scholen en besturen kunnen hierin blijven rekenen op ondersteuning van de begeleidende instellingen in de provincie.

Gedurende de looptijd van deze bestuursafspraak veranderen de kerndoelen voor het leergebied Friese taal en cultuur. De actualisatie van de kerndoelen Fries loopt gelijk op met de actualisatie van de kerndoelen voor een deel van het landelijke curriculum. De nieuwe kerndoelen Fries zullen een extra inspanning vragen van de scholen en besturen in Fryslân maar bieden tevens de kans om het Fries structureel in te bedden in het gehele onderwijsaanbod. Door te werken aan een structurele en integrale positie van het Fries in het onderwijs ontwikkelen alle betrokkenen een aanbod Fries dat er toe bijdraagt dat alle leerlingen Fries kunnen leren.

Omdat de Taalplan Frysk-profielen van scholen, toegekend door Gedeputeerde Staten van Fryslân, gebaseerd zijn op de huidige kerndoelen Fries, wordt er met ingang van de nieuwe kerndoelen Fries gebruik gemaakt van een andere wijze van monitoring van de kwaliteit van het onderwijs in de Friese taal en cultuur per bestuur en school. Vooruitlopend op de 2030 ambitie krijgen scholen geen nieuw Taalplan Frysk-profil met bijbehorende ontheffing, maar wordt er vanuit het bestaande profiel doorgewerkt naar een volledig aanbod Fries volgens de wettelijke verplichting.

Foar it spesjaal basisûnderwiis en praktykskoallen jilde deselde wetlike ferplichtings as foar oare skoallen yn it basis- en fuortset ûnderwiis op it mêd fan Fryske taal en kultuer. Omdat dat type ûnderwiis oars is as it reguliere basis- en fuortset ûnderwiis wurdt der foar alle skoallen apart, yn gearwurking mei de skoalstiper, sjoen nei de mooglikheden foar it (troch)úntwikkeljen fan in oanbod Frysk, dat by de learlingpopulaasje op de skoalle past.

It Frysk is net allinne wetlik ferplichte yn it hiele basisûnderwiis (in behoarlik grut part fan it ûnderwiis soe yn it Frysk oanbean wurde moatte), mar ek yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Dat beheint him wetlik sjoen net ta it earste jier, sa't dat no yn 'e ûnderwijspraktijk noch wol faak it gefal is. Om aan de wetlike ferplichtings te foldwaan moatte skoallen yn Fryslân ek it fak Fryske taal en kultuer yn de earste en twadde klasse fan it fmbû/hafû/fwû oanbiede en yn hafû en fwû ek yn 'e tredde klasse (Wet voortgezet onderwijs 2020, kêst 2.15).

Njonken it oanbod fan it leargebiet Fryske taal en kultuer yn 'e ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis, is de ynset fan Taalplan Frysk 2030 derop rjochte om it fak neffens de wetlike mooglikheden oanbean te krijen, dat wol sizze yn alle klassen fan it fuortset ûnderwiis op alle nivo's. Op alle skoallen foar fuortset ûnderwiis yn Fryslân soe de mooglikheid bean wurde moatte om it Frysk as eksamenfak te kiezen.

Op skoallen dêr't it fak Fryske taal en kultuer op it lesroaster stiet, hawwe alle learlingen de mooglikheid om te kiezen foar it fak Fryske taal en kultuer, njonken Nederlânsk en Ingelsk, en yn stee fan Frânske taal en literatuer, Dûtske taal en literatuer, Spaanske taal en literatuer, Russyske taal en literatuer, Italiaanske taal en literatuer, Arabyske taal en literatuer, Turkske taal en literatuer of Sineeske taal en literatuer (Utfieringsbeslút WVO). Skoallen dy't fmbû-ûnderwiis oanbiede kinne by it ministearje fan OCW offisjeel tastimming freegje foar it opnimmien fan it leargebiet Fryske taal en kultuer yn it profyl fan de leerlingen.

Learlingen dy't it Frysk as eksamenfak keazen hawwe yn stee fan in moderne frjemde taal meie gjin beheining fiele by it trochstreamen nei ferfolchopleidings yn it (heger) beropsûnderwiis en universiteit. It kiezen en ôfsluten fan it fak Frysk hat deselde status as it kiezen en ôfsluten fan in moderne frjemde taal, sa't dat yn it Utfieringsbeslút WVO fêstlein is, ek al is it Frysk, as offisjele taal yn Fryslân, fansels gjin 'moderne frjemde taal' lykas oare talen.

Voor het speciaal basisonderwijs en praktijkscholen gelden dezelfde wettelijke verplichtingen als voor andere scholen binnen het basis- en voortgezet onderwijs op het gebied van Friese taal en cultuur. Omdat dit type onderwijs anders is dan het reguliere basis- en voortgezet onderwijs wordt er per school, in samenwerking met de skoalstiper, gekeken naar de mogelijkheden voor het (door)ontwikkelen van een aanbod Fries, passend bij de leerlingpopulatie op de school.

Het Fries is niet alleen wettelijk verplicht in het gehele basisonderwijs (een aanmerkelijk deel van het onderwijs zou in het Fries moeten worden aangeboden), maar ook in de onderbouw van het voortgezet onderwijs. Dit beperkt zich wettelijk gezien niet tot het eerste jaar, zoals nu vaak nog wel het geval is in de onderwijspraktijk. Om aan de wettelijke verplichtingen te voldoen moeten scholen in Fryslân ook het vak Friese taal en cultuur aanbieden in de eerste en tweede klas van het vmbo/havo/vwo en in havo en vwo eveneens in de derde klas (Wet voortgezet onderwijs 2020, artikel 2.15).

Naast het aanbod van het leergebied Friese taal en cultuur in de onderbouw van het voortgezet onderwijs, is de inzet van Taalplan Frysk 2030 er op gericht om het vak aangeboden te krijgen volgens de wettelijke mogelijkheden, dat wil zeggen in alle klassen van het voortgezet onderwijs op alle niveaus. Op alle scholen voor het voortgezet onderwijs in Fryslân zou de mogelijkheid geboden moeten worden om het Fries te kiezen als examenvak.

Op scholen waar het vak Friese taal en cultuur op het lesrooster staat hebben alle leerlingen de mogelijkheid om te kiezen voor het vak Friese taal en cultuur, naast Nederlands en Engels, en in plaats van Franse taal en literatuur, Duitse taal en literatuur, Spaanse taal en literatuur, Russische taal en literatuur, Italiaanse taal en literatuur, Arabische taal en literatuur, Turkse taal en literatuur of Chinese taal en literatuur (Uitvoeringsbesluit WVO).

Scholen die vmbo-onderwijs aanbieden kunnen bij het ministerie van OCW officieel toestemming aanvragen voor het opnemen van het leergebied Friese taal en cultuur binnen het profiel van de leerlingen.

Leerlingen die het Fries als examenvak gekozen hebben in plaats van een moderne vreemde taal mogen geen belemmering ervaren bij de doorstroom tot vervolgopleidingen in het mbo, hbo en wo. Het kiezen en afronden van het vak Fries heeft dezelfde status als het kiezen en afronden van een moderne vreemde taal, zoals ook vastgelegd in het Uitvoeringsbesluit WVO, ook al is het Fries, als officiële taal in Fryslân, uiteraard geen 'moderne vreemde taal' zoals andere talen.

It fuortsterkjen fan de trochgeande learline is in spear-punt yn de jierren 2024-2028. It fuortbreidzjen op de opdiene feardichheden yn de thûssituasje en op de twatalige opfang yn 'e ûnderbou fan it primêr ûnderwiis krijget dêrby ekstra omtinken. Oan 'e ein fan dizze bestjoersôfspraak wurdt op alle skoallen yn it Fryske taalgebiet yn 'e ûnderbou (groep 1 en 2) folop omtinken oan it Frysk ferstean en praten bestege, wêrtroch't in goede basislein wurdt om yn 'e middenbouw de taalfeardigens yn it Frysk te úntwikkeljen. Ek yn en tusken ûnderwiissekoaren wurdt oanhâldend en kontinu omtinken oan it (troch)ûntwikkeljen fan in trochgeande learline bestege.

2. Kearnndoelen

It trajekt fan de wiziging fan de kearnndoelen foar it leargebiet Fryske taal en kultuer rint yn 'e tiid fan de dizze bestjoersôfspraak. De ferwachting is dat de kearnndoelen Frysk yn 2025 troch Provinsjale Steaten fan Fryslân fêststeld wurde. De nije kearnndoelen sille in grutte ferskowing betsutte ferlike mei de âlde kearnndoelen Frysk. By de nije kearnndoelen is rom omtinken foar de Fryske kultuer, skiednis, foar it learen en brûken fan de taal en it taalbewustwézen en taalbelibjen. Skoallen moatte dy kearnndoelen yntegraal yn harren ûnderwiisoanbod oanbiede. Dat biedt kânsen foar de skoallen om ta kwalitatyf goed Frysk ûnderwiis te kommen.

De aktualisaasje fan de kearnndoelen foar it leargebiet Fryske taal en kultuer wurdt yn goede gearwurking mei it ûnderwijsfjild dien. De konsept-kearnndoelen wurde wiidweidich op skoallen test om derfoar te soargjen dat se by de ûnderwiispraktyk oanslute.

Yn de ymplemintaajfase krije de skoallen stipe fan de begeliedende ynstânsjes. Mei ûnderyk wurdt de ymplemintaajfase monitoare.

Yn it trajekt ta it fernijen fan de kearnndoelen Frysk is it fan belang dat de kearnndoelen foar it leargebiet Fryske taal en kultuer by oare leargebieten yn it Nederlânske skoalsysteem oanslute. Tagelyk moat der ek foldwaande romte en omtinken foar de spesifieke taalsituasje yn Fryslân wêze en foar wat dat fan it ûnderwiis yn 'e provinsje freget. Der wurdt yn dat trajekt nau mei de ûntwikkelers fan de nije kearnndoelen foar it lanlik kurrikulum gearwurke. Yn de konseptdoelen Nederlânsk is der dêrnjonken omtinken foar oare talen en taalvariëteiten yn relaasje ta it Nederlânsk. Op basis fan de nije kearnndoelen wurdt nij lesmateriaal ûntwikkele dat njonken besteand lesmateriaal op skoallen oanbean wurde kin.

Het versterken van de doorgaande leerlijn is een speerpunt in de jaren 2024-2028. Het voortborduren op de opgedane vaardigheden in de thuissituatie en op de tweetalige opvang in de onderbouw van het primair onderwijs krijgt hierbij extra aandacht. Aan het eind van deze bestuursafspraak wordt op alle scholen in het Friese taalgebied in de onderbouw (groep 1 en 2) volop aandacht besteed aan Fries verstaan en praten waardoor een goede basis wordt gelegd om in de middenbouw geletterdheid in het Fries te ontwikkelen.

Ook binnen en tussen de andere onderwijssectoren wordt blijvend en continu aandacht besteed aan het (door)ontwikkelen van een doorgaande leerlijn.

2. Kerndoelen

Het traject van de herziening van de kerndoelen voor het leergebied Friese taal en cultuur loopt gedurende deze bestuursafspraak. De verwachting is dat de kerndoelen Fries in 2025 door Provinciale Staten van Fryslân worden vastgesteld. De nieuwe kerndoelen zullen een grote verschuiving betekenen ten opzichte van de oude kerndoelen Fries. Bij de nieuwe kerndoelen is er ruim aandacht voor de Friese cultuur, geschiedenis, voor het leren en gebruiken van de taal en taalbewustzijn en taalbeleving. Scholen dienen die kerndoelen integraal aan te bieden binnen hun onderwijsaanbod. Dat biedt kansen voor de scholen om tot kwalitatief goed Fries onderwijs te komen.

De actualisatie van de kerndoelen voor het leergebied Friese taal en cultuur wordt in goede samenwerking gedaan met het onderwijsveld. De conceptkerndoelen worden uitgebreid getest op scholen om ervoor te zorgen dat het aansluit bij de onderwiispraktijk.

In de implementatiefase krijgen de scholen ondersteuning vanuit de begeleidende instanties. Met onderzoek wordt deze implementatiefase gemonitord.

In het traject tot het vernieuwen van de kerndoelen Fries is het van belang dat de kerndoelen voor het leergebied Friese taal en cultuur aansluiten bij andere leergebieden in het Nederlandse schoolsysteem. Tegelijkertijd moet er ook voldoende ruimte en aandacht zijn voor de specifieke taalsituatie in Fryslân en voor wat dit vraagt van het onderwijs in de provincie. Er wordt in dit traject nauw samengewerkt met de ontwikkelaars van de nieuwe kerndoelen voor het landelijk curriculum. In de conceptkerndoelen Nederlands is er daarnaast aandacht voor andere talen en taalvariëteiten in relatie tot het Nederlands. Op basis van de nieuwe kerndoelen wordt nieuw lesmateriaal ontwikkeld dat naast bestaand lesmateriaal kan worden aangeboden op scholen.

Njonken de wizing fan de kearndoelen Frysk wurde ek de eintermen Frysk aktualisearre. Oars as de kearndoelen Frysk heart it fêststellen fan de eintermen Frysk net ta it foech fan Provinsjale Steaten fan Fryslân. It ûnderwijsfjild yn Fryslân is nau by dy aktualisaasje behelle en der is goede ôfstimming om oansluting mei de nije kearndoelen Frysk te garandearjen.

Foar it spesjaal ûnderwiis, yn it primêr ûnderwiis likegoed as it fuortset ûnderwiis, binne der noch gjin kearndoelen Frysk. Fanwegen it belang fan ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer foar dy doelgroep wurdt der yn dizze bestjoersperioade nei stribbe om, op basis fan de kearndoelen foar it primêr en fuortset ûnderwiis, in kurrikulum foar it spesjaal ûnderwiis fêst te stellen.

3. Ryksbijdrage Kurrikulumwizing

It Ryk stelde foar dizze bestjoersôfspraak yn 2023 ien kear € 200.000 beskikber foar it oanpassen fan lesmaterialen nei de nieuwe kearndoelen. Der wurdt wurke oan it oanpassen fan besteande lesmaterialen nei de nieuwe kearndoelen, it ûntwikkeljen fan nieuwe materialen, it ûntwikkeljen fan werkwizen en it begelieden fan skoallen by de ymplemintasje. Dêrby is rom omtinken foar it belibjen fan it lêzen, lêswille en Fryske literatuer. Sa wurdt bydroegen oan de algemiene lêsfeardigens en taalfeardigens fan learlingen yn Fryslân. Dêrnjonken wurdt der yn dizze bestjoersperioade wurke oan de ûntwikkeling fan in learline foar it leargebiet Fryske taal en kultuer op basis fan de nieuwe kearndoelen. Skoallen wurde dêrmei stipe by it ymplemintearjen fan dy learline.

4. Lesmateriaal

Sûnt it skoaljier 2022/2023 stelt provinsje Fryslân de digitale lesmetoaden Frysk, Spoar 8 (primêr ûnderwiis) en Searje 36 (fuortset ûnderwiis), fergees beskikber foar alle skoallen yn Fryslân. Dat hat derta laat dat it tal skoallen dat fan dy metoaden gebrûk makket gâns omheech gien is. De provinsje brûkt de MYF-jilden om it fergees beskikber te stellen fan dy lesmetoaden te finansierjen. Om skoallen te stimulearjen en te helpen by it gebrûk fan de metoade is behoarlik yvestearre yn de begelieding fan skoallen by it gebrûk. Njonken de digitale lesmetoaden kinne skoallen ek de tydskriften *Tsjil* (pû) en *LinKk* (fû) fergees bestelle. Dy tydskriften biede oanfoljend fysyk lesmateriaal.

In brede fariaasje yn (fysyk en digitaal) aanbod, ferfijning, metoaden foar ûnder- en boppebou en differinsjaasje hawwe oanhâldend omtinken nedich. Dy differinsjaasje is net allinne op te lossen troch (metoadysk differinsjearre) materiaal aan te bieden, mar kin ek socht wurde yn meartalige didaktyk en ynspi-

Naast de herziening van de kerndoelen Fries worden ook de eindtermen Fries geactualiseerd. In tegenstelling tot de kerndoelen Fries behoort het vaststellen van de eindtermen Fries niet tot de bevoegdheid van Provinciale Staten van Fryslân. Het onderwijsveld in Fryslân is nauw betrokken bij deze actualisatie en er is goede afstemming om aansluiting met de nieuwe kerndoelen Fries te garanderen.

Voor het speciaal onderwijs, zowel in het primair als voortgezet onderwijs, zijn er nog geen kerndoelen Fries. Vanwege het belang van onderwijs in de Friese taal en cultuur voor deze doelgroep wordt er gedurende deze bestuursperiode naar gestreefd om, op basis van de kerndoelen voor het primair en voortgezet onderwijs, een curriculum vast te stellen voor het speciaal onderwijs.

3. Riksbijdrage Curriculumherziening

Het Rijk heeft voor deze bestuursafspraak in 2023 eenmalig € 200.000 beschikbaar gesteld voor het aanpassen van lesmaterialen naar de nieuwe kerndoelen. Er wordt gewerkt aan het aanpassen van bestaande lesmaterialen naar de nieuwe kerndoelen, het ontwikkelen van nieuwe materialen, ontwikkelen van werkwizen en het begeleiden van scholen bij de implementatie. Hierbij is ruime aandacht voor leesbeleving, leesplezier en Friese literatuur. Op die manier wordt bijgedragen aan de algemene leesvaardigheid en geletterdheid van leerlingen in Fryslân. Daarnaast wordt er gedurende deze bestuursperiode gewerkt aan de ontwikkeling van een leerlijn voor het leergebied Friese taal en cultuur op basis van de nieuwe kerndoelen. Scholen worden hierna ondersteund bij het implementeren van deze leerlijn.

4. Lesmateriaal

Sinds schooljaar 2022/2023 stelt provincie Fryslân de digitale lesmethodes Fries Spoar 8 (primair onderwijs) en Searje 36 (voortgezet onderwijs) gratis beschikbaar voor alle scholen in Fryslân. Dit heeft ertoe geleid dat het aantal scholen dat gebruik maakt van deze methodes aanzienlijk is gestegen. De provincie gebruikt de MIF-gelden om deze gratis lesmethodes te financieren. Om scholen te stimuleren en te helpen bij het gebruik van de methode is stevig geïnvesteerd in de begeleiding van scholen bij het gebruik. Naast de digitale lesmethodes zijn ook de tijdschriften *Tsjil* (po) en *LinKk* (vo) gratis door scholen te bestellen. Deze tijdschriften bieden aanvullend fysiek lesmateriaal.

Een brede variatie in (fysiek en digitaal) aanbod, vernieuwing, methoden voor onder- en bovenbouw en differentiatie behoeven blijvende aandacht. Die differentiatie is niet alleen op te lossen door (methodisch

rearjende wurkwizen. Sa binne der yn de ôfrûne jierren ûnderskate metoaden en materialen ûntwikkele (ûnder de namme *Inspirerend Meertalig Onderwijs*), dy't op de Fryske taalûntwikkeling fan learlingen ynsette. Dosinten kinne kieze út in breed oanbod fan lesmateriaal mei keppelingen tusken kultuerûnderwiis en lêsûnderwiis. Der is ek spesifyk omtinken foar de yntegraasje fan Frysktalich materiaal yn oare fakken. Fanwegen it feit dat de merk yn it Fryske taalgebiet op it mêd fan de ûntwikkeling fan lesmateriaal tekoart sjit, is it wansklik dat de oerheid ek yn 'e takomst in aktive en stimulearjende rol hat.

By de (troch)ûntwikkeling fan lesmateriaal is it fan belang dat it oanslút by de nije kearndoelen Frysk en nije eksamenprogramma's Frysk. Skoallen en dosinten wurde by it ymplemintearjen fan dy materialen begelaat en der wurdt ûndersocht hokker materialen it bêste by it ferlet fan it ûnderwijsfjild oanslute. Selsûntwikkele materialen Frysk wurde safolle mooglik iepen beskikber steld foar it ûnderwijsfjild en leararen wurde dêr sa goed mooglik by stipe. Utgongspunt dêrby is dat de dielde materialen kwalitatyf heechweardich binne. Fierder wurdt der yn dizze bestjoersperioade sjoen nei de mooglikheden foar it opnimmien fan Frysk lesmateriaal en it oersetten fan besteand materiaal nei it Frysk yn Open Leermateriaal. Mei stipe fan it programma Impuls Open Leermateriaal wurdt oan in rikere kolleksje fan iepen Frysk lesmateriaal wurke, dy't oanslút op it libbensfermidden en helpt de kwaliteit fan it ûnderwijs te ferbetteren.

Skoallen kinne ek yn de kommende perioade in berop dwaan op de provinsjale subsydzjeregeling Frysk foar no en letter foar it oanskaffen fan ekstra lesmateriaal. Njonken subsydzje foar oanfoljend lesmateriaal kinne skoallen mei dy regeling subsydzje aanfreegje foar kultuereduukaasje, (nei)skoalling en ekstra ynset fan personiel (relatearre oan it leargebiet Frysk taal en kultuer). Ek de subsydzjeregeling Lesoeren Frysk bliwt beskikber foar skoallen yn it fuortset en ferfolchûnderwiis.

5. Toetsingsmetoaden, evaluaasje- en leerlingfolchsystemen

GRIP is yntegraal ûnderdiel fan de metoaden Spoar 8 (primêr ûnderwijs) en Searje 36 (fuortset ûnderwijs). Dat makket it mooglik foar learkrêften om mei de digitale metoaden in trochgeande learline Frysk yn de lessen oan te bieden. Learkrêften kinne ek yn 'e takomst gebrûk meitsje fan begelieding en stipe by it brûken fan de metoaden en de ûnderlizzende evaluaasje- en leerlingfolchsystemen. Op basis fan ûnderfinings en nije

gedifferentieerd) materiaal aan te bieden, maar kan ook gezocht worden in meertalige didactiek en inspirerende werkwijzen. Zo zijn er de afgelopen jaren verschillende methodes en materialen ontwikkeld (onder de naam *Inspirerend Meertalig Onderwijs*) die inzetten op de Friese taalontwikkeling van leerlingen. Docenten kunnen kiezen uit een breed aanbod van lesmateriaal met koppelingen tussen cultuuronderwijs en leesonderwijs. Eveneens is er specifieke aandacht voor de integratie van Friestalig materiaal in andere vakken. Vanwege het feit dat er in het Friese taalgebied sprake is van marktfalen op het gebied van lesmateriaalontwikkeling, blijft een actieve en stimulerende rol van de overheid gewenst.

Bij de (door)ontwikkeling van lesmateriaal is het van belang dat het aansluit bij de nieuwe kerndoelen Fries en nieuwe examenprogramma's Fries. Scholen en docenten worden begeleid bij het implementeren van deze materialen en er wordt onderzocht welke materialen het beste aansluiten bij de behoeftes van het onderwijsveld. Zelfontwikkelde materialen Fries worden zoveel mogelijk open beschikbaar gesteld voor het onderwijsveld en leraren worden hierbij zo goed mogelijk ondersteund. Uitgangspunt hierbij is dat de gedeelde materialen kwalitatief hoogwaardig zijn. Verder wordt er gedurende deze bestuursperiode gekeken naar de mogelijkheden voor het opnemen van Fries lesmateriaal en het vertalen van bestaand materiaal naar het Fries in Open Leermateriaal. Met ondersteuning van het programma Impuls Open Leermateriaal wordt gewerkt aan een rijkere collectie van open Fries lesmateriaal, dat aansluit op de leefomgeving en helpt de kwaliteit van het onderwijs te verbeteren.

Scholen kunnen ook de komende periode een beroep doen op de provinciale subsidieregeling *Frysk foar no en letter* voor het aanschaffen van extra lesmateriaal. Naast subsidie voor aanvullend lesmateriaal kunnen scholen binnen deze regeling subsidie aanvragen voor cultuur-educatie, (na)scholing en extra inzet van personeel (gerelateerd aan het leergebied Friese taal en cultuur). Ook de subsidieregeling Lesuren Fries blijft beschikbaar voor scholen in het voortgezet onderwijs en mbo.

5. Toetsingsmethoden, evaluatie- en leerlingvolgsystemen

GRIP is integraal onderdeel van de methoden Spoar 8 (primair onderwijs) en Searje 36 (voortgezet onderwijs). Dit maakt het mogelijk voor leerkrachten om met de digitale methodes een doorgaande leerlijn Fries aan te bieden in de lessen. Leerkrachten kunnen blijvend gebruik maken van begeleiding en ondersteuning bij het gebruik van de methodes en de onderliggende evaluatie- en leerlingvolgsystemen. Op basis van ervaringen

ûntwikkelings wurdt noed stien foar it fierder ûntwikkeljen fan GRIP. Dat is rjochte op it aanpassen aan de nije keardoele Fryske, optimalisaasje yn 'e praktyk, nije foarmen fan evaluaasje en de feitlike útfiering yn it ûnderwiis. De provinsje nimt dêr de foarstap yn.

6. Leararen

It Ryk stelt by it yngean fan dizze bestjoersôfspraak struktureel alle jierren € 1,4 miljoen beskikber foar it optimalisearjen fan it Fryskke ûnderwiis. Dêrby is spesjaal omtinken foar it oanlûken, stimulearjen, oplieden, nei-oplieden en begelieden fan leararen. Learkrêften binne in ûnmisbere skeakel yn it suksesfol oanbieden fan in folweardich oanbod Frysk taal en kultuer en spylje in wichtige rol yn 'e ûntwikkeling fan taalfeardigens en foarming by bern yn Fryslân. Yn de kommende perioade makket it Ryk ôfspraken mei de provinsje oer de betingsten foar de besteging fan dy middels. Der sil oansluting socht wurde by lanlike regelingen dy't foar (oankommende) learkrêften en dosinten beskikber binne (sjoch ek 2.6).

2.4 Ofspraken Frysk by skoallen ûnder de WEC

1.. Kearnndoelen Frysk

Op it stuit binne der gjin keardoele Fryske foar it spesjaal ûnderwiis. Learlingen op it spesjaal ûnderwiis hawwe lykwols in soad baat by ûnderwiis oer en yn harren memmetaal. Om dy reden wurdt der nei de oplevering fan de keardoele Fryske foar it primêr en fuortset ûnderwiis in ferfolchtrajekt ynset foar it fêststellen fan in kurrikulum Frysk foar skoallen ûnder de WEC (Wet op Expertise Centra). Dat wurdt dien op basis fan de keardoele Fryske foar it primêr en fuortset ûnderwiis. Yn it ferfolchtrajekt wurdt mei de skoallen en bestjoeren gearwurke om sa te soargjen foar draachflak en oanslutting by it ferlet fan it ûnderwijsfjild. It is fan essinsjeel belang dat der ek yn (nei)skoalling fan dosinten en foldwaande en passend lesmateriaal foarsjoen wurdt. De provinsje nimt dêr de foarstap yn.

2. Materiaal en begelieding

De skoallen yn it spesjaal ûnderwiis falle ûnder Taalplan Frysk 2030 en hawwe krekt as de skoallen yn it reguliere ûnderwiis tagong ta it lesmateriaal dat fergees oanbean wurdt (digitale lesmetoaden en tydschriften) en krije begelieding yn it proses om nei in optimaal oanbod Frysk ta te groeien. Yn de kommende perioade wurdt trochgien mei it yn kaart bringen fan it ferlet

en nieuwe ontwikkelingen wordt zorg gedragen voor het verder ontwikkelen van GRIP. Dat is gericht op het aanpassen aan de nieuwe keardoele Fries, optimalisatie in de praktijk, nieuwe vormen van evaluatie en de daadwerkelijke uitvoering in het onderwijs. De provincie neemt hierin het voortouw.

6. Leraren

Het Rijk stelt vanaf deze bestuursafspraak structureel jaarlijks €1,4 miljoen beschikbaar voor het optimaliseren van het Friese onderwijs. Hierbij is er specifiek aandacht voor het werven, stimuleren, opleiden, bij- en nascholen en begeleiden van leraren. Leraren zijn een onmisbare schakel in het succesvol aanbieden van een volwaardig aanbod Friese taal en cultuur en spelen een belangrijke rol in de ontwikkeling van taalvaardigheid en vorming bij kinderen in Fryslân. De komende periode maakt het Rijk afspraken met de provincie over de voorwaarden voor de besteding van deze middelen. Er zal aansluiting worden gezocht bij landelijke regelingen die beschikbaar zijn voor (aankomende) leraren en docenten (zie ook 2.6).

2.4 Afspraken Fries bij scholen onder de WEC

1. Kearnndoelen Fries

Op dit moment zijn er geen keardoele Fries voor het speciaal onderwijs. Leerlingen op het speciaal onderwijs zijn echter ook zeer gebaat bij onderwijs over en in hun moedertaal. Om die reden wordt er na de oplevering van de keardoele Fries voor het primair en voortgezet onderwijs een vervolgtraject ingezet voor het vaststellen van een curriculum Fries voor scholen onder de Wet op Expertise Centra (WEC). Dit wordt gedaan op basis van de keardoele Fries voor het primair en voortgezet onderwijs. In dit vervolgtraject wordt samengewerkt met de scholen en besturen om zo te zorgen voor draagvlak en aansluiting bij behoeftes van het onderwijsveld. Het is van essentieel belang dat er ook voorzien wordt in (na) scholing van docenten en voldoende en passend lesmateriaal. De provincie neemt hierin het voortouw.

2. Materiaal en begeleiding

Net als bij andere talenopleidings kiezen weinig studenten voor het universitaire vakkenaanbod Fries, terwijl de behoefte aan docenten, onderzoekers en mensen met specialistische kennis van de Friese taal en cultuur in zijn meertalige context toeneemt. Tijdens de vorige bestuursafspraak is de situatie volgens de Committee of Experts van de Raad van Europa verslechterd. Begin 2024 is als gezegd het adviesrapport "De toekomst van de frisistiek" van de KNAW verschenen. Hierin doet de KNAW een aantal aanbevelingen om het Fries in het hoger en met name het universitair onderwijs te versterken. Concreet pleit de commissie voor een door het Rijk gefinancierde, zelfstandige bacheloropleiding op het terrein van de frisistiek, rond minimaal een fulltime leerstoel en twee fte universitair docenten. Zowel het Rijk als de Provincie nemen de aanbevelingen in het rapport serieus.

In deze bestuursperiode wordt door het ministerie van OCW in nauwe samenspraak met de desbetreffende onderwijsinstelling, de Provincie en het ministerie van BZK onderzocht welke mogelijkheden er zijn om de frisistiek duurzaam te versterken. Daarbij onderzoeken zij onder andere de mogelijkheden voor de realisatie van een volwaardige, duurzame en toegankelijke bacheloropleiding Fries, die goed aansluit op Taalplan Frysk 2030 en op de bestaande bachelor en master lerarenopleiding Fries aan NHL Stenden Hogeschool. Het Rijk en de provincie zullen hierover DINGtiid raadplegen als wettelijk adviesorgaan voor de Friese taal. De overheid vindt het belangrijk dat deze nieuwe opleiding bijdraagt aan de vitaliteit van het Fries en goed aansluit op de behoefte van de arbeidsmarkt. Deze nieuwe, bekostigde opleiding zal de reguliere processen doorlopen, zoals de Toets Nieuwe Opleiding van de NVAO en de makrodoelmanjittichheidstoets van de CDHO , die onder andere toetsen op de arbeidsmarktbehoefte.

De minister fan OCW is neffens it amendemint fan De Hoop c.s. ree om struktureel € 340.000 beskikber te stellen foar it akademysk Frysk. Yn oanfolling dêrop stelle de provinsje Fryslân en it ministearje fan BZK elk € 110.000 yn 't jier, 10 jier lang, beskikber. De ôfspraken oer de middels en lokaasje foar in folweardige, duursome en tagonklike bacheloropleiding wurde mei de oanbelangjende ûnderwijsinstelling yn in konvenant fêstlein. Dat strykt mei it advys fan de KNAW. Sa wurdet ek it akademysk ûnderwiis nei it Frysk wetlik ferankere. It stribjen is om it konvenant op 1 jannewaris 2025 yngaan te litten. De middels fan de provinsje en BZK komme mei it yngaan fan it konvenant beskikber en komme yn stee fan de hjoeddeistige financiering foar it projet dat oant ein 2024 ta trochrint. De middels dy't yn it konvenant troch Ryk en provinsje beskikber steld wurde, moatte foar it beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer op akademysk nivo ynset wurde. Dat is yn oerienstimming mei de mienskiplike soarchplicht fan Ryk en Provincie. Ek is it fan belang dat akademyske 'Nachwuchs', akademyske takomstige talinten, yn 'e foarm fan promovendy oplaat wurde. Ek dêr is omtinken foar yn dizze BFTK-periode. Dat kin ek út de boppeneamde middels dy't ekstra beskikber steld wurde.

2.7 Ofspraken Frysk by ûnderwiisstipe

Yn Taalplan Frysk 2030 wurdet mei ûnderskate organisasjes út it ûnderwijsfjild gearwurke om berne-opfang-lokaasjes en skoallen te stypjen yn harren oanbod Frysk. Sa wurdet derfoar soarge dat alle skoallen yn it primêr en fuortset ûnderwiis it Frysk neffens de kearndoelen Frysk oanbiede en dat der ek yn alle oare ûnderwiissektoren genôch omtinken foar de Fryske taal, skiednis en kultuer is.

1. NHL-Stenden Hogeschool / Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid

Yn 2019 en 2020 is it lectoraat Frysk en Meertaligens yn Underwiis en Opfieding yn de basisfoarsjenning opnommen en ynpast yn de ûnderdielen fan de Stenden Hogeschool Ljouwert fan Taalplan Frysk 2030. It lectoraat dat tsjintwurdich Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid hjit, spilet in wichtige rol yn Taalplan Frysk 2030 op it mêd fan projektleding, begelieding fan skoallen, ûntwikkeling fan materialen en wurkwizen, ûntwerpundersyk en ûndersyk op it mêd fan meertaligens. It lectoraat is de skeakel yn de fersterke ynfrastruktuer dy't op koarte termyn stal kriget mei in nije praktor, lektor en heechlearaar.

De minister van OCW is conform het amendement van De Hoop c.s. bereid om structureel € 340.000 beschikbaar te stellen voor het academisch Fries. In aanvulling hierop stellen de provincie Fryslân en het ministerie van BZK ieder € 110.000 per jaar beschikbaar voor een looptijd van 10 jaar. De afspraken over de middelen en locatie voor een volwaardige, duurzame en toegankelijke bacheloropleiding worden met de desbetreffende onderwijsinstelling vastgelegd in de vorm van een convenant. Dit is in lijn met het advies van de KNAW. Op deze wijze wordt ook het academisch onderwijs naar het Fries wettelijk verankerd. Het streven is om het convenant per 1 januari 2025 in te laten gaan. De middelen vanuit de provincie en BZK komen beschikbaar met ingang van het convenant en komen in plaats van de huidige financiering voor het project dat doorloopt tot eind 2024. De middelen die beschikbaar worden gesteld in het convenant door Rijk en provincie dienen ingezet te worden ten behoeve van het beschermen en bevorderen van de Friese taal en cultuur op academisch niveau. Dit is in lijn met de gemeenschappelijk zorgplicht van Rijk en provincie. Ook is het van belang dat academische 'Nachwuchs', academische toekomstige talenten, in de vorm van promovendi, worden opgeleid. Ook hiervoor is aandacht onder deze BFTK-periode. Dit kan ook uit de bovengenoemde middelen die extra beschikbaar worden gesteld.

2.7 Afspraken Fries bij onderwijsondersteuning

Binnen Taalplan Frysk 2030 wordt er met verschillende organisaties uit het onderwijsveld samengewerkt om kinderopvanglocaties en scholen te ondersteunen in hun aanbod Fries. Op die manier wordt bewerkstelligd dat alle scholen in het primair en voortgezet onderwijs het Fries aanbieden volgens de kerndoelen Fries en ook in alle andere onderwissektoren voldoende aandacht is voor de Friese taal, geschiedenis en cultuur.

1. NHL-Stenden Hogeschool / Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid

In 2019 en 2020 is het lectoraat Frysk en Meertaligens yn Underwiis en Opfieding opgenomen in de basisvoorziening en ingebed binnen de onderdelen van de Stenden Hogeschool Leeuwarden fan Taalplan Frysk 2030. Het lectoraat dat tegenwoordig Lectoraat Meertaligheid en Geletterdheid heet speelt een belangrijke rol binnen Taalplan Frysk 2030 op het gebied van projectleiding, begeleiding van scholen, ontwikkeling van materialen en werkwijzen, ontwerponderzoek en onderzoek op het gebied van meertaligheid. Het lectoraat is de schakel in de

It lektoraat rjochtet him binnen de ramten fan Taalplan Frysk 2030 yn de kommende beleidsperioade op ûndersyk nei de ympakt fan Taalplan yn it primêr ûnderwiis, fuortset ûnderwiis, mbû en hbû (û.o. mei promoasjeûndersyk en it útfieren fan de 2-mitting). Ek ûndersiket it lektoraat hoe't skoallen de nije kearndoelen foar de Fryske taal en kultuer ymplemintearje. Dérnjonken fierst ek dat der stribbe wurdt nei it begelieden fan ien of mear promovendy, yn gearwurking mei de Rijksuniversiteit Groningen. As lêste is it lektoraat ferantwurdlik foar de organisaasje en útfiering fan de post-hbû oplieding Taalkoördinator yn it basisûnderwiis en de netwurken fan taalkoördinatoaren yn de provinsje Fryslân. Mei it each op de wichtige rol fan it Lektoraat binnen Taalplan Frysk 2030 kriget it lektoraat by it yngaan fan dizze bestjoersôfspraak in strukturele bydrage fan op syn minst € 110.000 yn 't jier foar oan Taalplan Frysk 2030 relatearre ûndersyk.

2. Sintrum Frysktalige Berne-opfang

It Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO) fersoarget ûnderwiiskundige stipe, advisearring en stimulearring oangeande Frysktalige/meartalige opfang en de vve-sektor. It SFBO docht as kennissintrum tapast ûndersyk op it mêd fan twatalich taallearen by jonge bern, spilet in wichtige rol yn de foarskoalske sektor fan Taalplan Frysk 2030 en is ek by it gearwurkingstrajekt foar it Frysk en de Fryske kultuer behelle.

3. Taalsintrum Frysk en meartaligens

It Sintrum Frysk en meartaligens (as ûnderdeel fan Cedin) fersoarget as ekspertizesintrum ûnderwiiskundige stipe en advisearring oangeande Frysk/meartalich ûnderwiis foar it primêr, spesjaal en fuortset ûnderwiis. De begeleiding is derop rjochte om de realisaasjeplannen yn it ramt fan Taalplan 2030 út te fierien.

4. Afûk

De Afûk ûntwikkelet en fersoarget yn ôfstimming mei de oare Taalplan Frysk 2030-partners de lesmaterialen en de begeleiding dêrfan op skoallen. Dérnjonken ferfollet de Afûk in wichtige taak yn it ûnderhâlden en trochontwikkeljen fan de digitale lesmetoaden Spoor 8 en Searje 36, en ek de materialen by de oare sektoaren. Ek is Afûk de lûker om it plak fan it Frysk yn it mbû te boargen en te fergrutsjen.

versterkte infrastructuur die op korte termijn vorm krijgt met een nieuwe practor, lector en hoogleraar.

Het lektoraat richt zich binnen de kaders van Taalplan Frysk 2030 de komende beleidsperiode op onderzoek naar de impact van Taalplan Frysk 2030 in het primair onderwijs, voortgezet onderwijs, mbo en hbo (o.a. met promotieonderzoek en uitvoeren van 2-meting). Tevens onderzoekt het lektoraat hoe scholen de nieuwe kerndoelen voor de Friese taal en cultuur implementeren. Daarnaast voert het lektoraat ontwerponderzoek uit in en met de onderwijspraktijk. Binnen de onderzoekstaak van het lektoraat past ook dat er wordt gestreefd naar het begeleiden van een of meer promovendi, in samenwerking met de Rijksuniversiteit Groningen. Ten slotte is het lektoraat verantwoordelijk voor de organisatie en uitvoering van de post-hbo opleding Taalkoördinator in het basisonderwijs en de netwerken van taalkoördinatoren in de provincie Fryslân. Gezien de belangrijke rol van het Lectoraat binnen Taalplan Frysk 2030 krijgt het lektoraat vanaf deze bestuursafspraak een structurele jaarlijkse provinciale bijdrage minimaal €110.000 voor aan Taalplan Frysk 2030 gerelateerd onderzoek.

2. Sintrum Frysktalige Berne-opfang

Het Sintrum Frysktalige Berne-opfang (SFBO) verzorgt als expertisecentrum onderwiiskundige ondersteuning, advisering en stimulering ten aanzien van Friestalige/meertalige opvang en de VVE-sector. Het SFBO doet als kenniscentrum toegepast onderzoek op het gebied van tweetalige taalverwerving bij jonge kinderen, speelt een belangrijke rol binnen de voorschoolse sector van Taalplan Frysk 2030 en is ook betrokken bij het samenwerkingstraject voor het Fries en de Friese cultuur.

3. Taalsintrum Frysk en meartaligens

Het Sintrum Frysk en meartaligens (als onderdeel van Cedin) verzorgt als expertisecentrum onderwiiskundige ondersteuning en advisering, ten aanzien van Fries/meertalig onderwijs voor het primair-, speciaal en voortgezet onderwijs. De begeleiding is er op gericht om de realisatieplannen in het kader van Taalplan Frysk 2030 te bewerkstelligen.

4. Afûk

De Afûk ontwikkelt en verzorgt in afstemming met de andere Taalplan Frysk 2030-partners de lesmaterialen en de begeleiding daarvan op scholen. Daarnaast vervult de Afûk een belangrijke taak in het onderhouden en doorontwikkelen van de digitale lesmethodes Spoor 8 en Searje 36, alsmede de materialen bij de andere sectoren. Tevens is Afûk de trekker om de plek van het Fries in het mbo te borgen en vergroten.

5. Omrop Fryslân

Omrop Fryslân draacht aktyf by aan Taalplan Frysk 2030. Sa rjochtet it edukative berne- en jongerein-platfoarm Tsjil fan Omrop Fryslân him mei ûnderskate programma's op bern fan 2 oant en mei jongerein oant likernôch 20 jier, sawol foar gebrûk yn as bûten skoaltiid. Yn gearwurking mei oare organisaasjes binnen Taalplan Frysk 2030 wurket Omrop Fryslân oan programma's as Tomke (foar pjutten), Sjong junior (foar groep 7/8, basisskoalle) en Jennifer Script (ûnderbou fuortset ûnderwiis). De Tjits Floch (floggende mem) rjochtet him as format op de hiele húshâlding. Alle programma's sykje ynteraksje mei bern/jongerein en slute ek oan by it mediagebrûk fan de doelgroep.

6. Rijksuniversiteit Groningen

De Rijksuniversiteit Groningen is sùnt 2023 in nije partner binnen Taalplan Frysk 2030. Binnen Taalplan Frysk 2030 wurde de aktiviteiten oangeandeit Fryske ûnderwiis fan pjut oant promovendus koördinearre. De rol fan de Rijksuniversiteit Groningen wurdt yn 'e rintiid fan dizze bestjoersôfspraak ynfolle.

7. Ferbining kultuerpartners

Njonken de organisaasjes dy't yn it ûnderwijsfjild aktyf binne, wurdt binnen Taalplan Frysk 2030 ek de ferbining socht mei kultuerorganisaasjes, dy't yn harren aktiveiten bydrage wolle aan it heljen fan de doelstellings fan Taalplan Frysk 2030. Op it stuit binne Keunstwurk en Fers al aktyf by de útfiering fan lêsbeoarderingsprojekten en kultueraktiviteiten behelle en wurdt der by it Frysk Lêsoffensyf oansletten. Ek oare partijen sille aktyf oanskreaun wurde foar gearwurking binnen Taalplan Frysk 2030.

8. Skoalstipers

Skoallen yn it pû, fû en sû kinne in berop dwaan op in eigen skoalstiper dy't de skoalle helpt by it trochûntwikkeljen en útfieren fan taalbelied, passend by de situaasje en fraach fan de spesifieke skoalle. De skoalstipers wurde troch de ûnderwiisorganisaasjes levere (Cedin, NHL-Stenden, Afûk, SFBO) en troch ûnderwiisbüro Semko, dy't ek partner binnen Taalplan Frysk 2030 is.

9. Netwurken

Der binne ferskate netwurken dy't foarskoalske organisaasjes en skoallen yn it (spesjaal) basis- en fuortset ûnderwiis stypje kinne yn it trochûntwikkeljen fan it taalbelied en ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer. De provinsje wol aktyf stimulearje dat dy netwurken de organisaasjes en skoallen ynformearje, advisearje en begeliede. It giet dêrby om stipe foar dosinten yn meertalige didaktyk, it paadwiis meitsjen yn ferskate lesmaterialen, it facilitearjen fan ynterfisy, it organisearjen

5. Omrop Fryslân

Omrop Fryslân draagt actief bij aan Taalplan Frysk 2030. Zo richt het educatieve kinder- en jongerenplatform Tsjil van Omrop Fryslân zich met verschillende programma's op kinderen van 2 tot en met jongeren van ongeveer 20 jaar, zowel voor gebruik tijdens als buiten schooltijd. In samenwerking met andere organisaties binnen Taalplan Frysk 2030 werkt Omrop Fryslân aan programma's zoals Tomke (peuters), Sjong junior (groep 7/8, basisschool) en Jennifer Script (onderbouw voortgezet onderwijs). De Tjits Floch (vloggende moeder) richt zich als format op het hele gezin. Al deze programma's zoeken interactie met kinderen/jongeren en sluiten ook aan bij het media gebruik van de doelgroep.

6. Rijksuniversiteit Groningen

De Rijksuniversiteit Groningen is sinds 2023 een nieuwe partner binnen Taalplan Frysk 2030. Binnen Taalplan Frysk 2030 worden de activiteiten rond het Friese onderwijs gecoördineerd van peuter tot promovendus. De rol wordt van de Rijksuniversiteit Groningen wordt gedurende de looptijd van deze bestuursafspraak ingevuld.

7. Verbinding cultuurpartners

Naast de organisaties actief in het onderwijsveld wordt binnen Taalplan Frysk 2030 ook de verbinding gezocht met cultuurorganisaties die in hun activiteiten bij willen dragen aan het behalen van de doelstellingen van Taalplan Frysk 2030. Op dit moment zijn Keunstwurk en Fers al actief betrokken bij de uitvoering van leesbeorderingsprojecten en cultuuractiviteiten en wordt er aangesloten bij het Fries Leesoffensief. Ook andere partijen zullen actief benaderd worden voor samenwerking binnen Taalplan Frysk 2030.

8. Skoalstipers

Scholen in het po, vo en so kunnen een beroep doen op een eigen skoalstiper die de school helpt bij het doorontwikkelen en uitvoeren van taalbeleid, passend bij de situatie en vraag van de specifieke school. De skoalstipers worden door de onderwijsorganisaties geleverd (Cedin, NHL-Stenden, Afûk, SFBO) evenals door onderwijsbureau Semko, tevens partner binnen Taalplan Frysk 2030.

9. Netwerken

Er zijn verschillende netwerken die voorschoolse organisaties en scholen in het (speciaal) basis en voortgezet onderwijs kunnen ondersteunen in het doorontwikkelen van het taalbeleid en onderwijs in de Friese taal en cultuur. De provincie wil actief blijven stimuleren dat deze netwerken de organisaties en scholen informeren, adviseren en begeleiden. Het gaat hierbij om ondersteuning voor docenten in meertalige didactiek, het wegwijs maken in verschillende lesmaterialen, het faciliteren van

fan netwurkgearkomsten, symposia en kongressen om te ynformearjen, it oanbieden fan skoalling, praktyske stipe yn 'e foarm fan memmetaalsprekkers (native speakers) en de skoallen en sintra te stypjen mei it ynpassen fan it meartalige ûnderwiis yn de organisaasje. Foarbylden fan netwurken binne it netwurk fan trijetalige skoallen (3TS), TaalRyk meartalich fuortset ûnderwiis, it netwurk fan taalkoördinatoaren en de beropsferiening fan dosinten Frysk (Seksje Frysk fan de Vereniging voor Levende Talen).

intervisie, informeren door het organiseren van netwerk-bijeenkomsten, symposia en congressen, het aanbieden van scholing, praktische ondersteuning in de vorm van native speakers (memmetaalsprekkers) en de scholen en centra ondersteunen met het inbedden van het meertalig onderwijs in de organisatie. Voorbeelden van netwerken zijn het netwerk van drietalige scholen (3ts), TaalRyk meertalig voortgezet onderwijs, het netwerk van taalcoördinatoren en de beroepsvereniging van docenten Fries (Sectie Fries van de Vereniging voor Levende Talen).



Haadstik 3

Rjochterlike autoriteiten, bestjoerlike autoriteiten en iepenbiere tsjinsten

HOOFDSTUK 3

Rechterlijke autoriteiten, bestuurlijke autoriteiten en openbare diensten

DEEL III

**MAATREGELS FOAR IT BEFOARDERJEN
FAN IT GEBRÛK FAN REGIONALE TALEN
OF TALEN FAN MINDERHEDEN YN IT
IEPENBIERE LIBBEN NEFFENS DE NEI
OANLIEDING FAN KÊST 2, TWADDE LID,
OANGIENE FERPLICHTINGS**

Kêst 9. Rjochterlike autoriteiten

3.1 Ofspraken Frysk by rjochterlike autoriteiten

Troch it yngean fan de Wet gebruik Fryske taal op 1 jannewaris 2014, is it wetlike fûnemint foar it gebruik fan de Fryske taal yn it bestjoerlike ferkear en yn it rjochtsferkear op ien plak fêstlein en boarge. Ryk en de provinsje sjogge dat it gebruik fan de Fryske taal yn 'e rjochtspraak fan mearwaarde is en dat it ferlet om it te brûken by Fryske talige rjochtsykjenden útdruklik aanwêzich is. Dêrom wurde it wetlik ramt en de ofspraken,

DEEL III

**MAATREGELEN TER BEVORDERING VAN
HET GEBRUIK VAN REGIONALE TALEN
OF TALEN VAN MINDERHEDEN IN HET
OPENBARE LEVEN IN OVEREENSTEMMING
MET DE INGEVOLGE ARTIKEL 2, TWEEDE
LID, AANGEGANE VERPLICHTINGEN**

Artikel 9. Rechterlijke autoriteiten

3.1 Afspraken Fries bij rechterlijke autoriteiten

Door de inwerkingtreding van de Wet gebruik Friese taal op 1 januari 2014, is het wettelijke fundament voor het gebruik van de Friese taal in het bestuurlijke verkeer en in het rechtsverkeer op één plek vastgelegd en geborgd. Rijk en de provincie zien dat het gebruik van de Friese taal in de rechtspraak van meerwaarde is en dat de behoeftte om het te gebruiken nadrukkelijk aanwezig is bij de Friestalige rechtzoekenden. Daarom wordt er grote

dy't dêr yn Europeesk ferbân oer fêstlein binne, fan grut belang achte. De posysje en it foech fan de wetjaande en de rjochtsprekkende macht is steatsrjochtlik skaat. Dêrom binne de rjochtbank Noord-Nederland en it gerjochtshôf Arnhem-Leeuwarden gjin partij by de BFTK, mar hawwe sy wol nei wiidweidich oerlis mei Ryk en de provinsje Fryslân yn in oersjoch yn kaart brocht op hokker wize sy ynfolging jouwe aan itjingre wetlik oangeande de Fryske taal fêststeld is. Yn oanfolging dêrop hawwe dy gerjochten yn it oersjoch opnommen wat sy noch mear dogge of dwaan sille om it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear te facilitearjen. Dat oersjoch is as taheakke aan dizze BFTK tafoege.

Ryk en provinsje fine it wichtich dat it brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear facilitearre en stimulearre wurdt. Sy sille mei de rjochtbank Noord-Nederland en it gerjochtshôf Arnhem-Leeuwarden yn petear bliuwe oer it (facilitearjen fan it) brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear.

Moasje 36200, nr. 129, fersiket de regearing, koartsein, om helderheid ta jaan oer de korrekte tapassing fan it fiifde lid fan kêt 16 fan Boek 1 fan it Boargerlik Wetboek, oangeande it yn de rjochtbank foardragen fan de folsleine tekst fan de eed of belofte yn it Frysk, en de Keamer deroer te ynformearjen.

Kêt 10 fan de Wet gebrûk Fryske taal skriuwt foar dat hy dy't foar it útfieren fan in wetlik foarskrift mûnling in eed, belofte of befestiging ôflizze moat, it foech hat om yn stee fan de wetlik foarskreaune wurden de dêrmei oerienkommende wurden yn de Fryske taal út te sprekkken. Mei it yngean fan dy wet is kêt 16 fan boek 1 fan it Boargerlik Wetboek oanfolle mei in fiifde lid dêr't de ambtseed en -belofte en de suveringseed en -belofte yn de Fryske taal yn opnommen binne. Op grûn fan dy bepalings kin by in beëdiging fan in amtner of bûtengewoan amtner fan de boargerlike stân troch de rjochtbank de eed of belofte yn de Fryske taal ôflein wurde, ek bûten de provinsje Fryslân. It belied fan it kabinet is derop rjochte om de posysje fan it Nederlânsk en it Frysk yn de provinsje Fryslân op basis fan lykweardigens te regelen en it kabinet ûnderskriwt it belang fan in goede tapassing fan de wet. De Rjochtspraak hat omtinken foar in goede tapassing fan de hirfoar neamde bepalings. It is aan de yndividuele rjochter om de oarder op de sitting fêst te stellen. Dêryn kinne de ôfsûnderlike gerjochten net trede. It kabinet hat de Ried foar de rjochtspraak oer it belang fan in goede tapassing fan de hirfoar neamde bepalings ynformearre en frege om dat yn it omtinken fan de gerjochten te bringen.

waarde gehecht aan het wettelijk kader en de afspraken die hierover in Europees verband zijn vastgelegd. De positie en de bevoegdheid van de wetgevende en de rechtsprekende macht is staatsrechtelijk gescheiden. Daarom zijn de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden geen partij bij de BFTK, maar hebben zij wel na uitvoerig overleg met Rijk en de provincie Fryslân in een overzicht in kaart gebracht op welke manier zij invulling geven aan hetgeen wettelijk bepaald is ten aanzien van de Friese taal. In aanvulling daarop hebben deze gerechten in het overzicht opgenomen wat zij nog meer doen of gaan doen om het gebruik van het Fries in het rechtsverkeer te faciliteren. Dat overzicht is toegevoegd aan deze BFTK als bijlage.

Rijk en provincie vinden het belangrijk dat het gebruik van het Fries in het rechtsverkeer wordt gefaciliteerd en gestimuleerd. Zij zullen met de rechtbank Noord-Nederland en het gerechtshof Arnhem-Leeuwarden in gesprek blijven over het (faciliteren van het) gebruik van het Fries in het rechtsverkeer.

Motie 36200, nr. 129 verzoekt de regering, kort gezegd, helderheid te verschaffen over de correcte toepassing van het vijfde lid van artikel 16 van Boek 1 van het Burgerlijk Wetboek, met betrekking tot het in de rechtbank voordragen van de volledige tekst van de eed of de belofte in het Fries, en de Kamer daarover te informeren.

Artikel 10 van de Wet gebruik Friese taal bepaalt dat hij die ter uitvoering van een wettelijk voorschrift mondeling een eed, belofte of bevestiging moet afleggen, bevoegd is in plaats van de wettelijk voorgeschreven woorden de daarmede in de Friese taal overeenkomende woorden uit te spreken. Met de inwerkingtreding van die wet is artikel 16 van boek 1 van het Burgerlijk Wetboek aangevuld met een vijfde lid waarin de ambtseed en -belofte en de zuiveringseed en -belofte in de Friese taal zijn opgenomen. Op grond van die bepalingen kan bij een beëdiging van een ambtenaar of buitengewoon ambtenaar van de burgerlijke stand door de rechtbank, de eed dan wel belofte in de Friese taal worden afgelegd, ook buiten de provincie Fryslân. Het beleid van het kabinet is erop gericht de positie van het Nederlands en Fries in de provincie Fryslân op basis van gelijkwaardigheid te regelen en het kabinet onderschrijft het belang van een juiste toepassing van de wet. De Rechtspraak heeft aandacht voor een juiste toepassing van de hiervoor genoemde bepalingen. Het is aan de individuele rechter om de orde op de zitting te bepalen. Daarin kunnen de afzonderlijke gerechten niet treden. Het kabinet heeft de Raad voor de rechtspraak over het belang van een juiste toepassing van de hiervoor genoemde bepalingen geïnformeerd en verzocht dit onder de aandacht van de gerechten te brengen.

3.2 Ofspraken Frysk by bestjoerlike autoriteiten

1. Sichtberens yn de iepenbiere romte troch Ryk en Provinsje

Yn de Rijkshuisstijlgids is in format foar twatalige paadwizers opnommen. Lykas oerienkommen yn it sichtberensakkoart kést 1, past it Ryk geandewei dizze bestjoersôfspraak, wêrt dat mooglik is, de paadwizers yn iepenbiere romten yn rykskantoaren yn Fryslân nei twatalige teksten oan. By renovaasje of ynrjochting fan in nij rykskantoar yn Fryslân set it Ryk him ek yn om keunst fan Fryske keunstners of keunst mei Frysk karakter sichtber te meitsjen.

Yn 'e perioade fan dizze bestjoersôfspraak wurde der, yn oerlis mei Ryk, provinsje Fryslân en Rykswaterstaat, resultaten boekt foar it útrôlejen fan permanente meertaligens op de ferkearsbuorden yn Fryslân. Dérby sil yn in mienskiplike ferkennings, onder rezjy en op kosten fan de provinsje, besjoen wurde oan hokker rânebettingsten foldien wurde moat om de ferkearsfeilichheid te garandearjen. Underfinings mei it tapassen fan meertaligens yn it bûtenlân dy't oantoane dat de ferkearsfeilichheid net yn gefaar brocht wurdt, binne dérby liedend. Sa kin it Nederlânske model as basis nommen wurde, mar is de Fryske taal typografysk ûnderskiedend. Lêsberens, begryplikens en it tal tekens op 'e buorden binne dérby punt fan omtinken. Dêr wêrt yn it ferline troch gemeenten en provinsje al keazen is foar it brûken fan Fryske plaknammen en oantsjutting en dat wilens breed akseptearre is, is it tafoegjen fan de Nederlânske oersetting net needsaaklik/winsklik.

Uterlik yn 'e twadde helte fan de bestjoersôfspraak wurdt yn oerlis mei de weibeheerdeur beginnend mei de útfiering fan in meertalige ynfrastruktuer yn Fryslân, al sil dat yn fazen en passend yn de programmeering fan RWS ynfiert wurde moatte. De provinsje sil it onderwerp fan de twatalige paadwizers beprate en ôfstimme mei de oanbelangjende gemeenten, troch de wei fan it bestjoerlik oerlisorgaan Mei-inoar foar it Frysk.

2. Rykskommuniakaasje

Ryk en provinsje wurkje nei de situaasje ta dat it Frysk as offisjele taal yn 'e provinsje Fryslân as fangelssprekend prominent yn de iepenbiere romte oanwêzich is. Sa't yn it sichtberensakkoart kést 2 oerienkommen is, set it Ryk geandewei dizze bestjoersôfspraak yn op bettere foarjochting oer it brûken fan de Fryske taal yn kommunikaasje-uterings fan de Ryksoerheid. It Ryk stribbet dernei om rykskommuniakaasje dy't spesifyk ferbân hâldt mei de ynwenners fan Fryslân ek yn it Frysk beskikber te meitsjen. Dêrta is yn 2021 de rjochtsline

3.2 Afspraken Fries bij bestuurlijke autoriteiten

1. Zichtbaarheid in de openbare ruimte vanuit Rijk en provincie

In de Rijkshuisstijlgids is een format voor tweetalige bewegwijzering opgenomen. Zoals overeengekomen in het zichtbaarheidsakkoord artikel 1, past het Rijk tijdens deze bestuursafspraak daar waar mogelijk de bewegwijzering in openbare ruimten binnen rijkskantoren in Fryslân aan naar tweetalige teksten. Bij renovatie of inrichting van een nieuw rijkskantoor in Fryslân zet het Rijk zich in ook kunst van Friese kunstenaars of kunst met een Fries karakter zichtbaar te maken.

In deze bestuursafspraakperiode worden er, in overleg met Rijk, de provincie Fryslân en Rykswaterstaat, resultaten geboekt voor een uitrol van permanente meertaligheid op de verkeersbebording in Fryslân. Hierbij zal in een gezamenlijke verkenning, onder regie en op kosten van de provincie, worden bezien aan welke randvoorwaarden zal moeten worden voldaan om de verkeersveiligheid te borgen. Ervaringen met de toepassingen van meertaligheid in het buitenland die aantonen dat de verkeersveiligheid niet in gevaar wordt gebracht, zijn daarbij leidend. Zo kan het Nederlandse model als basis worden genomen, maar is de Friese taal typografisch onderscheidend. Leesbaarheid, begrijpelijkheid en het tal tekens van bebording zijn daarbij aandachtspunt. Daar waar in het verleden door gemeenten en provincie reeds gekozen is voor het hanteren van Friese plaatsnamen en aanduiding en dit inmiddels breed is geaccepteerd, is toevoeging van de Nederlandse vertaling niet noodzakelijk/wenselijk.

Uiterlijk in de tweede helft van de bestuursafspraak wordt in overleg met de wegbeheerdeur begonnen met de uitvoering van een meertalige infrastructuur in Fryslân, al zal dit gefaseerd en passend in de programmeering van RWS moeten worden ingevoerd. De provincie zal het onderwerp van tweetalige bewegwijzering bespreken en afstemmen met de betrokken gemeenten, middels het bestuurlijk overlegorgaan Mei-inoar foar it Frysk.

2. Rijkscommunicatie

Rijk en provincie werken naar de situatie toe waarin het Fries als officiële taal in de provincie Fryslân als vanzelfsprekend prominent aanwezig is in de openbare ruimte. Zoals overeengekomen in het zichtbaarheidsakkoord artikel 2 zet het Rijk gedurende deze bestuursafspraak in op betere voorlichting over het gebruik van de Friese taal in communicatie-uitingen vanuit de Rijksoverheid. Het Rijk streeft ernaar om rikscommunicatie die speci-

'Vertaalbeleid Rijksoverheid' oanpast, en dêrby binne de ynwenners fan de provinsje Fryslân as aparte kommunikaasjedoelgroep opnommen. As ferfolch dêrop is der foar de Twadde Keamer ferkiezing 2023 in Frysktalige oersetting makke fan de posters foar de stemlokalen. Ek wurde der online Fryske oersettings fan de stempassen beskikker makke. De Frysktalige poster foar yn 'e stighthokjes wurdt yn de kiesregeling opnommen.

Yn 'e perioade fan dizze bestjoersôfspraak ûndersket it Ryk oft de ôfspraken oer it brûken fan it Frysk yn de ryksfertaalrjochten fierder konkretisearre wurde kinne mei oanfoljende ôfspraken oer Frysktalige oerheidskampanjes en Fryske oersettings op rijksoverheid.nl. De provinsje Fryslân nûget de oanbelangjende ministearjes en kommunikaasjemeiwurkers fan it Ryk út foar in wurkbesite aan 'e provinsje Fryslân, dat spesifyk rjochte is op de sichtberens en it brûken fan de Fryske taal yn it domein kommunikaasje.

Oanfoljend sil der troch it ministearje fan BZK ûndersyk dien wurde nei de mooglikheid om de Fryske taal op it paspoort en/of de Nederlânske identiteitskaart op te nimen.

3. Kommunikaasje troch desintrale bestjoersorganen
Foar it fergrutsgen fan de sichtberens fan it Frysk is it fan belang dat ek desintrale bestjoersorganen yn 'e provinsje Fryslân yn 'e rintiid fan dizze bestjoersôfspraak yn de kommunikaasje mei harren ynwenners it Frysk brûke. De provinsje is dêr mei de gemeenten oer yn petear. It stribjen is om dêr yn 'e earste helte fan dizze bestjoersôfspraak tusken provinsje en de desintrale bestjoersorganen heldere ôfspraken oer te meitsjen.

4. Regionale pllysje-ienheid Noard-Nederlân
Fryske boargers kinne yn 'e regio Noard-Nederlân by de pllysje gebrûk meitsje fan harren rjocht om yn de Fryske taal oanjefte te dwaan. Der wurdt troch de pllysje altyd frege wat de foarkarstaal fan de oanbelangjende Fryske boarger is en dat wurdt fêstlein. Ek as it proses-ferbaal skriftlik yn it Nederlânsk fêststeld is, is ynsichtlik oft it petear yn it Frysk west hat. Yn 'e tiid fan dizze bestjoersôfspraak wurdt troch partijen ferkend hoe't de pllysje Noard-Nederlân it Frysk faker aktyf brûke kin, bygelyks yn kommunikaasje-uterings.

5. Feilichheidsregio Fryslân
By boppesteande relevante kêsten wurdt ek de Feilichheidsregio Fryslân op grûn fan de Wet gebrûk Fryske taal aktyf belutsen en stimulearre om taalbelied te ûntwikkeljen, te ymplemintearjen en as dat nedich is te aktualisearjen. De provinsje belükt dêrom de Feilichheidsregio Fryslân aktyf by it bestjoerlik oerlis 'Mei-

fiek betrekking heeft op de inwoners van Fryslân ook in het Fries beschikbaar te maken. Hiertoe is in 2021 de richtlijn 'Vertaalbeleid Rijksoverheid' aangepast, waarbij de inwoners van de provincie Fryslân zijn opgenomen als aparte communicatiedoelgroep. In naleving hiervan is er voor de Tweede Kamer verkiezing 2023 een Friestalige vertaling gemaakt van de posters voor de stemlokalen. Ook worden er online Friese vertalingen van de stempassen beschikbaar gemaakt. De Friestalige poster voor in de stighthokjes wordt opgenomen in de kiesregeling.

Tijdens deze bestuursafspraak onderzoekt het Rijk of de afspraken over het gebruik van het Fries in de riksvertaalrichtlijnen verder kunnen worden geconcretiseerd. De provincie Fryslân nodigt de betrokken ministeries en communicatiemedewerkers van het Rijk uit voor een werkbezoek aan de provincie Fryslân dat specifiek gericht is op de zichtbaarheid en het gebruik van de Friese taal binnen het domein communicatie.

Aanvullend zal er door het ministerie van BZK een verkenning worden uitgevoerd naar de mogelijkheid om de talen van het Koninkrijk (waaronder het Fries) op te nemen op het paspoort en/of de Nederlandse identiteitskaart.

3. Communicatie door decentrale bestuursorganen

Voor het vergroten van de zichtbaarheid van het Fries is het van belang dat ook decentrale bestuursorganen in de provincie Fryslân tijdens de looptijd van deze bestuursafspraak, het Fries gebruiken in de communicatie met hun inwoners. De provincie is hierover in gesprek met de gemeenten. Het streven is om in de eerste helft van deze bestuursafspraak heldere afspraken hierover te maken tussen provincie en de decentrale bestuursorganen.

4. Regionale politie-eenheid Noord-Nederland

Friese burgers kunnen in de regio Noord-Nederland bij de politie gebruik maken van hun recht om een aangifte in de Friese taal te doen. Er wordt door de politie altijd gevraagd wat de voorkeurstaal van betrokken Friese burgers is en dat wordt vastgelegd. Ook als het proces-verbaal schriftelijk in het Nederlands wordt vastgesteld is inzichtelijk of het gesprek in het Fries heeft plaatsgevonden. Tijdens deze bestuursafspraak wordt door partijen verkend hoe de politie Noord-Nederland het Fries vaker actief kan gebruiken, bijvoorbeeld in communicatie-uitingen.

5. Veiligheidsregio Fryslân

Bij bovenstaande relevante artikelen wordt ook de Veiligheidsregio Fryslân vanuit de Wet gebruik Friese taal actief betrokken en gestimuleerd om taalbeleid te ontwikkelen, te implementeren en indien nodig te actuali-

inoar foar it Frysk' (sjoch kést 6 fan dit haadstik). De meldkeamer dy't it Fryske taalgebiet betsjinnet, beskikt oer in aktueel Frysk taalbelied. Fan belang is dat der foldwaande Frysktalige meiwurkers beskikker bliuwe, sadat meldings út Fryslân wei as steand belied standert en op alle oeren yn de Fryske taal dien wurde kinne.

6. Trochhûntwikkeling taalbelied desinrale bestjoersorganen

Bestjoersorganen dy't net ta de sintrale oerheid hearre³, moatte neffens de Wet gebrûk Fryske taal taalbeliedsplannen en taalferoarderings oangeande de Fryske taal opstelle. De provinsje Fryslân nimt dêr de foarstap yn en bringt as Taalskipper desinrale oerheden byinoar en stoert wér't kânsen net benutte wurde. Op dy wize moatte de bestjoersorganen sels harren ferantwurdlikheid nimme om ta in aktueel taalbelied en taalferoarding te kommen.

De bestjoersorganen wurde ek by it provinsjaal bestjoerlik oerlis 'Mei-inoar foar it Frysk', dat twa oant fjouwer kear yn 't jier hâlden wurdت, behelle. Under provinsjaal bestjoerlik foarsitterskip wurdت yn dat oerlis de fuortgong fan de ynfiering fan de taalwetjouwing mei de gemeenten en oare oanbelangjende bestjoersorganen besprutsen. De provinsje kin yn syn rol as Taalskipper de bestjoersorganen oansprekke op harren wetlike ferantwurdlikheden. Fansels kin de provinsje ek sels oansprutsen wurde op syn wetlike ferantwurdlieden troch Provinsjale Steaten, it Ryk en it advysorgaan DINGtiid. By dat bestjoerlik oerlis wurde ek de opstelde langetermijndoelen oangeande de Fryske taal en kultuer besprutsen (sjoch taljochting punt 9). It tafersjoch op it Frysk taalbelied by gemeenten is troch de provinsje yn it beliedsramt ynterbestjoerlik tafersjoch opnommen.

7. Saakkundigheidsbefoarding Frysk

Om ynfolling te jaan aan de besteande ferantwurdlikheid en soarchplicht foar it Frysk, draacht de provinsje by aan de kursussen Frysk, dy't oanbean wurde oan meiwurkers yn tsjinst by de gemeenten en Ryksútfieringstsjinsten om it Frysk op profesjoneel nivo brûke te kinnen. Dêrby ferwize wy ek nei it advys dat DINGtiid dêr earder oer útbrocht⁴.

8. Bestjoerlike weryndielings

It Ryk en de provinsje wize yn it gefal fan gemeentlike weryndielingsplannen, de oanbelangjende gemeenten op de needsaak om oansluitend op kést 5 fan de Wet gebrûk Fryske taal te kommen ta befoarderjend Frysk gemeentlik taalbelied. By bestjoerlike weryndielings

³ Wetterskip, Feilichhiedsregio, de Meldkeamer en desinralisearre rykstsjinsten lykas CJIB, UWV en de Belestingstsjinst

⁴ <https://dingtiid.frl/nl/uitvoeringsorganisaties-willen-aan-de-slag-met-het-fries>

seren. De provincie betrekt daartoe de Veiligheidsregio Fryslân actief bij het bestuurlijk overleg 'Mei-inoar foar it Frysk' (zie artikel 6 van dit hoofdstuk). De meldkamer die het Friese taalgebied bedient, beschikt over een actueel Fries taalbeleid. Van belang is dat er voldoende Friestalige medewerkers beschikbaar blijven zodat meldingen vanuit Fryslân als staand beleid standert en op ieder moment in de Friese taal gedaan kunnen worden.

6. Doorontwikkeling taalbeleid decentrale bestuursorganen

Bestuursorganen die niet tot de centrale overheid behoren³, dienen conform de Wet gebruik Friese taal taalbeliedsplannen en taalverordeningen aangaande de Friese taal op te stellen. De provincie Fryslân neemt hierin het voortouw en brengt als Taalskipper decentrale overheden bij elkaar en stuurt waar kansen onbenut blijven. Op die wijze dienen de bestuursorganen zelf hun verantwoordelijkheid te nemen om tot een actueel taalbeleid en taalverordening te komen.

De bestuursorganen worden ook betrokken bij het provinciaal bestuurlijk overleg 'Mei-inoar foar it Frysk' dat twee tot vier keer per jaar plaatsvindt. Onder provinciaal bestuurlijk voorzitterschap wordt tijdens dat overleg de voortgang van de implementatie van de taalwetgeving besproken met de gemeenten en andere betrokken bestuursorganen. De provincie kan in haar rol als Taalskipper de bestuursorganen aanspreken op hun wettelijke verantwoordelijkheden. Uiteraard kan de provincie ook zelf aangesproken worden op haar wettelijke verantwoordelijkheden door Provinciale Staten, het Rijk en het adviesorgaan DINGtiid. Bij dit bestuurlijk overleg worden tevens de opgestelde langetermijndoelen ten aanzien van de Friese taal en cultuur besproken (zie toelichting punt 9). Het toezien op het Fries taalbeleid bij gemeenten is door de provincie opgenomen in haar beleidskader interbestuurlijk toezicht.

7. Deskundigheidsbevordering Frysk

Om invulling te geven aan de bestaande verantwoordelijkheid en zorgplicht voor het Fries, draagt de provincie bij aan de cursussen Frysk die aangeboden worden aan medewerkers in dienst bij de gemeenten en Rijksuitvoeringsdiensten om het Fries op professioneel niveau te kunnen gebruiken. Daarbij verwijzen wij ook naar het advies dat DINGtiid hier eerder over uitbracht⁴.

8. Bestuurlijke herindelingen

Het Rijk en de provincie wijzen in het geval van gemeentelijke herindelingsplannen, de desbetreffende gemeenten op de noodzaak om aansluitend op artikel 5 van de

³ Wetterskip Fryslân, Veiligheidsregio, de Meldkamer en gedecentraliseerde rijksposten zoals CJIB, UWV en de Belastingdienst.

⁴ <https://dingtiid.frl/nl/uitvoeringsorganisaties-willen-aan-de-slag-met-het-fries>

wurde der troch it Ryk en de provinsje Fryslân yn oerlis mei oanbelangjende partijen ôfspraken makke oer de beskerming en it befoarderjen fan de posysje fan de Fryske taal yn de nije of de nij te foarmjen gemeente.

9. Realisearjen langetermyndoelstellings gemeenten

Mei hast alle gemeenten yn it Fryske taalgebiet binne yn de foargeande bestjoersôfspraak langetermyndoelstellings foar it Frysk opsteld. Yn dizze bestjoersôfspraak warkje de gemeenten oan it realisearjen fan de stelde doelen. De gemeenten dy't noch gjin langetermyndoelstellings opsteld hawwe, sille dêr troch de provinsje op befrege wurde. De langetermyndoelstellings kinne aktualisearre wurde, as nije wittenskiplike en beliedsmjittige ûntwikkelingen dêr de needsaak foar oantoane. Utgongspunten binne it behâld en de befoardering fan de Fryske taal as offisjele en dârmei folweardige en lykweardige taal yn Fryslân. Spesjale punten fan omtinken yn dizze bestjoersôfspraak binne it brûken fan it Frysk yn it sosjale domein, yn de iepenbiere romte, yn kommunikaasje, biblioteken en it (foarskoalsk) ûnderwiis. Foar it realisearjen fan de langetermyndoelstellings wurdt ek de kennis en kunde fan it Stipepunt fan de Afûk ynset. Sjoch foar de ôfspraken sels de oanbelangjende haadstikken.

10. Meertalichheidskoördinator oanstelle

Om de gemeenten te stypjen by it realisearjen fan de langetermyndoelstellings en it ferdjipjen en ûntjaan fan it taalbelied binnen de gemeenten, is it de wensk fan de provinsje om yn alle gemeenten in meertalichheidskoördinator oan te stellen. Dérmei kinne de prioriteiten oangeande desintraal taalbelied en sichtberens yn alle gefallen by gemeenten realisearre wurde.

De meertalichheidskoördinator trunet de gemeenten oan it Frysk yn alle facetten fan harren belied te brûken en fuort te sterken. De meertalichheidskoördinator hat de rol fan brêge tusken de oerheid en it taalfjild, en siket ferbining mei en stipet organisaasjes yn de gemeente op bygelyks it mêd fan kultuer, ûnderwiis en it sosjale domein. Mei troch de oanstelling fan in meertalichheidskoördinator slagje de gemeenten deryn de bewustwurding, dat it Frysk lykweardich is oan it Nederlânsk en yn alle situasjes brûkt wurde mei, by de boargers te fergrutsjen.

Yn 'e rintiid fan dizze bestjoersôfspraak stelt BZK € 1,7 miljoen beskikber om Fryske gemeenten te stypjen om in meertalichheidskoördinator oan te stellen. Mei gemeenten en de provinsje wurde dêr passende ôfspraken oer makke, ynhâldlik likegoed as finansjeel, sadat safolle mooglik gemeenten fan de saakkundichheid fan in meertalichheidskoördinator profitearje kinne.

Wet gebruik Friese taal te komen tot gemeentelijk taalbeleid dat het gebruik van de Friese taal bevordert. Bij bestuurlijke herindelingen worden er door het Rijk en de provincie Fryslân in samenspraak met betrokken partijen afspraken gemaakt over de bescherming en het bevorderen van de positie van de Friese taal in de nieuwe of de nieuw te vormen gemeente.

9. Realiseren langetermyndoelstellingen gemeenten

Met bijna alle gemeenten in het Friese taalgebied zijn tijdens de voorgaande bestuursafspraak langetermyndoelstellingen voor het Fries opgesteld. Tijdens deze bestuursafspraak werken de gemeenten aan het realiseren van de gestelde doelen. De gemeenten die nog geen langetermyndoelstellingen hebben opgesteld, zullen door de provincie daarop gevraagd worden. De langetermyndoelstellingen kunnen geactualiseerd worden, indien nieuwe wetenschappelijke en beleidsmatische ontwikkelingen de noodzaak daarvoor aantonen. Uitgangspunten zijn het behoud en de bevordering van de Friese taal als officiële en daarmee volwaardige en gelijkwaardige taal in Fryslân. Speciale aandachtspunten tijdens deze bestuursafspraak zijn het gebruik van Fries in het sociale domein, in de openbare ruimte, in communicatie, bibliotheken en het (voorschools) onderwijs. Voor het realiseren van de langetermyndoelstellingen wordt ook de kennis en kunde van het Stipepunt van de Afûk ingezet. Zie voor de afspraken zelf de desbetreffende hoofdstukken.

10. Aanstellen meertaligheidscoördinator

Om de gemeenten te ondersteunen bij het realiseren van de langetermyndoelstellingen en het taalbeleid binnen de gemeenten te verdiepen en te ontvolloren, is het de wens van de provincie om in elke gemeente een meertaligheidscoördinator aan te stellen. Daarmee kunnen de prioriteiten rondom decentraal taalbeleid en zichtbaarheid in ieder geval bij gemeenten gerealiseerd worden.

De meertaligheidscoördinator spoort de gemeenten aan het Fries in alle facetten van hun beleid te gebruiken en te versterken. De meertaligheidscoördinator fungeert als brug tussen de overheid en het taalveld en zoekt verbinding met en ondersteunt de organisaties in de gemeente op bijvoorbeeld het gebied van cultuur, onderwijs en het sociale domein. Mede door de aanstelling van een meertaligheidscoördinator slagen de gemeenten erin de bewustwording dat het Fries gelijkwaardig is aan het Nederlands en in alle situaties gebruikt mag worden bij de burgers te vergroten.

Tijdens de looptijd van deze bestuursafspraak stelt BZK € 1,7 miljoen beschikbaar om Friese gemeenten te ondersteunen om een meertaligheidscoördinator aan te

11. Sichtberens Fryske taal troch gemeenten

De provinsje stimulearret gemeenten om, dêr wêrt de gemeente it foech hat, by te dragen aan it fergrutsjen fan de sichtberens fan it Frysk yn de iepenbiere romte. Oer dat groeimodel wurde neier ôfspraken makke yn de bestjoerlike oerlizzen ‘Mei-inoar foar it Frysk’.

12. Doelstellings foarskoalske opfang

Gemeenten hawwe in ferantwurdlikheid oangeande berne-opfang. Yn kést 1.55 fan de Wet Kinderopvang stiet dat berneederbluwen en pjutte-opfang de vrijheid hawwe om te kiezen foar it Frysk as fiertaal of om in twatalich belied te fierien. De provinsje freget aan gemeenten om yn harren feroarderings en subsydzjebetingsten op te nimmen dat oanbieders yn harren dei-programma struktureel omtinken foar it Frysk hawwe. Oanbieders kinne dárby troch de Stifting Frysktalige Berne-opfang (SFBO) stipe wurde. Om’t Ryk, provinsje en gemeenten alle bern dy’t yn Fryslân opgroeie de kâns biede wolle om meertalich op te groeien, sille alle gemeenten foar 2026 harren feroarderings en subsydzjebetingsten oangeande it brûken fan it Frysk op de berne-opfang oanskerpe hawwe. Troch de oanbieders te freegjen om Frysk-twatalige berne-opfang oan te bieden, úntstiet in folsleine regionale dekking, wêrtroch’t foar alle bern yn Fryslân in Frysk- of twatalige opfang op fytsôfstân tagonklik is.

13. Frysktalige topónimen

Wanneer’t Frysktalige topónimen troch it foechhawwende gesach offisjeel fêststeld binne, dan wurde yn de Basisregistratie Adressen en Gebouwen (of kadastrale systemen) allinne noch de Frysktalige topónimen brûkt. It Kadaster sil foar in aktueel boarneregister soargje, sadat der allinne gebrûk makke wurdt fan de troch it foechhawwend gesach offisjeel fêststelde Frysktalige plak- en wetternammen. De Fryske gemeenten beslute sels hoe’t nammen fan wenplakken, adressen, topografyske gebieten ensfh. fêstlein wurde en registrarje dat as boarnehâlder sels yn de eigen BAG. It Kadaster nimt yn de lanlike foarsjennings in kopy fan de gemeentlike boarne op.

stellen. Met gemeenten en de provincie worden hierover passende afspraken gemaakt, zowel inhoudelijk als financieel zodat zoveel mogelijk gemeenten van de deskundigheid van een meertaligheidscoördinator kunnen profiteren.

11. Zichtbaarheid Friese taal door gemeenten

De provincie stimuleert gemeenten om, daar waar de gemeente bevoegdheid heeft, bij te dragen aan het vergroten van de zichtbaarheid van het Fries in de openbare ruimte. Over dit groeimodel worden nadere afspraken gemaakt tijdens de bestuurlijke overleggen Mei-inoar foar it Frysk.

12. Doelstellingen voorschoolse opvang

Gemeenten hebben een verantwoordelijkheid ten aanzien van kinderopvang. In artikel 1.55 van de Wet Kinderopvang staat dat kinderdagverblijven en peuteropvang de keuzevrijheid hebben om het Fries als voertaal te gebruiken of een tweetalig beleid te voeren. Gemeenten wordt door de provincie gevraagd in hun verordeningen en subsidievoorwaarden op te nemen dat aanbieders structureel aandacht voor het Fries hebben in hun dagprogramma. Aanbieders kunnen hierbij worden ondersteund door Stifting Frysktalige Berne-opfang (SFBO). Aangezien Rijk, provincie en gemeenten alle kinderen die opgroeien in Fryslân de kans willen bieden om meertalig op te groeien, zullen alle gemeenten voor 2026 hun verordeningen en subsidievoorwaarden wat betreft het gebruik van het Fries op de kinderopvang aangescherpt hebben. Door de aanbieders te vragen om Fries- of tweetalige kinderopvang aan te bieden ontstaat een volledige regionale dekking, waardoor voor alle kinderen in Fryslân op fietsafstand een Fries- of tweetalige opvang toegankelijk is.

13. Friestalige topónimen

Wanneer Friestalige topónimen door het bevoegd gezag officieel zijn vastgesteld, worden in de Basisregistratie Adressen en Gebouwen (of kadastrale systemen) alleen nog de Friestalige topónimen gehanteerd. Het Kadaster zal voor een actueel bronregister zorgen zodat er alleen gebruik gemaakt wordt van de door het bevoegd gezag officieel vastgestelde Friestalige plaats- en waternamen. De Friese gemeenten bepalen zelf hoe namen van woonplaatsen, adressen, topografische gebieden e.d. vastgelegd worden en registreren dit als bronhouder zelf in de eigen BAG. Het Kadaster neemt in de landelijke voorzieningen een kopie op van de gemeentelijke bron.



Foto: Leo Postma

Haadstik 4 Media

DEEL III
**MAATREGELS FOAR IT BEFOARDERJEN
FAN IT GEBRÛK FAN REGIONALE TALEN
OF TALEN FAN MINDERHEDEN YN IT
IEPENBIERE LIBBEN NEFFENS DE NEI
OANLIEDING FAN KÊST 2, TWADDE LID,
OANGIENE FERPLICHTINGS**

Kêst 11. Media

It Ryk en de provinsje diele op grûn fan harren mien-skiplike ferantwurdlikheid en soarchplicht de fisj dat op langere termyn it brûken fan de Fryske taal yn 'e media fanselssprekkend blywt. Traditionele én moderne media binne wichtige pylders ûnder de fitaliteit fan in taal. It toant de grutte betsutting fan it Fryske yn de mienskip oan, soarget deroar dat in grut part fan de ynwoners fan Fryslân (en dêrbûten) it Fryske hearre en sjogge, stimulearret en stipet minsken (ynklusyf nije taallearders) it Fryske te learen en it te brûken, en draacht by oan statusferheging.

De Fryske regionale omrop, Omrop Fryslân, stjoert yn de Fryske taal út en hat dêrom in bysûndere rol oange-

Hoofdstuk 4 Media

DEEL III
**MAATREGELEN TER BEVORDERING VAN
HET GEBRUIK VAN REGIONALE TALEN
OF TALEN VAN MINDERHEDEN IN HET
OPENBARE LEVEN IN OVEREENSTEMMING
MET DE INGEVOLGE ARTIKEL 2, TWEEDE
LID, AANGEGANE VERPLICHTINGEN**

Artikel 11. Media

Het Rijk en de provincie delen vanuit hun gezamenlijke verantwoordelijkheid en zorgplicht de visie dat op langere termijn het gebruik van de Friese taal in de media vanzelfsprekend blijft. Traditionele én moderne media zijn belangrijke pijlers onder de vitaliteit van een taal. Het toont de significantie van het Fries in de samenleving aan, zorgt ervoor dat een groot gedeelte van de inwoners van Fryslân (en daarbuiten) het Fries horen en zien, stimuleert en ondersteunt mensen (inclusief nieuwe taalleerders) het Fries te leren en het te gebruiken, en draagt bij aan statusverhoging.

De Friese regionale omroep, Omrop Fryslân, zendt uit in de Friese taal en heeft daarom een bijzondere rol ten

ande it behâld, de befoardering, de ûntwikkeling, de oerdracht, sichtberens en it libbene brûken fan it Frysk. Omrop Fryslân is oanwiisd as regionale publike mediainstelling troch it Commissariaat voor de Media. Om't hietylde minder minsken op tradisjonele wize nei radio en telefyzje harkje en sjogge, is it fan grut belang om dêrnjonken oanhâldend Frysktalige media en kontent te ûntwikkeljen, dy't by it hietylde feroarjende gedrach fan de konsumint oanslute. Foar it gebrûk, behâld en de status fan de Fryske taal is it dêrom tige wichtich dat dy nije foarmen fan media en kontent ûntwikkele wurde en fynberheid fan dy media fergrutte wurdt.

It Ryk en de provinsje sjogge it as taak om Frysktalige regionale media yn hokker fernijende foarm dan ek as basisfoarsjenning mooglik te meitsjen, om't by it ta stân kommen fan it Hânfêst net foarsjoen is hoe fluch oft it medialânskip feroarje soe. Der wurdt dêrby stribbe nei in folweardich, selsstannich en breed programma- en media-oanbod yn de Fryske taal, dat alle dagen op ferskate mediaplatfoarms beskikker is. De ûnôfhinklikheid fan it media-oanbod en de werkenberheid fan Omrop Fryslân is salang't dizze bestjoersôfspraak rint boarge neffens de Mediawet 2008.

Yn de regionale dei- en wykblêden wurdt de Fryske taal geregeld brûkt, mar ferlike mei it Nederlânsk, is it gebrûk marginaal. Ek de kranten spylje in rol yn it natuerlik en fanselssprekkend gebrûk fan it Frysk. De ComEx hat yn syn sânde rapportaazje oanrekommendarre om stappen te setten om it publisearjen fan in Frysktalige krante of yn alle gefallen in tanimmen yn de publiekseitje fan Frysktalige krante-artikels mei mooglik te meitsjen.

Om de oanwaaks fan sjoernalistyk talint, dat oer in goede behearsing fan de Fryske taal en romme kennis oer de Fryske kultuer besikt, te garandearjen, is yn 2022 in troch de provinsje meifinansiere traineeprogramma úteinset. Der wurde trije mediatalentinten yn 't jier oplaat. Njonken in opleidingsprogramma wurkje se fjouwer moanne by elk fan de trije grutste regionale media: Omrop Fryslân, de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad. It tekoart aan sjoernalisten mei in goede kennis fan de Fryske taal en kultuer groeit, mei as gefolch fan it feit dat betûfte sjoernalisten mei pensjoen geane. It traineeprogramma is dêrom ûnfoldwaande om goede sjoernalistyk yn en oer it Frysk ek yn 'e takomst garandearje te kinnen. Dêrom wurdt der geandewei dizze BFTK in ûnderwijsprogramma ûntwikkele om studenten sjoernalistyk en lyksoartige stûdzjes in part fan harren stûdzjetiid brûke te litten om ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer te folgjen. De ôfspraken dêroer steane útwurke yn haadstik 2.6 Underwiis fan dizze BFTK.

aanzien van het behoud, de bevordering, de ontwikkeling, de overdracht, zichtbaarheid en het levende gebruik van het Fries. Omrop Fryslân is aangewezen als regionale publieke media-instelling door het Commissariaat voor de Media. Aangezien steeds minder mensen op traditionele wijze naar radio en televisie luisteren en kijken, is het van groot belang om daarnaast Friestalige media en content te blijven ontwikkelen die aansluiten bij het continue veranderende gedrag van de consument. Voor het gebruik, behoud en status van de Friese taal is het daarom uitermate belangrijk dat deze nieuwe vormen van media en content ontwikkeld (blijven) worden en de vindbaarheid van die media vergroot wordt.

Rijk en de provincie zien het als taak om Friestalige regionale media in welke vernieuwende vorm dan ook als basisvoorziening mogelijk te blijven maken, aangezien bij de totstandkoming van het Handvest niet is voorzien hoe snel het medialandschap zou veranderen. Er wordt daarbij gestreefd naar een volwaardig, zelfstandig en breed programma- en media-aanbod in de Friese taal, dat op dagelijkse basis beschikbaar is op diverse media-platforms. De onafhankelijkheid van het media-aanbod en de herkenbaarheid van Omrop Fryslân is gedurende de looptijd van de bestuursafspraak geborgd in overeenstemming met het bepaalde in de Mediawet 2008.

In de regionale dag- en weekbladen wordt de Friese taal regelmatig gebruikt, maar ten opzichte van het Nederlands is het gebruik marginaal. Ook de kranten spelen een rol in het natuurlijk en vanzelfsprekend gebruik van het Fries. De ComEx heeft in haar zevende rapportage aanbevolen om stappen te zetten om het publiceren van een Friestalige krant of in ieder geval een toename in de publicatie van Friestalige krantenartikelen mede mogelijk te maken.

Om de aanwas van journalistiek talent te borgen dat over een goede beheersing van de Friese taal en ruime kennis over de Friese cultuur beschikt, is in 2022 een door de provincie medegefincierd traineeprogramma van start gegaan. Per jaar worden drie mediatalenten opgeleid. Naast een opleidingsprogramma werken ze vier maanden bij ieder van de drie grootste regionale media: Omrop Fryslân, de Leeuwarder Courant en het Friesch Dagblad. Het tekort aan journalisten met een goede kennis van de Friese taal en cultuur groeit, mede als gevolg van goedgeschoolde journalisten die met pensioen gaan. Het traineeprogramma is daarom onvoldoende om goede journalistiek in en over het Fries te kunnen blijven borgen. Daarom wordt er gedurende de looptijd van deze BFTK een onderwijsprogramma ontwikkeld om studenten journalistiek en aanverwante studies een deel van hun studietijd te kunnen laten gebruiken om zich te scholen in de Friese taal en cultuur.

Konkreet wolle it Ryk en de provinsje yn 'e perioade fan de ûnderlizzende bestjoersôfspraak de neikomende ôfspraken realisearje:

4.1 Ofspraken oer Omrop Fryslân

Omrop Fryslân leveret al desennia in frij grutte bydrage aan de fitaliteit fan de Fryske taal, om't sy de Fryske taal yn har programma's en mediaproducten brûkt. Yn it foarste plak soarget Omrop Fryslân troch har kernaak, ynformaasjefoarsjenning en kultuerdraggerskip, dat sprekkers fan it Frysk ynformaasje yn har eigen taal krije kinne. Tagelyk soarget Omrop Fryslân troch de ûntwikkeling fan (nijs)produkten fia nije media dat it Frysk ek dêr ryklik beskikber en sichtber is, wêrtroch't it yndividuën stimulearret om de Fryske taal ek mear te brûken. Dêrnjonken soarget Omrop Fryslân foar Frysktalige audio- en fideoproduksjes, rjochte op bern en jongerein, as ûnderdiel fan Taalplan Frysk 2030, mar ek foar gebrûk bûten it ûnderwijs.

1. Bestjoerlike ôfspraken

- It Commissariaat voor de Media hat Omrop Fryslân op grûn fan de Mediawet 2008 oanwiisd as regionale publike media-ynstelling foar de provinsje Fryslân.
- De besteande doelstelling fan Omrop Fryslân wurdt ûnferoare hanthavene, foar safier't dy neffens itjingje by of út krêft fan de Mediawet fêststeld is.
- De Mediawet 2008 regelet dat sawol de taken fan de RPO as it concessiebeleidsplan, de meerjarenbegroting en de prestaasje-oerienkomst ek op Omrop Fryslân slagge.
- Omrop Fryslân kin, yn 'e perioade fan oanwizing as regionale publike media-ynstelling foar de provinsje Fryslân, op grûn fan de Mediawet 2008 op oanfraach alle jierren in bydrage krije út de ryksmedia-bydrage foar it feroargjen fan regionale publike mediatsjinsten yn Fryslân. De bydrage foar Omrop Fryslân is in persintaazje fan it totaalbudzjet dat foar de regionale omrop beskikber is. Dat persintaazje is yn it Mediabelsút 2008 fêstlein. De bydrage is beskikber om in folweardich media-oanbod yn de Fryske taal realisearje te kinnen.
- Geandewei dizze bestjoersôfspraak wurdt ûndersocht oft it mooglik is om de oanrekommandoasje fan de ComEx, om it gebrûk fan de regionale / minderheidstaal ûnderdiel wurde te litten fan de formele publike taak fan regionale omroppen, út te fierien.
- Yn de Rie fan Tafersjoch fan de RPO is saakkundichheid op it mêt fan de Fryske taal en kultuer winske.

De afspraken hierover staan uitgewerkt onder hoofdstuk 2.6 Onderwijs van deze BFTK.

Concreet willen het Rijk en de provincie gedurende de periode van de onderliggende bestuursafspraak de volgende afspraken realiseren:

4.1 Afspraken over Omrop Fryslân

Omrop Fryslân levert al decennialang een aanzielijke bijdrage aan de vitaliteit van de Friese taal, doordat zij de Friese taal in haar programma's en mediaproducten gebruikt. Ten eerste zorgt Omrop Fryslân door haar kern-taak, informatievoorziening en cultuurdraggerschap, dat sprekers van het Fries informatie in hun eigen taal kunnen consumeren. Tevens zorgt Omrop Fryslân door de ontwikkeling van (nieuws)producten via nieuwe media dat het Fries ook daar ruimschoots beschik- en zichtbaar is waardoor het individuen stimuleert om de Friese taal ook meer te gebruiken. Daarnaast draagt Omrop Fryslân zorg voor Friestalige audio- en videoproducties gericht op kinderen en jongeren, als onderdeel van Taalplan Frysk 2030, maar ook voor gebruik buiten het onderwijs.

1. Bestuurlijke afspraken

- Het Commissariaat voor de Media heeft Omrop Fryslân op grond van de Mediawet 2008 aangewezen als regionale publieke media-instelling voor de provincie Fryslân.
- De bestaande doelstelling van Omrop Fryslân wordt ongewijzigd gehandhaafd, voor zover in overeenstemming met hetgeen bij of krachtens de Mediawet 2008 is bepaald.
- De Mediawet 2008 bepaalt dat zowel de taken van de RPO als het concessiebeleidsplan, de meerjarenbegroting en de prestatieovereenkomst ook betrekking hebben op Omrop Fryslân.
- Omrop Fryslân kan, gedurende de periode van aanwijzing als regionale publieke media-instelling voor de provincie Fryslân, op grond van de Mediawet 2008 op aanvraag jaarlijks een bijdrage krijgen uit de ryksmediabijdrage voor het verzorgen van regionale publieke mediadiensten in Fryslân. De bijdrage voor Omrop Fryslân is een percentage van het totaalbudget dat beschikbaar is voor de regionale omroep. Dat percentage is vastgelegd in het Mediabelsút 2008. De bijdrage is beschikbaar om een volwaardig mediaaanbod in de Friese taal te kunnen realiseren.
- Tijdens deze bestuursafspraak wordt onderzocht of het mogelijk is om de aanbeveling van de ComEx om het gebruik van de regionale / minderheidstaal

2. Finansiering Omrop Fryslân

De brede taakopdracht fan Omrop Fryslân hat in struktureel differinsjeare finansiering nedich en in aparte oanpak by it fêststellen fan it needsaaklike budzjet. It Ryk stelt foldwaande middels beskikber foar in folseine en alsidige Fryske programmearring op radio, telefyzje, ynternet en online platfoarms. Konkreet giet it dêrby om de reguliere finansiering fan Omrop Fryslân op grûn fan kêt 2.170 fan de Mediawet 2008, om in bydrage it jier fia de NPO en om in ekstra subsydzje it jier fan it Ryk foar projekten om de Fryske programmearring garandearje te kennen. De provinsje Fryslân stelt alle jierren streekrjocht in bydrage beskikber om dy folseine en alsidige programmearring realisearje te kennen. Sa garandearje beide oerheden de beschikberheid fan Fryske media-oanbod yn it publike bestel. Alle dêrfoar neamde bydragen bliuwe yn de hiele rintiid fan dizze bestjoersôfspraak beskikber. De sjoernalistike ûnôfhinklikheid fan Omrop Fryslân is en bliuwt garandearre.

3. Rol fan Omrop Fryslân yn Taalplan Frysk 2030

Omrop Fryslân is as partner by Taalplan Frysk 2030 behelle en hat dêr troch de wei fan it edukative berne- en jongereinplatfoarm fan Omrop Fryslân Tsjil in wichtige bydrage aan levere. Dat set de Omrop sels graach troch. De fokus fan it platfoarm leit op bern fan 2 oant en mei 12 jier, sawol foar gebrûk ûnder as bûten skoaltiid. Dêrnjonken üntwikkelet Omrop Fryslân ek formats foar it fuortset ûnderwiis en mbû. De üntwikkeling fan formats slút dûdlik by it mediagebrûk fan de doelgroep oan.

4. Undertiteling

Om programma's fan Omrop Fryslân tagonklik te meitsjen foar (hast)dôve minsken en minsken dy't de Fryske taal (noch) net genôch yn 'e macht hawwe, is in automatyske (twatalige) ûndertiteling, dy't tagelyk foar de sjogger gebrûksfreonlik is en net steurt, winsklik. Om dy fan foldwaande nivo ûntwikkelje te kennen, is oerheidsstipe ûnmisber. Omrop Fryslân slút geandewei dizze bestjoersôfspraak oan by de ûntwikkelings dy't troch de provinsje Fryslân, de Fryske Akademy en de Ryksuniversiteit Grins dêrfoar opset wurde. It Ryk stipet dy ûntwikkelings fia it ministearje fan BZK. Ofspraken dêroer binne neier yn haadstik 1 fan dizze bestjoersôfspraak útwurke.

5. Ontwikkeling nije media en kontent troch Omrop Fryslân

Krek as de oare publike omroppen is ek Omrop Fryslân aktyf op online platfoarms. Dy foarmen fan nijs litte in sterke groeikurve sjen en binne in wichtige oanfolling

onderdeel te laten worden van de formele publieke taak van regionale omroepen uit te voeren.

- In de Raad van Toezicht van de RPO is deskundigheid op het gebied van de Friese taal en cultuur gewenst.

2. Financiering Omrop Fryslân

De brede taakopdracht van Omrop Fryslân behoeft een structureel gedifferentieerde financiering en een afzonderlijke benadering bij de bepaling van het noodzakelijke budget. Het Rijk stelt voldoende middelen ter beschikking voor een volledige en veelzijdige Friese programmering op radio, televisie, internet en online platformen. In concreto gaat het daarbij om de reguliere financiering van Omrop Fryslân op grond van artikel 2.170 van de Mediawet 2008, om een bijdrage per jaar via de NPO en om een extra subsidie per jaar van het Rijk voor projecten om de Friese programmering te kunnen waarborgen. De provincie Fryslân stelt jaarlijks rechtstreeks een bijdrage ter beschikking om die volledige en veelzijdige programmering te kunnen realiseren. Op deze wijze waarborgen beide overheden de beschikbaarheid van Friese media-aanbod in het publieke bestel. Alle hiervoor genoemde bijdragen blijven gedurende de hele looptijd van deze bestuursafspraak beschikbaar. De journalistieke onafhankelijkheid van Omrop Fryslân is en blijft gewaarborgd.

3. Rol van Omrop Fryslân in Taalplan Frysk 2030

Omrop Fryslân is als partner betrokken bij Taalplan Frysk 2030 en heeft daar door middel van het educatieve kinder- en jongerenplatform van Omrop Fryslân Tsjil een belangrijke bijdrage aan geleverd. Dat zet zij zelf graag voort. De focus van het platform ligt op kinderen van 2 tot en met 12 jaar, zowel voor gebruik tijdens als buiten schooltijd. Daarnaast ontwikkelt Omrop Fryslân ook formats voor voortgezet onderwijs en mbo. De ontwikkeling van formats sluit duidelijk aan bij het mediagebruik van de doelgroep.

4. Ondertiteling

Om programma's van Omrop Fryslân toegankelijk te maken voor slechthorenden en mensen die de Friese taal (nog) onvoldoende beheersen, is een automatische (twatalige) ondertiteling wenselijk die tegelijkertijd voor de kijker gebruiksvriendelijk is en niet hindert. Om deze van voldoende niveau te kunnen ontwikkelen, is overheidssteun onontbeerlijk. Omrop Fryslân sluit tijdens deze bestuursafspraak aan bij de ontwikkelingen die vanuit de provincie Fryslân, de Fryske Akademy en de Ryksuniversiteit Groningen hiertoe worden opgezet. Het Rijk steunt deze ontwikkelingen via het ministerie van BZK. Afspraken hierover zijn nader uitgewerkt in hoofdstuk 1 van deze bestuursafspraak.

op de deistige radio- en tv-útstjoerings. Jongerein komt benammen fia de sosjale media mei Omrop Fryslân (en dêrtroch ek mei de Fryske taal) yn oanrekking. De sosjale media hawwe in grut berik en binne sa ek wichtich foar de fersprieding fan de Fryske taal. Yn dizze bestjoersôfspraak stimulearje provinsje en Ryk de fierdere ûntwikkeling fan de nije media troch ûnôfhinklike nijsbedriuwen, dêr't dy bedriuwen sels de karren yn meitsje.

6. Finansiering op projektbasis

Njonken de reguliere finansiering fan de basisfoarsjenning regionale omrop kinne Ryk en provinsje op projektbasis middels oan Omrop Fryslân jaan, dy't inkeld en allinne oan projekten bestege wurde kinne dy't passe yn it bysûnder belied oangeande it Frysktalich publyk media-oanbod.

7. Garânsje provinsiale dekking Omrop Fryslân

It DAB+-sinjaal fan Omrop Fryslân is noch net yn de hiele provinsje te ûntfangen, mar om't de oerheid op it stuit noch net fan doel is om it FM-sinjaal út te skeakelen, sil Omrop Fryslân radio yn alle gefallen salang't dizze bestjoersôfspraak duorret ek fia de FM te beharkjen wêze.

4.2 Ofspraken oer regionale deiblêden

De Leeuwarder Courant en het Friesch Dagblad wolle harren út eigener beweging yncasseert om it oandiel Frysk yn de kranten yn 'e rintiid fan dizze bestjoersôfspraak te fergrutsjen, yn de papieren krante likegoed as yn 'e digitale krante. Dêrby stiet de nijsfunkje fan dy media-organisaasjes foar harren foarop. Om dat te realisearjen wurdt der troch de oerheid folop ynvesterre yn it ûntwikkeljen en facilitearjen fan opliedings op maat foar (takomstige) sjoernalisten.

4.3 Ofspraken oer opleding (oankommende) sjoernalisten

In goed Frysktalich media-oanbod kin net sûnder feardi ge sjoernalisten. Yn 'e rintiid fan dizze bestjoersôfspraak wurdt troch de provinsje yn gearwurking mei ûnderwijsinstellings yerset om foar (oankommende) sjoernalisten in passend en duorsum opledingsaanbod te ûntwikkeljen yn 'e foarm fan in minor. De ôfspraken dêroer steane yn haadstik 2.6. Underwijs útwurke.

5. Ontwikkeling nieuwe media en content door Omrop Fryslân

Net als de andere publieke omroepen is ook Omrop Fryslân actief op online platformen. Deze vormen van nieuws laten een sterke groeicurve zien en zijn een belangrijke aanvulling op de dagelijkse radio- en tv-uitzendingen. Jongeren komen vooral via de sociale media met Omrop Fryslân (en daardoor ook met de Friese taal) in aanraking. De sociale media hebben een groot bereik en zijn op die wijze ook belangrijk voor de verspreiding van de Friese taal. Tijdens deze bestuursafspraak stimuleren provincie en Rijk de verdere ontwikkeling van de nieuwe media door onafhankelijke nieuwsbedrijven, waar die bedrijven zelf de keuzes in maken.

6. Financiering op projectbasis

Naast de reguliere financiering van de basisvoorziening regionale omrop kunnen Rijk en provincie op projectbasis middelen aan Omrop Fryslân verstrekken die uitsluitend besteed kunnen worden aan projecten passend binnen het bijzonder beleid ten aanzien van het Friestalig publiek media-aanbod.

7. Garantie provinciale dekking Omrop Fryslân

Het DAB+-signaal van Omrop Fryslân is nog niet in de hele provincie te ontvangen maar aangezien de overheid op dit moment nog niet voornemens is om het FM-signaal af te schakelen, zal Omrop Fryslân radio in elk geval gedurende de looptijd van deze bestuursafspraak ook via de FM te beluisteren blijven.

4.2 Afspraken over regionale dagbladen

De Leeuwarder Courant en het Friesch Dagblad willen zich uit eigen beweging inspannen om het aandeel Fries in de kranten tijdens deze bestuursafspraak te vergroten, zowel in de papieren als digitale kranten. Daarbij staat de nieuwsfunctie van die mediaorganisaties voor hen voorop. Om dit te realiseren wordt er door de overheid geïnvesteerd in het ontwikkelen en faciliteren van een opleiding op maat voor (toekomstige) journalisten.

4.3 Afspraken over opleiding (aankomende) journalisten

Een goed Friestalig media-aanbod kan niet zonder vaardige journalisten. Tijdens deze bestuursafspraak wordt door de provincie in samenwerking met onderwijsinstellingen ingezet om voor (aankomende) journalisten een passend en duurzaam opledingsaanbod rondom Friese

1. Traineeprogramma kontinuearje

It hjoeddeistige traineeprogramma foar jonge sjoernalisten by de trije Fryske mediabedriuwen Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant en Friesch Dagblad yn gearwurking mei de Afûk, is suksesfol. Der wurdt ynset om dêr mei troch te gean oant NHL Stenden Hogeschool de beêage minor aanbiedt.

taal en cultuur te ontwikkelen in de vorm van een minor. De afspraken hierover staan uitgewerkt in hoofdstuk 2.6.

1. Traineeprogramma continueren

Het huidige traineeprogramma voor jonge journalisten bij de drie Friese mediabedrijven Omrop Fryslân, Leeuwarder Courant en Friesch Dagblad in samenwerking met de Afûk, is succesvol. Er wordt ingezet om dat te continueren totdat NHL Stenden Hogeschool de beoogde minor aanbiedt.



Foto: Xanne Vera Wijkamp

Haadstik 5

Kulturele aktiviteiten en foarsjennings

DEEL III MAATREGELS FOAR IT BEFOARDERJE FAN IT GEBRÛK FAN REGIONALE TALEN OF TALEN FAN MINDERHEDEN YN IT IEPENBIERE LIBBEN NEFFENS DE NEI OANLIEDING FAN KÊST 2, TWADDE LID, OANGIENE FERPLICHTINGS

Kêst 12. Kulturele aktiviteiten en foarsjennings

Fryslân ken in lange kulturele tradysje. In ferskaat oanbod fan kulturele aktiviteiten en foarsjennings dêrt de Fryske taal en kultuer yn sintraal steane is fan grut belang om it Frysk in natuerlik en fanselssprekkend plak te jaan yn de maatskappij. De mânske kolleksje fan Fryslân is as Nederlânsk kultuerhistoarysk erfgoed ek binnen in nasjonale en ynternasjonale kontekst fan belang.

Foar leefberens en partispaasje is kultuer in essinsje drager. Mei Ljouwert-Fryslân Kulturele Haadstêd 2018 (LF 2018) hawwe provinsje Fryslân en gemeente

Hoofdstuk 5

Culturele activiteiten en voorzieningen

**DEEL III
MAATREGELEN TER BEVORDERING VAN HET GEBRUIK VAN REGIONALE TALEN OF TALEN VAN MINDERHEDEN IN HET OPENBARE LEVEN IN OVEREENSTEMMING MET DE INGEVOLGE ARTIKEL 2, TWEEDE LID, AANGEGANE VERPLICHTINGEN**

Artikel 12. Culturele activiteiten en voorzieningen

Fryslân kent een lange culturele traditie. Een divers aanbod van culturele activiteiten en voorzieningen waarin de Friese taal en cultuur centraal staan is van groot belang om het Fries een natuurlijke en vanzelfsprekende plek te geven in de maatschappij. De omvangrijke collectie van Fryslân is als Nederlands cultuurhistorisch erfgoed ook binnen een nationale en internationale context van belang.

Voor leefbaarheid en participatie is cultuur een essentiële drager. Met Leeuwarden-Fryslân Culturele Hoofdstad 2018 (LF 2018) hebben provincie Fryslân en gemeente Leeuwarden een belangrijke impuls gegeven aan de

Ljouwert in wichtige ympuls jûn oan de kulturele ynfrastruktuer yn Fryslân. De beleidsnota Nij Poadium (2021-2024) bout fierder op de enerjy fan 2018 troch it lizzen fan in stevige ferbining tusken keunst, taal en erfgoed. Sawol LF 2018, Nij Poadium as LF 2028 (de 'legacy' fan LF 2018) hawwe de besteande ynfrastruktuer fersterke en nije kultuermakers oanlutsen.

Yn de perioade fan de ûnderlizzende Bestjoersôfspraak sil de provinsje alle ynstellings dy't sy finansjeel stipet, yn it bysûnder kulturele ynstellings lykas biblioteken, kulturele stipeynstellings en produksjehuzen, musea, argiven en wittenskiplike ynstellings, stimulearje om, dêrt dat noch net bart, twatalich belied te ûntwikkeljen en út te fierien. Dêrmei wurdt in grutte stap set yn in lykweardiger taalbelied yn de provinsje en in gruttere sichtberens yn de iepenbiere romte en it publike libben. De ûntwikkeling fan Fryske taalbelied wurdt in betingst by subsydzjeferlening aan kulturele ynstellings.

Njonken kânsen binne der ek bedrigings. Om taal- en kultuerbelied foarm te jaan, út te fierien en te ferbetterjen (en dêrmei útfiering te jaan oan de ôfspraken út it Europeesk Hânfêst) binne der genôch minsken en middels nedich. Yn de praktijk hawwe kulturele ynstellings en taal- en kennisinstellings it dreech om nije makkers en nije ûndersikers op it mêt fan de Fryske taal en kultuer oan te lûken en fêst te hâlden. Likegoed DINGtiid (yn de tussenevaluasje fan de BFTK 2019-2023) as de Komitee of Eksperts fan de Ried fan Europa (yn de rapportaazje fan 2022) sjogge dat as in punt fan soarch. Sy riede it Ryk en de Provinsje oan om it probleem, út harren stelselverantwurdlikheid wei, mei urginsje oan te pakken.

It Ryk hâldt yn de gruttere beleidsbrieven foar kultuer rekken mei de bysûndere posysje fan en syn ferantwurdlikheid foar de Fryske taal en kultuer, sa't dy folget út it Europeesk Hânfêst. Dat jildt yn it bysûnder foar beleidsbrieven oer de haadlinen fan it kultuerbeleid. It jildt ek foar de reaksje op it advys fan de Ried foar Kultuer Tagong ta kultuer fan 26 jannewaris 2024.

Yn de kulturele basisynfrastruktuer is yn de perioade 2025-2028 in plak opnommen foar in Fryske teäterselskip. Fierder is de fersterking fan de kulturele ynfrastruktuer yn Nederlân ûnderdiel fan it belied fan it demisionêr kabinet, yn it bysûnder yn gebieten dêrt dat it meast nedich is. Yn dat ramt is ûnder meer it foarnimmen de finansjele ympuls fan € 2 miljoen jiers foar fersterking fan de kulturele ynfrastruktuer yn Flevolân, Fryslân, Drinte, Seelân, Limboarch en Oerisel te ferlingjen foar de perioade 2025-2028. It Nederlands Letterenfonds, dat yn Fryslân in soad wurdearring krijt, hat yn oanrin nei de nije perioade de statutêre doel-

culturele infrastructuur in Fryslân. De beleidsnota Nij Poadium (2021-2024) bouwt voort op de energie van 2018 door het leggen van een stevige verbinding tussen kunst, taal en erfgoed. Zowel LF 2018, Nij Poadium als LF 2028 (de 'legacy' van LF 2018) hebben de bestaande infrastructuur versterkt en nieuwe cultuermakers aange trokken.

In de periode van de onderliggende bestuursafspraak gaan de provincie alle instellingen die zij financieel ondersteunt, in het bijzonder culturele instellingen zoals bibliotheken, culturele ondersteuningsinstellingen en productiehuizen, musea, archieven en wetenschappelijke instellingen, stimuleren om, waar dit nog niet gebeurt, tweetalig beleid te ontwikkelen en uit te voeren. Hier mee wordt een grote stap gezet in een gelijkwaardiger taalbeleid in de provincie en een vergrote zichtbaarheid in de openbare ruimte en het publieke leven. De ontwikkeling van Friestalig taalbeleid wordt een voorwaarde bij subsidieverlening aan culturele instellingen.

Naast kansen zijn er ook bedreigingen. Om taal- en cultuurbeleid vorm te geven, uit te voeren en te verbeteren (en daarmee uitvoering te geven aan de afspraken uit het Europees Handvest) zijn er voldoende mensen en middelen nodig. In de praktijk hebben culturele instellingen en taal- en kennisinstellingen moeite nieuwe makers en nieuwe onderzoekers op het gebied van de Friese taal en cultuur te werven en vast te houden. Zowel Dingtiid (in de tussenevaluatie van de BFTK 2019-2023) als de Committee of Experts van de Raad van Europa (in de rapportage van 2022) zien dit als een punt van zorg. Zij raden het Rijk en de provincie aan om dit probleem, vanuit hun stelselverantwoordelijkheid, met urgentie aan te pakken.

Het Rijk houdt in de grotere beleidsbrieven voor cultuur rekening met de bijzondere positie en zijn verantwoordelijkheid van de Friese taal en cultuur, zoals die voortvloeit uit het Europees Handvest. Dit geldt in het bijzonder voor beleidsbrieven over de hoofdlijnen van het cultuurbeleid. Het geldt ook voor de reactie op het advies van de Raad voor Cultuur Toegang tot cultuur van 26 januari 2024.

In de culturele basisinfrastructuur is in de periode 2025-2028 een plek opgenomen voor een Friestalig theatergezelschap. Verder is de versterking van de culturele infrastructuur in Nederland onderdeel van het beleid van het demissionair kabinet, in het bijzonder in gebieden waar dit het meest nodig is. In dat kader is onder meer het voornemen de financiële impuls van € 2 miljoen per jaar voor versterking van de culturele infrastructuur in Flevoland, Fryslân, Drenthe, Zeeland, Limburg en Overijssel te verlengen voor de periode 2025-2028. Het

stellings ferromme. Yn de beleidsperioade 2025-2028 steane foar it Nederlânsk en it Frysk, mar ek foar it Papiamintsk en de Nederlânske Gebeartetaal (NGT) de neikommende doelen sintraal: it befoarderjen fan de kwaliteit en it ferskaat fan it literêre oanbod; it stimulearjen fan kwalitatyf heechsteande literêre oersettings en de ynternasjonale fersprieding dêrfan; it befoarderjen fan in goed en ryk oanbod oan oersette literatuer út oare taalgebieten; it stypjen fan aktiviteiten en belied op it mêt fan lêsbeoardering en letterkunde.

It Ryk en de Provinsje sette har dérom yn de perioade fan de ûnderlizzende Bestjoersôfspraak yn foar it fierder fuortsterkjen fan de Fryske regionale, culturele ynfrastruktuer en de kennisinfrastruktuer, mei spesjaal omtinken foar Frysktalige literatuer en kultuer, nije ûndersikers en jonge makkers. De ôfspraken oer kulturele aktiviteiten en foarsjennings fan de foargeande Bestjoersôfspraak wurde útboud en fêstlein. Om aan te sluten by de oanrekomendaasjes fan ComEx en DINGtiid en dêrmei útfiering te jaan oan de ferplichtings dy't folgje út ratifikaasje fan it Europeesk Hânfest, makket it Ryk by dizze Bestjoersôfspraak struktureel mear finansjele romte frij foar Fryske makkers, ûndersikers en produksjes dêr't de Fryske taal en kultuer yn sintraal steane. It Ryk nimt yn de petearen mei de rykskultuerfûnsen de posysje fan de Fryske makkers mei en freget har ekstra omtinken oan dizze makkers te besteejen.

It Ryk en de Provinsje wolle yn de perioade fan de ûnderlizzende Bestjoersôfspraak de neikommende ôfspraken realisearje:

5.1 Ofspraken oer Fryske literatuer

In breed oanbod fan berneboeken, jongereinboeken en literatuer foar folwoeksenen is fan belang foar de fitaliteit fan de Fryske taal. De kommende jieren stimulearje Ryk en Provinsje fia ferskate regelingen, it Nederlands Letterenfonds, ynstellings en projekten de ûntwikkeling fan nije literatuer, likegoed yn boekfoarm, as yn digitale en sprutsen foarmen, en it breed beskikber meitsjen fan dy nije produksjes yn de mienskip.

Troch it tekoartsjittende ûnderwiis yn de Fryske taal yn de ôfrûne desennia hawwe in soad Friezen muote mei it lezen en skriuwen fan it Frysk. Dérneist is der yn Fryslân krekt as yn de rest fan Nederlân sprake fan úntlêzing. En ta beslút telt Fryslân yn ferhâlding in soad minsken mei in beheinde taalfearnigens. Mei Taalplan

Nederlands Letterenfonds, dat in Fryslân veel waardering geniet, heeft in aanloop naar de nieuwe periode de statutaire doelstellingen verruimd. In de beleidsperiode 2025-2028 staan voor het Nederlands en het Fries, evenals voor het Papiaments en de Nederlandse Gebarentaal (NGT) de volgende doelen centraal: het bevorderen van de kwaliteit en diversiteit van het literaire aanbod; het stimuleren van kwalitatief hoogstaande, literaire vertalingen en de internationale verspreiding daarvan; het bevorderen van een goed en rijk aanbod aan vertaalde literatuur uit andere taalgebieden; het steunen van activiteiten en beleid op het gebied van leesbevordering en letteren.

Het Rijk en de provincie zetten zich daarom in de periode van de onderliggende Bestuursafspraak in voor het verder versterken van de Friese regionale, culturele infrastructuur en de kennisinfrastructuur, met speciale aandacht voor Friestalige literatuer en cultuur, nieuwe onderzoekers en jonge makers. De afspraken over culturele activiteiten en voorzieningen van de voorgaande Bestuursafspraak worden uitgebouwd en vastgelegd. Om aan te sluiten bij de aanbevelingen van ComEx en Dingtiid en daarmee uitvoering te geven aan de verplichtingen die volgen uit ratificatie van het Europees Handvest, maakt het Rijk tijdens deze Bestuursafspraak structureel meer financiële ruimte vrij voor Friese makkers, onderzoekers en producties waarin de Friese taal en cultuur centraal staan. Het Rijk neemt in de gesprekken met de rijksculturfondsen de positie van de Friese makkers mee en vraagt hen extra aandacht aan deze makers te besteden.

Het Rijk en de provincie willen gedurende de periode van de onderliggende Bestuursafspraak de volgende afspraken realiseren:

5.1 Afspraken over Friese literatuer

Een breed aanbod van kinderboeken, jeugdboeken en literatuer voor volwassenen is van belang voor de vitaliteit van de Friese taal. De komende jaren stimuleren Rijk en provincie via diverse regelingen, het Nederlands Letterenfonds, instellingen en projecten de ontwikkeling van nieuwe literatuer, zowel in boekvorm, in digitale als gesproken vormen, en op het breed beschikbaar maken van deze nieuwe producties in de samenleving.

Door het tekortschietende onderwijs in de Friese taal in de afgelopen decennia hebben veel Friezen moeite met het lezen en schrijven van het Fries. Daarnaast is er in Fryslân net als in de rest van Nederland sprake van

Frysk 2030 en it Frysk Lésoffinsyf set de Provinsje fia Frysk lês- en skriuwûnderwiis yn op dizze maatskiplike fraachstikken.

Fryske literatuer is net yn it foarste plak in taalbefoar-deringsmiddel, mar in keunstfoarm dy't ek wittenskip-like bestudearring fertsjinnet. De Provinsje nimt har dêrom dizze Bestjoersperioade it advys fan DINGtiid nei om, yn 'e mande mei partijen út it literêre fjild en de kennistellings (vooral Tresoar, Fryske Akademy en de Learstoel Frysk), te kommen ta in fyzje op it takomstige literatuerbelied op de lange termyn.

1. Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature

Yn 2019 is Ljouwert-Fryslân ferkeazen ta Unesco City of Literature. Dit is in wichtich knooppunt wurden foar skriuwers, makkers en publyk. De Fryske taal en meertaligens binne wichtige tema's fan City of Literature. Der is in sterk, meartalich literêr netwurk ûntstien yn Fryslân, Nederlân en dêrbûten. Dat netwurk wurdt yn de kommende jierren fierder útboud, ûnder mear troch de útwisseling tusken skriuwers en keunstners (writers in residence) mei oare Unesco-steden.

Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature soarget fia de Skriuwersfakskoalle foar de (fierdere) profesjonalisering fan it skriuwerskip, wurket aan lêsbevordering, en stimulearret fernijing. Dérneist soarget City of Literature yn oparbeidzjen mei it Taalproduksjehûs foar de ûntwikkeling fan nij talent, biedt se in podium oan alle foarmen fan literatuer, skriuwers en makkers yn alle stadia fan harren karrière en soarget se foar ferbining tusken ferskillende sektoaren yn en bûten Fryslân. Ta beslút fungearret Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature as kennishub om meertalige literatuer hinne. City of Literature dielt dizze kennis nasjonaal en ynternasjonaal, sadat ek oare streektalen, erkende talen en regio's de ynsichten ynsette kinne om harren eigen talen te fersterken.

Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature wurdt oant en mei 2024 finansiere troch de provinsje Fryslân en de gemeente Ljouwert. De mienskiplike oerheden spanne har mienskiplik yn om foar de ûnderlizzende perioade fan dizze bestjoersôfspraak foar strukturele finansiering te soargjen foar Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature. Dérby nimme se kennis fan de oanrekommendaasjes fan de evaluaasje dy't yn 2024 útfierd wurdt. Dérneist bliuwt de stipe fan it Letterenfonds foar inisiativen fan Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature ûnmisber. Sa krije besteande en nije skriuwers de kâns om har fierder te ûntwikkelen en wurdt it netwurk om Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature hinne fierder fersterke en útwreide.

ontlezing. En tot slot telt Fryslân in verhouding veel laaggeletterden. Met Taalplan Frysk 2030 en het Fries Leesofensief zet de provincie via Fries lees- en schrijfonderwijs in op deze maatschappelijke vraagstukken.

Friese literatuur is niet in de eerste plek een taalbevorderingsmiddel, maar een kunstvorm die ook wetenschappelijke bestudering verdient. De provincie neemt daarom deze Bestuursperiode het advies van DINGtiid ter harte om, samen met partijen uit het literaire veld en samen met de kennistellings (vooral Tresoar, Fryske Akademie en de Leerstoel Fries), te komen tot een visie op het toekomstige literatuurbeleid gericht op de lange termijn.

1. Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature

In 2019 is Leeuwarden-Fryslân verkozen tot Unesco City of Literature. Dit is een belangrijk knooppunt geworden voor schrijvers, makers en publiek. De Friese taal en meertaligheid zijn belangrijke thema's van City of Literature. Er is een sterk, meertalig literair netwerk ontstaan in Fryslân, Nederland en daarbuiten. Dit netwerk wordt de komende jaren verder uitgebouwd, onder andere door de uitwisseling tussen schrijvers en kunstenaars (writers in residence) met andere Unesco-steden.

Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature zorgt via de Schrijversvakschool voor de (verdere) professionalisering van het schrijverschap, werkt aan leesbevordering, en stimuleert vernieuwing. Daarnaast zorgt City of Literature samen met het Taalproductiehuis voor de ontwikkeling van nieuw talent, biedt ze een podium aan alle vormen van literatuur, schrijvers en makers in alle stadia van hun carrière en zorgt ze voor verbinding tussen verschillende sectoren binnen en buiten Fryslân. Tot slot fungeert Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature als kennishub rondom meertalige literatuur. City of Literature deelt deze kennis nationaal en internationaal, zodat ook andere streektalen, erkende talen en regio's de inzichten kunnen inzetten om hun eigen talen te versterken.

Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature wordt tot en met 2024 gefinancierd door de provincie Fryslân en de gemeente Leeuwarden. De gezamenlijke overheden spannen zich gezamenlijk in om voor de onderliggende periode van deze bestuursafspraak voor structurele financiering te zorgen voor Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature. Daarbij nemen ze kennis van de aanbevelingen van de evaluatie die in 2024 wordt uitgevoerd. Daarnaast blijft de ondersteuning van het Letterenfonds voor initiatieven van Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature onontbeerlijk. Zo krijgen bestaande en nieuwe schrijvers de kans om zich verder te ontwikkelen en wordt het netwerk rondom

2. Taalproduksjehûs

Yn de foargeande Bestjoersôfspraak hawwe Ryk en provinsje ôfpraat om ta de oprjochting fan in produksjehûs foar taal te kommen. Dat produksjehûs is ta stân kommen en hat in plak kriegen binnen festival- en produksjehûs Explore the North. It Taalproduksjehûs bout fierder op projekten dy't yn it ramt fan Lân fan taal ûnder LF2018 realisearre binne troch partijen as Tresoar, Afûk en Explore the North. It biedt (jonge) teätermakers, skriuwers, dichters, muzikanten en oar talint út Fryslân en dêrbûten mooglikheden om har út Ljouwert en Fryslân wei te úntwikkeljen. It docht dat mei partners út binnen- en bûtenlân foar ferskillende lokale en (ynter)nasjonale projekten, altyd mei literatuer, taal en meartaligens as reade tried. Om it Taalproduksjehûs hinne is, yn gearwurking mei Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature, in wiidweidich netwurk úntstien. Skriuwers en makkers witte Fryslân maklicher te finen en skriuwers en makkers út Fryslân fine maklicher in poadium bûten Fryslân.

Yn de kommende jierren wurket it Taalproduksjehûs troch aan de opleiding, begelieding en talintúntwikkeling fan jonge makkers en debutearjende jonge skriuwers. Ek wurket it Taalproduksjehûs fierder oan in stevich (ynter)nasjonaal netwurk sadat jonge skriuwers ek bûten Fryslân foet oan 'e grûn krije. Dêrmei groeit it oanbod oan ferskate foarmen fan literatuer yn de eigen taal foar jongerein en jongfolwoeksenen yn Fryslân. Dat draacht by oan de fitaliteit fan it Fryske. It Taalproduksjehûs úntfangt sûnt 2021 subsydzje fan de provinsje, it Letterenfonds en (fan 2023 ôf) de gemeente Ljouwert. De earste twa subsydzjes rinne oant ein 2024. De mienskiplike oerheden spannen har mei-inoar yn om ek nei 2024 foar strukturele basisstipe fan it Taalproduksjehûs te soargjen, sadat socht bliuwe wurde kin nei nije Fryske talinten en de begelieding en úntwikkeling fan de Fryske jonge talinten op peil bliuwe kin en foldwaande oandacht hâlden bliuwt.

De opjefte fan it Taalproduksjehûs is foar in part rjchte op profesjonele talintúntwikkeling en produksje, mar leit ek de klam op it oanwakkeren fan wurkjen yn it Fryske yn de breedte, likegoed by (hiele) jonge – as by âldere doelgroepen. Neist de ôfspraken yn dizze BFTK bliuwt dêrom de stipe fan it Letterenfonds en Fonds Podiumkunsten foar inisjativen fan it Taalproduksjehûs nedich.

3. Boeken fan Fryslân

Oanhâldende promoasje en omtinken foar Fryske titels bliuwt fan belang. Boeken fan Fryslân (yn de ûnderlizzende bestjoersperioade op 'e nij ûnderbrocht by de Afûk) is ferantwurdlik foar de promoasje fan Fryske

Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature verder versterkt en uitgebreed.

2. Taalproductiehuis

In de voorgaande Bestuursafspraak hebben Rijk en provincie afgesproken om tot de oprichting van een productiehuis voor taal te komen. Dit productiehuis is tot stand gekomen en heeft een plaats gekregen binnen festival en productiehuis Explore the North. Het Taalproductiehuis bouwt voort op projecten die in het kader van Lân fan taal tijdens LF2018 gerealiseerd zijn door partijen als Tresoar, Afûk en Explore the North. Het biedt (jonge) theatermakers, schrijvers, dichters, muzikanten en ander talent uit Fryslân en daarbuiten mogelijkheden om zich vanuit Leeuwarden en Fryslân te ontwikkelen. Het doet dat met partners uit binnen- en buitenland voor verschillende lokale en (inter)nationale projecten, altijd met literatuur, taal en meertaligheid als rode draad. Rondom het Taalproductiehuis is, in samenwerking met Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature, een uitgebreid netwerk ontstaan. Schrijvers en makers weten Fryslân makkelijker te vinden en schrijvers en makers uit Fryslân vinden makkelijker een podium buiten Fryslân.

De komende jaren blijft het Taalproductiehuis werken aan de opleiding, begeleiding en talentontwikkeling van jonge makers en debuterende jonge schrijvers. Ook werkt het Taalproductiehuis verder aan een stevig (inter)nationaal netwerk zodat jonge schrijvers ook buiten Fryslân voet aan de grond krijgen. Hiermee groeit het aanbod aan diverse vormen van literatuur in de eigen taal voor jongeren en jongvolwassenen in Fryslân. Dit draagt bij aan de vitaliteit van het Fries. Het taalproductiehuis ontvangt sinds 2021 subsidie van de provincie, het Letterenfonds en (vanaf 2023) de gemeente Leeuwarden. De eerste twee subsidies lopen tot eind 2024. De gezamenlijke overheden spannen zich samen in om ook na 2024 voor structurele basisondersteuning van het Taalproductiehuis te zorgen, zodat gezocht kan blijven worden naar nieuwe Friese talenten en de begeleiding en ontwikkeling van de Friese jonge talenten op peil kan blijven en voldoende aandacht blijft houden.

De opgave van het Taalproductiehuis is deels gericht op professionele talentontwikkeling en productie, maar focust ook op het aanwakkeren van werken in het Fries in de breedte, zowel bij (piep)jonge- als oudere doelgroepen. Naast de afspraken in deze BFTK blijft daarom de steun van het Letterenfonds en fonds Podiumkunsten voor initiatieven van het Taalproductiehuis nodig.

3. Boeken fan Fryslân

Continue promotie en aandacht voor Friese titels blijft van belang. Boeken fan Fryslân (in de onderliggende be-

literatuer fan alle útjouwers. Dêrmei is it in wichtich ynstrumint om de bekendheid en sichtberens fan de de Fryske literatuer te fergrutsjen. Boeken fan Fryslân folget de nijste úntwikkelings op it mêt fan boekpromoasje en úntwikkelet nije foarmen fan marketing om Fryske boeken ûnder de oandacht te bringen fan alle doelgroepen.

De kommende jierren soarget Boeken fan Fryslân foar de útwreiding fan alternative ferkeappunten fan Fryske boeken, facilitearret de Sutelaksje (it útsuteljen fan Fryske boeken troch vrijwilligers), organiseert literâre jûnen en de Fryske boekewike en soarget foar de Fryske oersetting en de beskikberens fan it Nederlânske (berne)boekewikegeskink. Dêrneist soarget Boeken fan Fryslân yn oparbeidzjen mei de Christelijke Blinden Bibliotheek foar it beskikber stellen fan in groeiend oantal Fryske boeken yn audiofoarm. Dat is benammen (mar net inkeld en allinnich) rjochte op minsken mei in fisuele beheining. Boeken fan Fryslân ûndersiket dêrneist sels aan hokker betingsten Fryske harkboeken foldwaan moatte om oan te sluten op it ferlet fan de ferskillende brûkers. Ta beslút soarget Boeken fan Fryslân foar de ferkiezing en aanstelling en begelieding fan de Dichter fan Fryslân en de berneboekeambassadeur.

Boeken fan Fryslân siker by it organisearjen fan syn aktiviteiten de ferbining mei Ljouwert-Fryslân Unesco City of Literature. Boeken fan Fryslân wurdt ek yn de perioade fan dizze bestjoersôfspraak struktureel stipe. Provinsje en Ryk spanne har yn om mear bekendheid en sichtberens te jaan oan Fryske literatuer yn en bûten Fryslân. Dêrby sille beide oerheden it belang fan it weromkommen fan it talige ferskaat yn Nederlân yn de literatuer better ûnder de oandacht bringe by it CPNB. De lanlike (berne)boekewikegeskinken sille fan dizze Bestjoersôfspraak ôf ek altyd yn it Frysk ferskine. Dêrby sil socht wurde nei subsydzjemoogkheden fan it Letterenfonds en de Provinsje.

4. Berne- en jongereinliteratuer

Bern en jongerein lêze hieltyd minder. Yn Fryslân rint 24% fan de 15-jierrigen it risiko om letterswak te wurden. Dat is net allinnich problematysk foar harren skoalprestaasjes, mar hat as risiko dat se letter as letterswakte útstreeke út it ûnderwiis en minder goed meidwaan kinne yn de mienskip. Yn de perioade fan dizze Bestjoersôfspraak meitsje provinsje en Ryk konkrete ôfspraken en sette ekstra middels yn foar de úntwikkeling en oersetting fan berne- en jongereinliteratuer. Mei oansprekkende titels, bestsellers yn it Frysk, en fernijende ûnderwiisprogramma's. Sjoch ek haadstik 2.5 dêr't de ôfspraken oer it op te rjochtsjen praktoaraat 'Fryske taal en Skriflike taalbehearsking yn in mear-talige kontekst' op it Fryske mbû yn útwurke steane.

stuursperiode opnieuw ondergebracht bij de Afûk) is verantwoordelijk voor de promotie van Friese literatuur van alle uitgevers. Daarmee is ze een belangrijk instrument om de bekend- en zichtbaarheid van de Friese literatuur te vergroten. Boeken fan Fryslân volgt de nieuwste ontwikkelingen op het gebied van boekpromotie en ontwikkelt nieuwe vormen van marketing om Friese boeken onder de aandacht te brengen van alle doelgroepen.

De komende jaren zorgt Boeken van Fryslân voor de uitbreiding van alternatieve verkooppunten van Friese boeken, faciliteert ze de Sutelaksje (het uitventen van Friese boeken door vrijwilligers), organiseert ze literaire avonden en de Fryske boekewike en zorgt ze voor de Friese vertaling en de beschikbaarheid van het Nederlandse (kinder)boekenweekgeschenk. Daarnaast zorgt Boeken van Fryslân in samenwerking met de christelijke Blinden Bibliotheek voor het beschikbaar stellen van een groeiend aantal Friese boeken in audiovorm. Dat is met name (maar niet uitsluitend) gericht op mensen met een visuele beperking. Boeken fan Fryslân onderzoekt daarnaast zelf aan welke voorwaarden Friese luisterboeken moeten voldoen om aan te sluiten op de behoeftes van de verschillende gebruikers. Tot slot zorgt Boeken fan Fryslân voor de verkiezing en aanstelling en begeleiding van de Dichter fan Fryslân en de berneboekeambassadeur - de friese kinderboekenambassadeur.

Boeken fan Fryslân zoekt bij het organiseren van haar activiteiten de verbinding met Leeuwarden-Fryslân Unesco City of Literature. Boeken fan Fryslân blijft in de periode van deze bestuursafspraak structureel ondersteund. Provincie en Rijk spannen zich in om meer bekendheid en zichtbaarheid te geven aan Friese literatuur binne en buiten Fryslân. Daarbij zullen beide overheden het belang van het terugkomen van de talige diversiteit in Nederland in de literatuur beter onder de aandacht brengen bij het CPNB. De landelijke (kinder)boekenweekgeschenken zullen vanaf deze Bestuursafspraak ook altijd in het Fries verschijnen. Hierbij zal worden gezocht naar subsidiemogelijkheden van het Letterenfonds en de provincie.

4. Jeugd- en jongerenliteratuur

Kinderen en jongeren lezen steeds minder. In Fryslân loopt 24% van de 15-jarigen het risico om laaggeletterd te worden. Dat is niet alleen problematisch voor hun schoolprestaties, maar heeft als risico dat ze later als laaggeletterde uitstromen uit het onderwijs en minder goed kunnen meedoen in de samenleving. Tijdens de periode van deze Bestuursafspraak maken provincie en Rijk concrete afspraken en zetten extra middelen in voor de ontwikkeling en vertaling van jeugd- en jongerenliteratuur. Met aansprekende titels, bestsellers in het Fries, en vernieuwende onderwijsprogramma's. Zie ook

Al tsien jier wurdت it l sbeofferingsprojekt L sno  tfierd yn Frysl n. Alle jieren dogge der mear skoallen mei. It projekt motiveert learlingen  t de  nderbou fan it fuortset  nderwiis om Frysk te lezen. Yn 2023 diene net minder as 5704 learlingen, ferdield oer 241 klassen en 41 skoallen, mei. Yn de perioade fan dizze Bestjoers fspraak wurde l sbeofferingsprojekten lykas L sno yn de  nderbou fan it fuortset  nderwiis kontinuearre en  ntwikkele foar de boppebou en it mb . Krekt lykas  fr ne jieren wurde der net allinnich nije boeken mar ek oare media (lykas floclearjes) ynset om de l swille te fergrutsjen.

